

De oerwinning fan Bjinse Houtsma

Anne Wadman

bron

Anne Wadman, *De oerwinning fan Bjinse Houtsma*. A. J. Osinga Uitgeverij, Leeuwarden 1984
(tweede druk)

Zie voor verantwoording: http://www.dbnl.org/tekst/wadm001oerw02_01/colofon.php

© 2014 dbnl / erven Anne Wadman



Kristlike en maatskiplike deugden

Goed besjoen, hied er tsjin syn freon sizze wold, goed besjoen is dy Wypkje it sloofke, dêr't ik te wrâld it measte mei ophaw. Fan hâld, sis mar. Hy hie allinne tafallich net sa'n freon dy't sûnder ferplichtings konfidinsjes oanhearre woe, dat hy sei it mar tsjin syn eigen iensumheid. Wypkje, wa wie Wypkje? Hy hie har fan 'e skoalbanken ôf yn syn libben betruksen sûnt dat earste skrutene briefke dat er troch de skreef fan de bank efter sines nei har tastjoerde. Se hie wurdleas tankber west, tankber allinne mei de eagen, foar syn avanses, en oer tûzen lytse fleurige dingen hie se letter, doe't se it iens wiene, de mûle rept. It wie doe noch mar sa'n famke, sa'n oankommend gefaltsje mei boarstkes dy't foarsichtich om it hoekje seagen. En hy hie jierren lang syn fleislike oanstriden moedich bedimme oant twa dagen nei de troudei, en fielde him mei Wypkje ynlik ferbûn, ek doe't bliken die, dat har sûnens yndied net útstiek - gjin sterk skaai wie dat, dy Himpeniussen - en benammen doe't it earste berntsje mar seis dagen it libben hood, earmoedich smûgend harterke as it wie, dêr't ek de sikehûskûveuze gjin siken, gjin waarmte, gjin groei yn hâlde of bringe koe. Hy brocht it allinne op it hôf yn in trystige miggelrein, kâld en ellindich oant op 'e bonken. Sij hie der ûnder lit, moannen lang, en hy ek wol, mar minder, mei syn maatskiplike ferplichtings en syn warberheden. It bern wie him dêr yn dat sikehûs noch net ta eigen fleis en bloed wurden. Doe't Wypkje, meager en suterich, út it sikehûs weromkaam, wylst hy dagenlang foar syn akte Dúts sitten hie te modderjen bûten syn skoaloeren

en syn sikehûsreizen, wist er foargoed dat er miskien net in ferstânige kar dien hie, mar dochs ien dêr't er syn libben lang net foarwei koe.

Hy sels weide nei de tiid fan hongerlaapjen wer wat op ûnder de tydlike hoede fan in soarchsume âldere húshelp. Mar Wypkje bleau meager en rûpsk, se hie riten fan swijsumens en fertriet, dat soms yn ferbittering oergyng. Alde dingen kamen yn har boppe en frieten har oan 'e siel. Bygelyks: har âldelju hiene destiids op it houlik tsjin west, net om de gadingmakker sels, hoe koe't ek, en noch folle minder om stân of finansiëel útsjoch. Mar om't se har ôffregen, efterôf lang net sûnder reden, oft Wypkje, iennichst dochter, neikommerke efter twa al lang troude jonges oan, ek gjin gewante kjirls nammers, fêste klanten fan de syktewet, de lichaamlike spanningen fan in houlik en in húshâlding wol treast wêze soe. As bern al wie se fan it iene sykbêd nei it oare heukere, en dat mocht yn 'e puberteitsjierren better wurden wêze, ek troch dy sûne reizen nei skoalle ta op 'e fyts, - it foarbyld fan muoikes, útsukkele sûnder oanwiisbere oarsaak, allinne mar troch oerurven swakkens fan konstitúsje, wie foldwaande foar in earnestich warskôgjend en soms suver patétys wurd. De âlde Himpenius koe dêr wol wat mei, mei syn bryk mummelbekje. Dat Hindrik hie foar har fjochtsje en har suver foar de helsdoarren weiskorre moatten, doe't er al foar syn haadakte-eksamen nei it doarp Flinsum roppen waard, dêr't de iepenbiere skoalle op ûndergong stie om't der gjin ûnderwizersfolk te besetten wie. Wypkje, dat moat sein wurde, stie fiks neist him en tegearre feroveren se de barrikade.

Dat begûn dêr doe yn 'e nijboude amtswente en de krekt restaurearre skoalle út 1886 mei in soad moed oan it aventoer dat libben hjit. De bern mâl mei him en hy mâl mei de

ûnderwiisfernijing. Yn 'e skoalle betsjutte dat in soad wille fan knippen, plakken, ferhaaltsjes skriuwe en ferskes opsizze foar de gemeentlike bânrekorder, frije ekspressy, spontaan toanielspylje, en âlderjûnen dêr't it doarpshûs by oerrûn fan 'e kabouters en elfkes. It betsjutte yn it skoalhûs de ferovering fan in nij nachtluk gebiet, mei help fan ferhelderjende boekjes, want Hindrik wist der net iens folle mear fan ôf as Wypkje, se kamen beide út in swijsum en keken nêst, dêr't de dingen tusken nâle en knibbel gjin namme krigen. It twadde berntsje besloech better, mar it kaam te wrâld yn in tiid, dat it nije der by Hindrik al wat ôfwie. Hy wist it no sa njonkelytsen wol en hy koe him amper ferbite doe't syn eigenwize skoanheit in smeulske opmerking makke oft dit no wol mòatten hie - net tsjin Wypkje, want dy lei boppe yn it kreambêd stadich by te kommen fan de swiere reis, mar tsjin him, yn de man syn eagen de skepper en skriuwer fan it kwea. Hy, Hindrik, hie de sigaren der om op 'e skoarstienmantel litten en it swijen der ta dien. Hy wie bliid mei it bern, suver blider noch as Wypkje, dy't no wer litte oan bloedearmoede en oan it feit, dat se net genôch yn 't boarst hie, dêr't it bern - wy neame him Jisse - him nammers neat fan oantriik, dy naam de flesse wol. Hindrik syn leafde en tagedienens foar Wypkje stiene bûten de kiif, mar hy ûntdiek, dat er lang net fij fan oar frouljesfleis wie, yn 't abstrakte dan. Of leaver, hy ûntdiek it net, want it hie moai wis altyd al sa west, mar hy krige der argewaasje fan, hoe ûnskuldich as it ek wêze mocht. Hy wist, dat er al least as man fan dizze Wypkje yn prinsipe net monogaam wie, al wie it in gerêststelling dat der tusken prinsipe en konsekwinsje faken wide kleauwen gapje. Mar hy hie lang net sûnder lustfielen syn niget oan de begjinnende boarsten en tinende foarmen fan syn heechste-klasse-famkes. Dat wie net oars as

stille niget, in soarte fan fernuvering, in blydskip om de rynskens fan de natoer ek yn it estétise en Hindrik wie net in man dy't lykas syn foargonger baan, goenamme en selsrespekt te grabbel smiet troch net fan dy sûne, bliere, rûne fammensbern ôfbliuwe te kinnen. De ferhalen dêroer wiene noch lang net útstoarn, - al siet âldmaster Skoustra no feilich yn in bejierretehûs, dêr't er de âlde wyfkes nei de skonken sjen en mooglik ris betaaste mocht - want soks libbet ferhipte lang yn dy doarpen... Mar der wiene ek, reëler en tichter by de hân, fikse boerinnen en knappe jonge arbeidersfroulju op gearkomsten, âlderjûnen en repetysjes fan it sjongkoar, dêr't er soms, hoewol hear en notabel bliuwend, syn eagen oer weidzje liet. Der wiene op ynspeksjegearkomsten en op aktekursussen yn 'e stêd jonge froulike kollega's, dy't er stomme graach lije, alteast sjen mocht en dêr't er ek wolris, op syn wize, sjarmant en aardich en in tikkeltsje ûndogens tsjin die, al gyng it ek nea oer de skreef. Hindrik Visser wie immen dy't wakker mei dy dingen omtipele, benammen as er him jûns neist Wypkje flijde yn it royale twapersoansbêd dat genôch bod joech foar oertinking fan dingen, en him mei in hastige nachttút fan har bestean ôfmakke. Hy tocht, it hie allegear gâns oars en feestliker kinnen, mei machtiger oandriuw en mear spulraffinemint. Hy woe langer nachts leaver allinne wêze om syn dreamerijen better har gerak te jaan. Hy fantasearre him dan soms dryste situaasjes en lytse, mar tankbere oerwinnings yn it stik fan 'e erotyk, dêr't nea besteande froulju in rol yn spilen, mar wol in soarte fan idéaal-frou, dy't alle hearlikheden fan it Heechliet yn har feriene en wurch noch sêd koe, ien dêr't je boppedat lekker mei kletse koene, einleas, oer jinsels, en wer oer jinsels.

It kaam lykwols tagelyk oan syn gewisse, as er ynienen it

sykkeljen fan Wypkje neist him hearde en him omdoch ôffrege wat der barde ûnder dy rêstich sliepende harsenplasse. Se moast der gjin fermoeden op hawwe, tocht him, hoe't er har hjir lei te ferrieden en te bedonderjen. En hy litte dêr ûnder en ferfoel bytiden wer yn 'e âlde dingen fan Onan, dy't dan wol gjin sûnde mear hjitte mochten, mar dan dochs gâns in stap tebek betsjutten. Myn God, as it dât wie? Want hy wie opbrocht yn alle maatskiplike en kristlike deugden, dêr't trou yn leafde en houlik wol sawat de Opperste fan wie. Bibels en Heidelberchs fundearre wie soks dan by him wol net, mar humanisten tille yn sok ding ornaris net minder swier oan 'e balke as ús earsum tsjerkefolk, en dan wie der ek noch in poarsje boargerlik a.j.c.-idéalisme, dat by syn âldelju noch taastber ûnder de balken hinge. No noch, nei 30, 35 jier! Soks licht der net om. Mar dêr stie ek gâns in poarsje moderne literatuer foaroer, dy't bressen sloech yn tradisionele wissichheden. Einliks wisten je ek wol better, lykas Kalvyn en Kuyper better witten hiene en de mannenbruorren fan 'Wy binn' jong en dat is moai!'. En wat male al dy moderne skriuwers om soks sêftsidens as houlikstrou oars as om in nijsgjirrige fariant op 'e normale noarm? Wypkje lies dy boeken ek, ferwoedener lêzer as hy, en koe se soms wurdearje, want dom wie se lang net, mar it gyng yn wêzen bûten har om, it wie foar har in oare wrâld, sis mar in oare planeet, pikant en nijsgjirrich, dy't lykwols neat mei harres te krijen hie, dêr't se gjin konklúzjes út loek, je hearden dêr net by, net ta dat flodderguod fan it Leidseplein. Hy loek, alteast yn téory, dy konklúzje àl. Him bekoep soms de gedachte dat hy oannimlik-manminske, mei syn heldere, ljochte kuif en syn sportive skoalmastersstap, dochs winliken foar méar skepen wie as foar dit frijwat bloedeleas bestean mei Wypkje Himpenius, dy't him in soan brocht

hie, en dy't fan him hâlde en dy't har bêst die om de dingen goed te dwaan, mar dy't mei de bêste wil syn libben net fol meitsje koe en dy't er, soms, earne oars winske as mei him ûnder ien dak. Nee, hy hie sa'n freon net. Nuver einliks. Mar ek wer gjin ramp. Hiest dysels noch.

In frou fan kwizekwânsje

Téory wie dit allegearre en dus frijbliuwend en jins tinzen wie men sels baas oer. Mar doe mei Lutske Westra begûn it tinken te wurden. Hy hie har wol earder sjoen, yn 't foarbygean yn 't doarp, hy wist dat se nei in geheimsinnige foarskiednis, of mooglik mear geheimsinnige foarskiednissen wer yn it âldershûs, ûnder de keninklike iperen beammemantel fan Roukama-state, belâne wie, miskien tydlik, miskien foargoed. Mar hy krige har earst goed te sjen, doe't se de freedtejûns samar ûnder de alten yn it koar skikte. Foarsjonge, lykas wenst wie, foar in lytse, skerp harkjende kommisje fan dirigint en bestjoersleden, hie net nedich west. Elke alt wie better as de twa trije dames op jierren dy't dêr no neist de swietlûdige frou Sudema-Meijer, foar retten en allinne al op uterlike kwaliteiten en op tal jierren (25?26?) hie nimmen har wegerje kinnen. Der wie skreauwend ferlet fan jong sjongbloed. Boppedat wie der in ferhaal, dat se ècht, semiprofessioneel songen hie, crooned, hjitte dat yn faktaal, by dûnsorkesten en sa, en ek wol foar de radio.

Sokken ek noch te tantsjen, dêr koe men ienfâldich net oan begjinne. Se stie dêr dus samar en brocht sels har mei-alten ta prestaasjes as nea te foaren, al koe se gjin noaten lêze en song se der wolris by troch yn it nochal gearstalde stik fan Palestrina dat tusken de heideblomkes fan Wiertsz en de Fryske sangen fan Bonkema troch, by wize fan kulturele died, mar amper begappe wurde koe. In oanwinst, knikte foarsitter Brandsma him trouhertich ta, grutsk op syn ûntdekking. En yn it skoft fûstke se mei him en sei dat se Luts-

ke Westra wie en oe sa graach meisjonge woe, al wie se dan - snedich glimke - it doarpslibben wat ôfwend.

It stonk, lykas ornaris, yn it repetysjelokaal wakker nei dong, ynkûle gers en kowejaren, dêr koe sels har swietrokich parfum net tsjinop, - mar faaks, tocht Hindrik, wie se dat alteast fan hûs út noch wol wend. Hy skatte har definityf op 24, 25. En hy tocht efkes net oan har, doe't er mei in pear bestjoersleden prate moast oer de wankende útfiering. Hy seach dêr tsjinoan, alle jierren wer. Net allinne om't op in sjongútfiering de dirigint de ûntankberste rol hat by it op it toanielstik longerjende publyk, dat it sjongen mar mei lijen op 'e keap ta nimt en Palestrina planút sjocht as in ynbrek op 'e fermaaklikheidsbelesting, - mar benammen om't it ekstra folle easke fan syn senuwen, syn artystyk gewisse en syn dochs al sa krappe frije tiid.

Mar it wie al wer sa. It bestjoer hie in âld kluchtspul fan Cannemakker ûnder it túch weihelle en de foarsitter-teffens-regisseur hie de rollen al sawat ferparte. Doe't er Lutske Westra neamde as de geskiktste personaazje foar de fammerol, ûntstie der strideraasje. Ien fan 'e oare bestjoersleden, Nammensma, hie ek in oars net mear sa famme-eftige dochter by it koar, dy't eardere jierren knap spile hie en no mei in byroltsje ôfsâlte wurde soe. Wêrom sa'n nijen te nimmien dy't noch mar krekt meisong en dy't ek oars al genôch oer 't hynder tild waard. Hindrik hâlde him der bûten. It rolferdielen wie syn saak ner, en it hiele stik wie him op 'e titel ôf al ta in argewaasje. Mar hy bleau der by stean om't de persoan fan Lutske Westra der mei anneks wie. It die him justjes sear. Dy lju beskikten en praten frijmoedich oer har, en foar him mocht se neat oars wêze as in alt ûnder de alten, ien fan de fjouwer-fiif, hy koe neat bysûnders mei har, tocht er, hy hie net oer har te kedizen. Op dit stuit al, it begjin fan it dra-

ma dat folget, wist er dat er dy Lutske Westra stomme graach sjen mocht, dat er har in haadrol taparte wolle soe yn syn dreamerijen, en mooglik in byroltsje yn it drama fan syn libben. En dat er him foar syn eigen gefoelens te wacht nimme moast, dat ek. Want sokke gefoelens komt ornaris gjin goeds fan. Hy bleau de hiele jûn wat ûnrêstich. Hy tikke om 't hoartsje ôf, ek om dingen dy't er oars mar gewurde liet, om't se de fine kneepkes fan stimfoarming en sykheltechnyk dochs noait leare soene en je de spontaniteit ek de romte jaan moatte. Hy joech sels keunstsinnige eksplikaasjes, in lyts bytsje muzyktéory om sa te sizzen, *ynterpretaasjekeunst*. Hy die wakker syn bêst, sij-dêr mocht witte dat hjir in dirigint stie dy't dan wol gjin fakman wie, mar dy't it mei de Keunst net op in sêft sin sette. En ûnderwilens krige er de gelegenheid om Lutske Westra wat better te besjen. Wat him it measte die, wie har hals, har waarme libbene hals dêr't er wat klopjen seach, dat er by syn oare froulike koarleden nea sjoen hie, mei har hege jûpen en truien. Bleat wie se net en dochs makke se dy yndruk, bleat op in iepenhertige en bliidmeitsjende wize. Sjonge die se mei dy hals fan harres en dus mei har hiele wêzen. Mar letter, tocht er, soene dy eagen him faaks mear boeie, grutte donkere eagen dêr't de muzyk - hy sette troch mei Palestrina - him taastber yn wjerspegele. Wis, se song mei har siel, net mei har mûle, har hals of har boarst. Lang wie se net boppe mjitte en dochs like it sa. Se stie wat útrutsen, as langhalze se nei de muzyk, as waard se fan dy muzyk omheechlutsen! En boppe har nochal read oansette lippen, dat seach er yn it skelle lampeljocht, siet in dûnzich oerflakje, in flueske, dat mear as in skaadfal wie en har ta in libben wêzen, in súdlik waarm frouspersoan makke. *In frou fan kwizekwânsje*.

Nuver, mar hy hie likegoed net in beskriuwing fan har jaan

kind neitiid, as immen dat fan him frege hie. Wypkje frege fansels neat, dy frege suver nea wat. Dy wie dwaande mei de lytse Jisse en it duorre lykas altyd wer folle langer as nedich wie, dat geprip mei spjelden en dat ûnhandich getear mei ruften om de noch wat skrale biltsjes hinne en dat poeier struien wech ende wear. Hy seach har mei in swym fan argewaasje stean. Wat rûngear waard se langer, smel fan rêch en skouders, mei ûnsjogge sokjes yn 'e toffels. Wêrom droegen je as frou, as Opperskepsel Gods, toffels en skelken ivich en altyd? Koene je dan ferjamme niks dwaan om jinsels wat oannimliker te meitsjen? Hy slokte syn tee mei koeke troch en seach efkes yn 'e krante. Mar foar it farske nijs en it deistich krantepreekje skode it byld fan dy oare frou, dy boeredochter fan Roukama-state. In frou mei in ferline, tocht er, dat is har ferdomme dochs wòl oan te sjen. Gjin fammefrisheid mear. Wat hawwe de lju ek al wer oer har ferteld, stom om soks net better te ûnthâlden. Wat mei radio en dûnsorkesten. Yn alle silen mak, sokken, sels yn dy fan Palestrina. Mar yn 'e goedichheid, wêrom kaam soks werom op it âlderlik hússtee? Hy besocht wer it glimke foar him op te roppen, dat se weijûn hie by dat ôfwennen fan it doarpslibben. In lytse kokettery, faaks? In synjaal fan artyst-nei-artyst? Pas op, fint, sei er by himsels, nim dy te wacht. Wynkrêft Tsien. Orkaan Lucia yn oantocht oer de Karaybise See. Unrêst ropt, de findels foar! Jaja, de puberteit docht it har oan tiid. Wrantelich tearde er de krante op. In fluts farske printinket krong him yn'e noasters. Hy seach op 'e klok. It fleske wie noch net foar it treddepart leech. Kertier oer alven, moarn wer slûch en gjin stoer wurdich. Hy gyng ta de keamer út en skuorde efkes letter ferwoeden oan it keatting fan de w.c. Hy hie wold dat er syn ûnrêst trochspiele koe.

Yn 'e fuotleasten fan Buxtehude

De oare moarns waard samar ynienen dat idee yn him berne. Hy waard der mei wekker, in dûbelde berte út it neat fan de nacht. Hy hie de wekker noch in kertier trotsarre en lei sa wat noflik te sûzjen, te brieden op syn fynst, wylst Wypkje de gûlende jonge berêde, mei stadige, wurge en ûnwisse hantaasten, sykjend op 'e kommode om spjelden dy't se yn 'e mûle hie. Wypkje *mjukse*, sis mar. As dy lju, tocht er, dan foar dat toanielstik gjin beslach op har leine, om't de dochter fan Nammensma nei jierren en tsjinst foarrang hie - en dêr hie Brandsma him protteljend by dellein - koe hy it dochs, troch har in solo sjonge te litten? It tinkbyld wûn him noflik op. In solokantate mei koar en piano of mooglik mei wat strikers, notaris Bylsma wie altyd wol ree foar in muzikaal útsje dêr't er syn mjitsk fibrato by hearre litte koe en in sellist koene je yn 'e stêd wol besette. Frou Hilverda oan 't klavier, glandige boerinne mei in kultureel ferline fan dominysdochter. Buxtehude of Schütz, dat paste no fuortdaliks net by dûnsorkesten en teenagersshows, mar it frommes moast dat dochs leare kinne, lykas se Palestrina ek sekuer yn 'e slach krige, mei sa'n lûd en mei har roetine, en mei sa'n ûndoarpse drystens boppedien. It koe mei-iens in stille wraak wêze op Wiertsz en Bonkema. En syn wraak op 'e foarsitter dy't himsels as regisseur ûnmisber en ûnfeilber achte. En fansels, hy wist dat dealeske goed, wie it in skoandere kâns om har oan him te binen mei kulturele en, wa wit, noch oare bannen: Hÿ wie dan dochs mar de man oan wa't se dizze kâns te tankjen hie! Mar hy foarseach wol swierrich-

heden. It muzikaal part fan de jûn waard der sachs in kertier, tweintich minuten langer fan, wylst it bestjoer it al sa op dat toanielstik begrepen hie en it sjongen as in needsaaklike tajeftse seach, as in soarte fan artystyk aliby foar in jûn fan nocht en wille, fan bûse-útskuorderij. Boppedat koe men jaloersens by de oare froulju ferwachtsje: sa'n nijeling, sa'n bluisterich faam mei in tsjuster ferline, samar in haadrol jaan en âlde, trouwe leden, dy't har tweintich of tritich sjongende tsjinstkrúskes al op 'e rêch tûgen, passearje! Der soe, út namme fan de kultuer, gâns wat oerwûn wurde moatte. No, oan arguminten ûntbriek it him net. It Orkest kaam hjir op 't lêst ek om 'e safolle jier, fanwegens de gemeentlike subsydzjes. Soks moast dan dochs hegere muzikale behoeften wekker meitsje. En dan, de gruttere doarpen hiene elk jier har Mattheüs. Men koe net alhiel efterbliuwe. De krantesensinten en de pommeranten fan it Sjongbûn skreauden om heger artystyk peil en wiisden almaroan op 'e fyftjinde en sechtjinde ieu, op 'e muzikale skatten út 'e Grutte Bloetiid, dy't op gâns sjongkonkoersen noch altyd teskûl gyngen ûnder de romantyske swietekau fan Franz Abt en Franz Silcher en op syn bêsten Franz Schubert. In Mattheüs wie fansels gjin kâns op, mar je hiene net foar neat sa'n knaap as dy Dietrich Buxtehude hân, sels in learmaster foar de grutte Johann Sebastian, en in man dy't wiste wat de lju yn de doarpen takaam. Der moast, miende er, earne noch in Bärenreiter-katalogus lizze en mooglik ûnder yn in souderskast noch wat losse partijen fan in wurk dêr't er earder ris by pianospile hie.

It plan naam stal oan yn syn ûnrêstich brein. Hy lei net mear yn frede, pineholle wankte altyd by lang wekker lizzen sûnder ynwindige rêst. Hy moast de dei wer yn, de holle, heechloftige neisimmerdei. Mar der wie wat feroare yn syn

bestean, in nije enerzjy spande him. En dy koed er ynearsten net oars ûntlade as oer de hollen fan de skoalbern, syn 28. De hiele kudde yn ien lokaal, klasse trije oant en mei seis en dan noch twa reestomelingen foar it gymnasium. It gyng der wer heil om seil troch mei de Fernijing, dat moarnsskoft, wylst no en dan it byld, mar och sa dizenich, fan de Westra's dochter efkes oer it netflues fan syn fantasijen tyspele.

Mar letter, yn de frije middei, feroare it plan ynienen. Buxtehude, hy wie der wol hast wis fan, makke by it bestjoer net folle kâns. Sa'n namme sei de lju neat. Der wie foar it hiele ûndernimmen gjin oare driuwende reden as it nei foaren skowen fan dat frouminske, dat fielden sokke lju gau genôch. Mar der wie in oare mooglikheid. Earne yn dy kast op 'e souder moasten noch fragminten lizze fan *eigen wurk*. It hie in soarte fan befrijingskantate foar de fyfte maaie wurde moatten, in projekt dêr't er it jiers foar syn trouwen gâns tiid en skeppingsdrift yn stutsen hie, sûnder rjocht doel te hawwen oer de praktise mooglikheden. De teksten hied er gearflânse út Hollânse fersetspoëzij. It wie dearûn, foar in part op 'e lang net maklike technyk (al hied er gâns wat yn 'e harmonijleare leafhabbere), foar in oar part om't der gjin konkreet doel west hie. It hie in stik foar koar wurde moatten, mei in ienfâldige pianopartij. Mar it soe mooglik net sa'n heikarwei wêze en helje út it foarhannen materiaal in altpartij en gnis it hiele saakje mei wat ienfâldige strykpertijen op. In eigen komposysje fan de dirigint makke in kâns dy't de âlde Buxtehude net hie. *Se koene him soks net wegerje*. Hy koe nei de earste repetysje in gaadlikenien foar de solo útsykje, ynearsten beare as wie *dat* net it wichtichste.

Hy siet gâns in skoft op 'e souder tusken stoffige en lang fergetten papieren, dy't in stik fan syn kweekskoalleferline ie-

pentearden. Wat der wie, foel him danich ôf. Meast brokstikken fan melodijen mei in inkelde baspartij en wat tuskenlizzende noaten. De teksten foldiene him ek net sa wakker. Frijwat patétys, safolle jier nei de befrijing. Hy koe syn eigen kladskrift mar min lêze en waard mei lijen wiis út al dy farianten. Mar der wie ek wol wat by, dat him noaske en dat brûkber like. By al syn stúdzje en warberheden wie muzyk winliken it iennichste dat him wier rêkke, dat syn siel oantaaste. Wie der yndied, lykas er faak tocht hie, in muzikus yn him ferlern gien? (*Syn heit, lang lyn, hy wie doe noch op 'e legere skoalle, tsjin in buorman: 'As er net leare kin, mei er fierder yn 'e muzyk', ferdomd, en hy kóe leare!*).

Hy tearde de brûkbere fellen by elkoar en sette nei syn keamer ta. De tún koe wachtsje en it Dúts ek. De brokstikken raanden yn syn ferbylding gear ta in *manuskript*. Opus ien? Originalfassung. Hy skreau einen oer op farsk muzykpapier en rekke wer alhiel fertiisd yn 'e technise problemen dy't er safolle jier lyn lizze litten hie, hy sneupte yn syn âlde Jadassohn en rekke der sa njonkelytsen wer wat yn thús. Lykwols, sûnder de piano soe 't net gean, fernaam er, en Wypkje soe har benijd en noartlich ôffreegje wat er no wer by de ein hie. Yn dy dingen seach se tûk, se soe suver rûke dat der wat fertochts efter siet. Hy treau de papieren fan him ôf en tocht lang nei mei de hannen oan 'e holle, wylst bûtendoar in hjerstige dize delsakke oer de dahlia's fan de eftertún. De einekuorren moasten ek nedich út dy stobben wei, en net te lang wachtsje mei it kearen fan dy hoeke. Jezus, wat hat in mins in soad te dwaan, gewoan te folle foar ien libben, betocht er. Mar dochs, it einbeslút wie: hy brette wat nijs út, in alhiel nije kantate, los fan dizze âlde en min wer benei te kommen fragminten. Hy murk ek, dat Lutske Westra yn syn plannen op 'e eftergrûn rekke, it gyng net

mear alderearst om hâr, mar om himsels, om in ferantwurdig fan syn muzikaal ferline en, mooglik, om in grûnslach foar it takomstige. Om syn âlde leafde, de muzyk, dy't er de lêste jierren frijwat fersleauke hie as in moaie, mar te fatale frou nei dy desyllúzje by Van der Made, de grutte muzikus, dè ferneamde konsertpianist dy't er foarspylje mocht hie, de sonatine fan Ravel noch wol, hoe doarst men soks? De âld man hie syn glimkjen mar mei lijen yn beleefdheid terane litte kinnen: net ûnfertsjinstlik, lang net: in dilettant dy't wat kòe. Mar in solopianist siet der dochs net yn. Te folle barga om 'e trôch. En net elkenien is útferkard. Legere akte en dan wat lesjaan, dat mocht hinnebrue, mei help fan in soad geduld en in poarsje pedagogyk. Hy hie doe net iens mear oer syn eigen sonatine-prebearsel. (Ravel, fansels, mar slim fersimpele) prate doarst, dat bleau yn 'e tas. Hy sloech de tee ôf dy't de grutte man him bringe litte woe en sakke de trep del, nee, it wie mear in flecht. Hy besocht dit beskamsum wjerfarren, dêr't er Wypkje stiltsjes bûten litten hie, kwyt te wurden, mar dat slagge noait alhiel. Faak genôch dreau it wer nei boppen. Hy hate de âld pianist suver, as er syn Chopintsjes foar de radio ôfjakkere krektlyk as er se 40, 50 jier lyn ek al ôfjakkere hie. Hy hate Van der Made, mar hy wist it sels tige skoan: in fertsjinstlik dilettant. En skoalmaster wie dan dochs mar de feilige wei, en stadichoan wat foarútbuorkje, al koe men fansels by wat minder ambysje ek yn dit doarp hingjen bliuwe en âld wurde. Sà grut wie syn maatskiplike earsucht net.

Mar der wie dan dochs, los suver fan dy hiele Lutske Westra, en dochs trôch har, út har meinimmend wêzen wei, in kréative drift yn him tewekker wurden, in âlde earsucht dy't lang slomme hie ûnder Dútse grammatika's en wurdboeken. Hy blêde yn Piter Jelles syn samle dichtwurken om,

en mocht de retoryk net lije, mar sjongsum wie it, dat moast er tajaan. Guon rigels namen muzikale foarm oan, der sòng wat yn syn holle. In krystlietsje wie der dat wol wat like, dêr soe in liet foar koar en, toemar, altsolo út groeie kinne. Hy makke hastige notysjes, bang om de flarden fan melodij wer yn it neat ferdwinen te sjen. In kantate waard dat net, mar ek al út taktys betinken: hoe koarter hoe better. In koarlet dan mar, fjouwerstimmich, mei in ein fjouwerstimmich frouljuskoar (ingelesang, sis mar), lykas yn Mahler syn tredde, dêr't sa njonkelytsen en natuerlikwei, sûnder erotise bybedoelingen, de alt har út losmakke. It gehiel krige al wat bestek, meloadise figueren en in mannich brûkbere akkoarden opponearren har - efter yn syn holle rûsde fan itselde dat Brahms bewege moatten hat by it komponearjen fan syn altrapsody. Dy Brahms, dêr't er in âlde Ferrieropname fan hie, soed er him wol net alhiel oan ûntwine kinne, mar wat wisten de lju dêr fan op in doarp - en boppedat, men koe jin minder liedsman tinke as dyselde Brahms. Aimezvous Brahms? Hÿ wol.

Hy wie net ûntefreden doe't Wypkje him rôp foar de breatafel. It ivich seremoniëel fan messelizzers en fingerdoekjes. Dat stie sa yn in boekje mei riejourwings oangeande it Goede Houlik, tredde planke lofts boppe. Mei in jier of sa sieten se hjir trijeresom, de jonge Jisse yn 'e tafelstoel. Hy sei net folle ûnder iten, hy hearde Brahms en Ferrier en himsels. Ut dy piano, dy't no noch fan neat wist, soe de rest komme moatte, it harmonys weefsel, dêr't Piter Jelles, al song er syn maten dan nei't it sizzen wie selsfûne melodijen foar, net fan dreame kind hie...

Knipers en stamboeksbollen

Opsetsin wie it net, dat er dat útfytste dêr't Roukama-state yn syn beammemantel ferskûl gyng - noch justjes fol en geef donkergrien, al soe de hjerst der mei gauwens syn grime tosken yn sette. Hy hie in boadskip dêrsa by ien fan de omlizzende boeren, oer in bern. Mar tsjinstridige gefoelens besprongen him doe't er dochs noch in glim fan har opheinde - út 'e grutte wynreade Mercedes fan har heit, krekt doe't se dy de homeie yn krieme soe en him foargean litte moast. Se glimke en lichte dus efkes de hân fan it stjoer. In lytse loaits fan wer-kennen. Mar tagelyk wie yn him it besinnen, dat dit gjin partuer wie, hy op syn âld fyts, sij yn dy mânske, manlike wein. Der gappe dus ek noch in sosiale kleau, om sa te sizzen, in stik klassestriid. Hy fielde him in proleetsje, better: in proletariër. It mankearre der noch mar oan, dat er knipers yn 'e broeksboksen hie, lykas yn 'e jierren tritich de arbeiders fan 'e wurkferskaffing, dêr't syn heit sa oandwaanlik fan fertelle koe. Hy moast it fan him ôfsette, it idee dat er it ien en 't oar mei dy rike boeredochter mienskiplik hie. Dy fertsjintwurdige in oare oarder, in oare wrâld, and never the twain shall meet. It liet, de kantate - want it dijde no dochs út ta in foech kantate - koe dêrom lykwols trochgean, allinne as kulturele died, as utering fan doarpsfreonskip oer alle skiedsmuorren hinne. Sok Westra's folk gniisde om him, smoarrike boeren wiene dat, reizgen yn har auto's nei Itaalje om stamboeksbollen te ferkeapjen, sieten yn fleanmasinen en dyngen oan 'e wintersport, leinen oan 'e Rivièra as wie 't sa mar neat. Dat wiene gjin boeren

mear, mar machthabbers, wurdfierders, yndustriëlen, managers. En dêrnjonken hy dy't de fakânsjes meastepart foar syn akten benutte en dêrtusken troch mei wiif en aanst ek mei it bern, in pear dagen yn in steancaravan of tinthúske op Skylge húsmanne.

Hy hie no ek mear oer har heard. Wypkje wie mei in ferhaal thúskommen. Dûnsorkesten, dat wie wol wier, dat fan 'e radio moast slim oerdreaun wêze, heechstens foar in regionale amateurútstjoering. 'Op stap mei jong talint' of sokssawat. Fierder wie der wat mei manlju dêrjinsen yn Amsterdam. Se wie der hinne tein as omropster yn 2½ taal yn fan dy rûnfeardboaten, of yn sa'n ynformaasjeburo foar ferlegene treinreizgers of miskien ek wol as studinte. Se koe har rêde, ek yn 'e talen, troch in soarte fan effektive en eksklusive kostskoalle, mar it moast dochs misrûn wêze. Hy boude út al dy dingen, dy't Wypkje sûnder euelmoed oerkrante, no net fuortdaliks in artystekarriêre op, - mar dochs genôch dat nijsgjirrich wie en ûnthjit joech, mar dat him ek stiek. Dy manlju bygelyks. Hoefolle manlju? Hokfoar manlju? En dan, dy wiene allegearre net sa stom as hy mei syn Wypkje en wachtsje oant twa dagen nei de troudei. In frou mei in ferline hat sa ek har beswierlike kanten. Fansels wie sok tinken ek foar in grut part boarterij, benammen nei dy beskamsume Mercedes-moeting. Mar der tyspele him dochs wer in eigen autootsje troch de holle om, tegearre mei flarden fan syn kantate. In gloednij 2cv'tsje, al wie 't allinne mar as earste stap fan rehabilitaasje. Werom ek net? Dat it foarige weintsje ôfskaft wie, sa't hiet út myljeu-betinkings, wie yn wierheid mear omdat it kring net mear ride woe, earlik is earlik. En in auto is it besitekaartsje yn 'e maatskippij. Doe't er thúskaam, sette er him mei muzykpapier oan 'e piano. Hy antwurde net, doe't Wypkje der ferheard wat fan

sei. De meloadyske figueren foelen him net iens ôf, der siet wol bestek yn, it groeide nei in struktuer. Modern mocht it net hjitte, einliks net fierder as Brahms, mar syn wittenskip dreau op it lêst ek op Jadassohn. It groeide ûnder syn sykjende en taastende en dan wer rap skriuwende hannen. Nij muzykpapier moast der komme. Der kaam wat gruts ta stân en by de brea tafel sei er it dochs mar:

- In stikje foar de útfiering, âlde dingen, nochris opsocht en net sa min befûn. Dy Palestrina moast dan mar ferfalle, dat wie te dreech. Tekst fan Piter Jelles. Wypkje knikte, dy begriep net folle fan dizze dingen, mar se wie, like him ta, wol tagedien en hie earbied foar syn kréative oanstriid. Wat fan eigen docht it altyd wol, sei er noch. En: men wòl ek wolris wat.

It paad wie no rom. Sij hie har seine jûn en hy wie de kommende dagen net by de piano wei te slaan. Hy makke noch in reis nei syn âlde learmaster Kupers yn 'e stêd, dy't it manuskript dikerjend beseach mei syn steksjogge eagen, en goedkarrend knikte. Hjir en dêr kwattele er, sittend by de fleugel mei de bril op it puntsje fan 'e noas, wat ferbetteringen. Mear stjoer yn 'e basfigueren, net sokke grutte en ûnlogise sprongen. Dat brocht ek nochal wat ferskowingen yn 'e middenstimmen tewe. In moaie fermindere septym joech earne suver wat Debussy, tocht Hindrik. Debussy, wis, sa fier wie Kupers alteast kommen, fierder as Van der Made, al wie dat dan in *ferneamd artyst*. Mar it moast al transponearre wurde, sei Kupers, it lei hast in heale oktaaf te heech, foar in alt. Der mankearre ek noch wat soepelheid oan, benammen yn de oergongen. Mar oars, lang net min, altyd fuortfarre, feint. Sa earne by Brahms om, rette de âld man. Brahms, dêr hie de betûfte muzykmaster earen nei! Altrapsody. Hearlike, himelse muzyk! Hy wie bliid mei de doaze sigaren.

Wer thús wrotte er as in besetene, alle oeren dy't er frijmeitsje koe. De jûns foar it sjongen wie it stik klear, op in pear piano-oergongen nei. Hy núndere de alt-stimme oanienwei. Hy wie tefreden oer himsels. Foar 't earst sûnt jierren. Hy begûn te libjen. It sòng yn him.

Sa echt, sa Frysk

- Palestrina ferfalt dus, en dêr komt dit foar yn 't plak, sei er, doe't er partijen útdielde, dêr't er de middeis noch ferwoeden oan sitten hie te oerskriuwen. In eksplikaasje wie net nedich, syn namme stie der boppe, sûnder it 'opus ien', dêr wied er dan dochs foar tebekskrille. Se moasten it fiele, dat hjir in stik eigen wurk, *in stik doarpskultuer* ta stân kaam. Der wie wat mûskopjen op 'e eftergrûn, by de bassen. Mar gjin protest. Earbied earder! Hy hie in aparte solo-altpartij útskreaun, mar hâlde dy benefter. Dat koe der letter kwânskwiis by slûke wurde, hy hie it no foar de helte al wûn. Mei opsetsin naam er dizze jûn net te folle notysje fan Lutske Westra, al hâlde er har wol wat stiltsjeswei yn 'e eachshoeke. De foarige jûns wie it him hommels ynfallen, dat der dochs wat oan har uterlik mankearre. Har skientme wie net alhiel sûnder wryt of slyt. Se wie efkes de mûtele kant it neist, hied er tocht, mar nee, dat wie net sa, dat hied er ferkeard sjoen mei syn ferbyldingseach. Mar der wie wol wat oars. Har eagen stiene justjes te ticht by inoar. It hie him wat irritearre. Guon gesichten hied er nea rjocht lije mocht. Utpûljende eagen, in te brede mûle, de eagen te ticht by- of te wiid faninoar, it kin dat by de ûnderlippe foarútstiek. Sokke dingen. Utstykjende boppetosken, dât wie wat oars, ek gjin garânsje foar kreazens, mar dochs hie 't wat pikants. It wie yndied sa, seach er, doe't er efkes ûngemurken Lutske har kant úteage, wylst se yn in espeltsje bassen har jongfammelaits stie te laitsjen. It wie yndied sa, mar it steurde no net, boppe dy magistrale hals, it wie ek mei in kwestje

fan beljochting, en... en profil seagen je it alhiel net. En dy hals, hoe dan ek, bleau magistraal, dêr song it oargeltsje fan har laits soargeleas út wei. It makke him wer ûnrêstich en suver wat jaloers op dy bas-mannen. Se hie it dus by de manlju fan it koar al wûn, de froulju liken noch wat hoeden en omsichtich, dy fielden ûnbewust in soarte fan oergeunst foar dit suksesfroumins, dêr't gjinien fan harren, ek de oars wol kreaze Sytske Wijma net, by meunsterje koe. It *ferline* stiek fansels ek, want it hipt nau by sokke doarpsfroulju. Mar de manlju achten soks net, dy wiene, al hoe âld en griis, al ûnder har beslach, sels Nammensma, de heit fan de net sa kreaze Fokje. Mar dy mannen koene har net folle oars biede as knoffelige grapkes en boerske komplimintsjes, gjin solo yn in kantate, lykas hÿ biede koe.

Nei it skoft spile er einen út it stik op 'e piano foar. Guon manlju knikten, dit like der op! En de tekst wie àl sa moai, ornearre frou Siderius, sa echt...sa, sa Frysk. Frou Siderius, dat wie sa'nien út it goede hout, dy rûn har it fjoer út 'e skuon foar alle goefryske doelen, dy kollektearre foar it fûns fan de Prins yn âld- of nijfrysk kostúm, al nei't it útkaam, en hie nearne euveldoed yn. Faaks skreau se noch altyd Fryske bernebriefkes oan muoike Hinke. No, ûnder sa'n hoede rêde dy kantate it grif! Hy glimke, it gyng goed. Hy liet de sopranen ynsette, der waard mei oandacht harke; guon ek kritys, want se hiene gâns in poarsje muzikale wysheid opdien op útfieringen en konkoersen, se wisten om 'e deale wol wat klonk en wat net, al hiene se fan Brahms net it measte begryp. Hy hearde der ek net folle oer, it moast earst wat besinke, wat wenne, benammen de bassen hiene it mar bannich, dat hipte nochal wyld hinne en wer, en mei hjir en dêr dan ek noch fan dy glysterige chromatise loopkes. Mar op 't lêst rûn it dochs al wat, der kaam sels no en dan echt glâns

oer. Allinne it part mei de ferswijde altsolo foel net yn'e smaak, - dat wie winliken begelieding en se fielden dat wol. Hjir moat noch wat oan dien wurde, sei er, it is net ôf, ik wit noch net krekt wat der oan mankearret. Dat wie dan al wer in tûk stapke de goede kant út, hy koe tefreden wêze, it wierre him moai arich yn 'e kaart.

Mar dy lytse oerwinning krige gâns in reis, doe't er by it útgean fan 'e repetysje fernaam, dat Bjinse Houtsma, in jongfeint op 'e grins fan 'e âldfeintesteat, ferneamd en populêr man op merken en feesten hein en fier, nochal wurk fan Lutske Westra makke. Der sprong in fûnkje oer tusken dy twa, net te fernimmen, mar wol foar syn radar. Hy flokte sunich by himsels, doe't er seach, dat se neist him yn syn folksweintsje dûkte. In kaper op 'e kust! No, tsjin Bjinse syn frijfeinte-grandeur koed er net op, dat wie wol wis. Hy tocht der oer om it span efternei te fytsen en te sjen hoe't dat dêr by Roukama-state betearde. Mar hy moast nei Wypkje. Werom nei eigen hoarnleger. Hy heakke de tas oan 'e fyts, seach Bjinse syn efterljochten om 'e bocht weiwurden en sette yn in begjinnende storein - it wie no echt hjerst - nei it skoalhûs. Wyp wie al op bêd. Hy beheistere wat tee yn 'e koken en siet lang te stoarjen by de útgeande kachel. Einliks moast er sa'n Bjinse Houtsma tankber wêze, dat dy him sa maklik fan syn driigjende ûntrou tebek hâlde! Welja, ûntrou. Myn God, ja. Sa moasten je dat mar neame, omkoal dat je wiene. Yn 'e kantate lei syn iennichste treast. Hy blêde noch wat yn 'e partituer om en song it alt-tema. Dat hied er oan har oerhâlden! De eigen eare bleau dan dochs oerein stean. De kulturele eare.

Mear feest frege

Hy murk mei in tikkeltsje spyt, hy waard kritiser op Wypkje. Wis, hy bleau mei har ferbûn, en soms hiene se wol in aardich petear, want se wie lang net dom en hâlde fan lêzen, mear as hy einliks. Mar der mankearre sa it ien en oar oan har froulikheid. Se ferdoarpske wat, mar goed besjoen hie se altyd al doarpsk west, yn klean en manieren. It steurde him no mear as earder. Hy hie der destiids boartlikwei wolris wat fan sein, en dat holp dan tydlik, mar no soed er dat net mear dwaan. Him leaver yn stilte wat bekleie, it brûke as heimlik argumint foar syn nije gefoelens, tsjin syn âlde leafde. Argumint wêrta? Tsjin syn leafde, foar it ferrie? Ferrie? Mar hy wist noch altyd net wat der barre soe as bygelyks Lutske Westra, al of net lâns de wei fan syn Piter-Jelleskantate, him ûnferhoeds yn 'e earms foel... De gedachte sels wûn him op, - ek de gedachte om Bjinse Houtsma in pyk te setten. Dat wie by al syn grandeur op 't lêst ek mar in foeraazjehanneler, in ekspediteur, al hied er dan dêrmei fiif of seis grutte frachtauto's en in folksweintsje by de wei en yn bedriuw. Kultuer mocht men dat net neame. Lutske Westra soe by einsluten wol wizer wêze. Nee, it probleem lei noch net sasear yn Lutske, it lei yn Wypkje.

Hy sloech har skerper acht, sa't se omheistere, en net troch it wurk komme koe, sa't se mei in wurge hantaast in hiertûfe fan de foarholle weifage. Hy printe it him skerper yn, as de ierpels oanbarnd of droechsean wiene en it fleis net gear. Barde it yndied faker as tefoaren of like dat mar sa? Hy miende ek te fernimmen, dat se har oansleat by it bern en

minder by him. Oer dit bern hinne, wist er, tocht se noch oan dat eardere, oan dat lytse grêf op it nije tsjerkhôf. It begrutte him, mar hy koe it net helpe, hy koe net mei har oer dat fan eartiids prate.

Dy Jisse wie fan hâr en amper fan him. Se koe it net rjocht ferneare, tocht him, as hy Jisse naderje woe foar syn bernespultsjes, syn kideljen en piba. Hÿ hie syn skoalbern, like se te tinken. Se dreamde soms samar wei yn 'e dingen, siet dan beslútles en mei in amper te fernimmen sucht fan wurgens mei de hannen yn 'e skoat. En hy seach sokke dingen langer mei wat wolgefallen. Wêr lei de grins tusken trou en ûntrou? Socht er motiven mei opsetsin, of hiene se der altyd al west en joech it libben se him allinnich no dúdliker te hâlden? Wie dit allegear téory of soe it ynienen yn praktyk omslaan kinne? It tinken oan Lutske wûn him op. Hy hie dit fielen noait sa kend. Wypkje hie him seksuêel nea yn 'e heechste ekstase brocht, as er eartiids oan har tocht, heechstens yn har bywêzichheid soms, troch har lichem, en dy opwining hied er twivelich foaroer stien, yn alle gefallen as foarbarich en dus in bytsje sûndich en dus *ferkeard* fan him ôftreaun. Hy tocht doe noch dat wat sûndich wie, ek ferkeard wie. Dat mei Wypkje hie mear kammeraatskip west en, hy hie it altyd wol witten, in poarsje begrutsjen. Se mocht dan net ûnkreas wêze, lang net, yn syn each, se hie wat dat meifielen oprôp, in soarte fan helpleazens, in tekoart oan substânsje. Hy hie himsels, de heare mocht it him ferjaan, sjoen as har rêder yn 'e need, en dat koe dan ek tige bêst mei-iens syn eigen rêding wêze: rêding fan syn ûnwisse gefoelens fan grutjongesjierren. Hy hie nea in oare faam hân as Wypkje Himpenius en dus nea goed witten dat it ek oars koe as mei har: bygelyks mei mear hertstocht, mear gloede, mei mear *feest*. In jin ferliezen yn in machtige berûzing, in weach fan fitaliteit yn

jins body. Sa fier wied er no mei Lutske noch net, mar it siet der yn, it koe der útkomme, as... foar dy muorre stjitte er iderkear de prakkesearjende kop. In part fan dy muorre wie de doarpscharmeur Bjinse Houtsma, dy't er dochs ek wol wer lije mocht. Bjinse, de man fan it wyld aventoer, de man dy't fan hûs fuortrûn wie om op see te gean, de man dy't yn de oarlochsjierrren twakear troch Dútse ûnderseeërs nei de grûn drige wie en him twakear út 'e dead rêden hie. Nei de befrijing yn Brits unifoarm thúskommen mei in stikmannich medaljes op syn breed boarst (dy hied er letter yn in bolbjirken rite oer de brêgeleuning yn 'e doarpsfeart kwakt) en al gau in rist fammen om him hinne swarmjend - sa hied er it heard út 'e doarpsferhalen. In man mei in hast legendarys ferline op syn bliere, brede seemanstroanje, dy't him dochs wer yn it doarp deljoech en de fuormanderij fan syn heit yn in jiermannich tiid útwreide ta in saak fan kwizekwânsje, al waard der ek wol oars grute. Hoe dan ek, in man as Bjinse hie aventoer en doar genôch yn syn donder om in frou as Lutske Westra te ymponearjen en wawit te beflappen.

Yn Hindrik Visser syn geast naam de affêre Bjinse, dy't faaks noch mar allinne bestie út thúsbringen yn in folksweintsje, middenmank de earste snjitters fan in skrouske hjerstbui, bjusterbaarlike foarmen oan. De jaloersens friet oan syn siel, benammen as er jûns neist Wypkje lei en gjin hân nei har útstiek en wist, dat er bûn wie, fêst siet as in hiemdogge oan syn keatting. Hy stiek yndie gjin hân út. Dêr wie wol in ekskús foar: der mochten ynearsten gjin bern mear bykomme, dokter hie it mei klam ôfret en geheimsinnich tsjut op in feriening dy't soks op 'e noed naam mei effektive en ek foar oarstinkenden akseptabele middels. Dy feriening wiene se gjin lid fan wurden. Hindrik naam leaver

syn lot yn eigen hân, ek alhiel nei de letter nommen, soks lei him wol. En Wypkje fersette har dêr net tsjin, it wie har allegear wol goed, se hie nea fan seksuélheid by de doarren opflein, en it bern soe har ferfulling genôch jaan kinne. It joech him it frij him de jûns oan syn tinzen út te leverjen en benammen oan syn wraaksucht op Bjinse. Puberteits-dreamen oppenearren har fannijs. Hy ferachte himsels der om, want ûnfolwoeksener koe 't net. Syn stúdzje en syn skoalwurk hiene der ûnder te lijen, hy siet soms tiden ta it rût út te stoarjen, as der wer fan dy grimmitige oktoberbuien oer de fjilden oanstrûsden en hy liet syn 28 bern oangean en fjochtsje, dat gjin ûnderwiisfernijing it mear op har noed nimme doarst. Wol studearre er thús soms yn syn partituer, makke sketsen foar in ynstrumintale Ouvertuere (in frije behanneling fan de beide haadtema's), fersmiet se wer, skuorde se mei grime selskwelling oan alle snipers. Hy fergeat in gearkomste fan de sportkommisje, dêr't er om njoggen oere noch foar út syn pantoffels belle waard. Hy hie it net fergetten, mar hy hie gjin sin om der hinne, hy koe de aksje fan oereingean, skuon en jas oanlûke, skonken foarútbewege ensafuorthinne net opbringe, hy woe it gewoan weiwurde litte. Mar Wypkje rekken dizze ferskynsels net, dy libbe fierder yn har eigen skaad, pielde mei de poppe en de húshâlding. En der wie, tocht him, in sfear yn 'e hûs om siik fan te wurden.

Doe't de jûn fan de sjongrepetysje kaam, hied er skjinnich syn nocht fan de hiele saak ôf - de ynstrumintale Ouvertuere wie in mislearring wurden, it koe him net skele wa't de solo sjonge soe, en it hiele stik, de sentimintele fersrigels fan Piter Jelles ynbegrepen, siet him oan 'e strôte ta. Hy liet it twakear trochsjonge, skodholle moedeleas en fersocht doe om Palestrina wer út 'e portefúljes te krijen. Algemien

gemompel. It wie in misse jûn, oant it momint fan fuortgean ta, doe't er observearre, dat Bjinse allinne yn syn folkswein kroep en dat Lutske har heite wynreade Mercedes út 'e steech neist it lokaal manoevrearre. Al te folle rabberij woe se dan dochts net aventoerje! It gefaar-Bjinse like hjirmei ta amper nul werombrocht. Hy hie de hiele jûn gjin oandacht foar Lutske hân, allinne mar út in eachshoeke wei speurd nei mooglike geheime tekens tusken har en Bjinse. Mar der wie neat en yn it skoft stie se mei twa âldere manlju te mûskopjen, wylst Bjinse, as oanstend haadrolspiler yn it stik fan Cannemakker, him ôfsûndere mei de regisseur en de útkarde dochter fan Nammensma.

Dit hie der dus by troch west, betocht er op 'e weromreis. De hiele kantate op losse skroeven troch syn sleauwichheid, syn benaudens om wat fan syn gefoelens bleat te jaan. Hy flokte yn himsels, doe't er syn fyts yn it hok sette en nochris doe't er Wypkje dêr sa sitten seach, lydsum oer har hoasstopperij bûgd. Sok wurk moast de froulju by de wet ferbean wurde, bemompele er yn himsels. De krante bea mar in skraal ûntwyk.

Busproleet en Mercedesdochter

Mar alles feroare op 'e slach doe't er op syn wyklikse reis nei stêd foar de kursus, wylst er mei de tas ûnder de earm fan de skoalle nei it stasjon bongelege, ynienen in wynreade Mercedes neist him hâlden seach. It hert sloech him allinne om 'e kleur al, en ear't er Lutske gewaar waard, dy't in útnoegjend gebeart makke. Sokke wûnderkes barden dus noch! Dat se him yn it healtsjuster opmurken hie, mocht op himsels al in wûnder hjitte! Hy skode neist har en seach efkes in glim fan har gesicht.

- De omkearde wrâld, sei er.

- Hoe bedoele jo?

Hy betocht mar wat, mar it wie ek noch wier:

- Yn alle oare gefallen soe ik my as busproleet feredere field hawwe in lift fan in frouspersoan oan te nimmen.

Lutske lake:

- Jo eare skynt tear te wêzen.

- Miskien.

- Yn dit iene gefal dus nèt, ferefette se. Dat jout hope. Miskien mei ik witte, wêr't ik dy útsûnderlike eare oan te tankjen ha?

Se sei it mei in ûndertoan fan spot dy't him goed die en ta betrouwen moanne. Underdehân bewûndere er de, no ja, sis mar natuerlike graasje dêr't se it rydtúch mei troch de bochten loadste. Mar hy moast in antwurd jaan, en hy fielde him sa mislike lyts, en tagelyk optein oer dizze ûnferhoedse moeting.

- Elke fytsebesitter is beseten fan in minderwaardichheids-

fielen tsjinoer elke autobesitter. Der siet méar ernst yn syn toan as de bedoeling wie.

- Ik mocht wolle, dat ik in autobesitter wie, sei se, ek ernstiger as er ferwachte hie. Dat wie no dochs frekte aardich fan har, om op sa'n wize de sosiale sleat ticht te smiten.

- Rydbewiisbesitter dan.

- Dat is gjin fertsjinste. It autobesitten trouwens likemin. Ik profitearje allinne mar fan ús heit syn bollen dêr't ik noait ien fan sjoen ha.

Letter begûn se oer de kantate. Wêrom't er dy fan de wurklist ôfdien hie. It wie oars dochs in knap stik wurk neffens har dom ferstân.

Hy seach fansiden. Wie dit har tinken?

- Ien dy't soks skriuwe kin, hoecht himsels net oan in auto of in rydbewiis omheech te lûken, sei se noch. Mar wêrom sjonge wy it net?

- It foldocht my net, ûntwykte er. Der sitte dingen yn dy't my net foldogge. Ik haw trouwens in rydbewiis, mar ik brûk it net.

- Ja, dat middelste stik, sei se neitinkend, dat is wat keal, dêr sit gjin melodij yn, mar oars?...

- No ja,... ik wol der net omhinne helje... dêr hie ik in tige spesiaal doel by, by dat keale ein. Wêrom soed er by dizze bysûndere gelegenheid syn kaarten net op 'e tafel kwakke? wurdt dochs neat.

- Dêr wurdt it noch geheimsinniger fan. Of meie froulju yn jo eagen net nijsgjirrich wêze? Dan hâld ik my daliks stil, kant net út. No net. Nòch net. Noait?

- Ik koe 't miskien better foar my hâlde, ferfette er, it wurdt dochs neat.

- Dêr wurd it noch geheimsinniger fan. Of meie froulju yn jo eagen net nijsgjirrich wêze? Dan hâld ik my daliks stil,

hear. Se hifke him, fansiden mei har eagen. Hy seach net, nee, hy seach dochts, - hokfoar eagen: donker, griis, grien? Of dochts swart? Net goed te sjen by it behyplik strjtljocht. Se ferge him, net sasear troch har wurden as troch de toan fan har praten.

- Ik hie jo in solo sjonge litte wollen.
- Soe ik dat kinne, tochten jo?
- Wêrom soene jo dat net kinne, jo hawwe dochts...
- No...?
- Foar de radio west?... It kaam der frijwat ûnnoazel út.

Foar de radio, krekt as wie dêr wat mei sein! Dêr hearre je langer de grutste prullen foar...

Se lake:

- O, dât... Ja, yn in amateurútstjoering en ek noch striemin. En yn in genre dat jo klassike geast grif net noasket.

- It hinget der in bulde fan ôf wà't it docht, sei er riedseleftich.

- Dat is wier.

- Jo hawwe in moaie stim, ferdigene er syn stompsinnich komplimint.

- Ik soe ek wol wòlle, sei se ernstich. As ik it koe...

- Jo kinne it, dêr bin ik wis fan (*hokker dreamen skeaten no troch har holle, tocht er, Tebaldi, Callas, Ferrier?*).

- En wêrom giet it dan net troch?

Hy hie sizzen moatten, earlik is earlik: Omdat ik in kloot bin. Mar hy hie it al earder sein:

- It stik foldocht my net.

- Jo moatte net sa kritys. Net ien fan ús fernimt dêr wat fan. Wy fine it allegear razend knap, dat jo soks meitsje kinne. Wier.

- No ja, as jo it sa graach wolle, sil ik it nochris besjen.

- Ik ha der suver sin oan.

Se koe dus har geastdrift net bedimje, mar se *woe* it ek net, tocht him. It wie foar in part echt, foar in part toaniel, begienens op in aventoer, mar dan diskear in aventoer fan artystyk kaliber.

De Mercedes helle mei in handige gier in folksweintsje yn, krekt foar in benaud knypeagjende tsjinlizzer. In autozjenike triomf foar har. En foar him? Folksweintsjes binne der mear as fiif seis. Mar stel dat dit krekt dy iene fan Bjinse Houtsma west hie en stel dat... Hy skrille op, hy moast op syn iepenst wêze, oppasse!

- It moat dan mar oangean, sei er. Mar...

Se seach fansiden, justjes wrantelich om syn wifelsucht?

- Hâld no dochs ris op mei dat gemar iderkear. Jo skriuwe dy kantate en ik sjong de solo. Bist gjin Beethoven, mar der skûlet in komponist yn dy!

- Ik haw dat altyd yn mysels meidroegen. (*Hark, hy waard dus fertroulik! Nei't sij sa slûchslim 'do' ynfierd hie!*).

- En ek wolris wat yn dysels ferkrongen, sei se (*Mei skerp ynsjoch, dat moast tajûn wurde*).

- Hoe witte jo dat?

Lutske glimke. Hy seach it yn it sêft geglinster dat fan 'e dashboerdljochtsjes op har gesicht striele. En profil wie se dochs fierwei it moaiste.

- Jo binne in iepen boek foar my.

- Tanke.

Hy krige no ek in bytsje de pest yn. Dat froumins koe wol tsien kear om him hinne. Hy moast him no echt teskoar sette, syn hâlding ferdigenje, syn wize fan libjen, syn tekoart oan ûnbeskiedenheid. Mei in berop op syn skoalmasterskip en syn akte-kursus koe dat net tsjin sa'n Mercedesdochter.

- Der binne echt wol beswieren, sei er, wat koart en

brimstich. Hy hie him yn 'e kaart sjen litten.

- Spoeksjoch ek al, fjurre se. Mar hy sètte him teskoar en gyng der net op yn. De ljochten fan it doarp kamen yn 't sicht. Hy moast oanmeitsje.

- As ik mar gjin gedonder krij.

- Gedonder krijst mei my altyd. Elk dy't mei my omgiet kriget gedonder.

- Bjinse Houtsma ek? It wie der út ear't er him derop besinde hoe stom as er wie.

Hy flokte yn himsels. Mar sij lake skatterjend en liet de hannen omtrint los fan 't stjoer.

- Ik tink earder dat ik gedonder mei him krij, sei se, doe ynienen wer ernstiger, as brette se in taktyk út. Hy wie op syn iepenst, hy stie op skerp, want flater of net, wat no kaam koe belangryk genôch wurde.

- Hy hat my al twa kear frege om mei him út te dûnsjen.

- En jo hawwe twa kear nee sein.

- Ja, mar de tredde kear wit ik it net. Ik hâld o sa fan dûnsjen.

It hert sloech him as in lammesturtsje. Mar hy fûn dochs de goede toan, ynienen samar, hy wie los fan himsels. Wis fan himsels.

- Kring, sei er. Ast my dat oandochst...

NO WIST SE IT MAR.

- No en wat dan?

- Dan jou ik dy solo oan frou Sudema.

- Oan frou Sudema. Nee, dat moat net, sei se boartlikearnstich, ernst boartsjende. Ik leau, dat ik dan ynearsten Bjinse Houtsma syn oanbiedingen mar neist my dellis. Trouwens, dy fûraazje lûkt my ek net oan. Altyd dat moal yn 'e eagen. En dy lucht fan kêden yn 'e noas! Hie se him no troch of net? Op hokker toan hied er dat fan Bjinse ek wer sein? It hie dochs ek in grapke wêze kind, in pleagerijke?

- Trouwens, sei er, ik leau net dat Bjinse Houtsma it grutte gefaar is. Dy kin gjin altsolo sjonge en syn tenoar stekt ek net út. Hy hat it te drok mei de haadrol yn it stik. Dêr binne jo (*hy sei no dus wer jo, lytse distânsje nimmend*) mar raar by trochrekke.

Se snúfde ferachtlik:

- No, ik gun Fokje Nammensma de eare, hear. En de lol! In âldwiverol fan neat. En dy is ek noch frij, faaks hat Bjinse by har mear sukses.

- Mar yn earnest, ik ferwachtsje (*o wat wied er no wer kalm en wis fan himsels*) noch al wat wjerstân, as ik dy dy solo sjonge lit.

- Hast dat dan foar my net oer?

- Der binne froulju dy sjonge al fiif en tweintich jier by 't koar. Dy sille raar guod spuie. Se litte net oer har hinnewâdzje op sa'n doarp.

Poe... as kin ik it helpe dat ik noch gjin fiif en tweintich jier bin. Se prate mei in prúllipke. Hy tocht: Dit is in frou fol aventoer, fol ûnferhoedse kanten, ien dy't alle registers bespylje kin tuskens spotskens en fertriet. Tusken echt en sabeare, alle nuânsen dêrtusken...

- Begryp' jo, ferfette er, dat is foar sok froufolk in earesaak. En as dy de hoarnen yn 'e wâl stekke, giet it koar om in luchje. Dat kin ik net riskearje.

- Hoedzje de doarpskultuer, sei se. Sparje de fûgels! Wie de haatlikheid echt of boarterij?

- It sil wol om wat oars wêze, sei se. Nee, echt wie it diskear dòchs. Hjir earne wie har swak stee. Hy wachte, it soe him fansels wol oplosse. Mar de doarpsljochten kamen nuodlik tichtby. Hy ergere him dat se de trijesprong al hân hiene. In sekonde duorret net lang yn in Mercedes.

- Wêrom tochtste dat it earne oars om wie?

- In frou mei in ferline is noait sa wolkom op in doarp, ek al komt se werom as in boetfeardich sûnderesse. Hy wist it no alhiel net mear. Wat wie dat foar earnst mei in tikkeltsje drôvens?

- Ik begryp dat net. Elkenien hat dochs ferdoary in ferline.

- Der binne ferlinen yn soarten. Dat fan dy bygelyks... Ik stel my foar, in earsume, mar wat iensume en artystyk net begrepen kwekeling. Wat lang en út 'e klean groeid. Skriuwt gedichtsjes en docht oan muzyk. In jongfeint lang net sûnder jeften. Mar net al te wis fan himsels, mear in dreamer as in dieder, krûpt gauetfich wer yn syn skulp. Sà sawat. En dan lang om let fêste ferkearing, út 'e swierrichheden wei, in geef houlik, in baan, in achtenearre man.

It hert warde him wer tige. In frou mei in ferline, ferdomd, dy't jins eigen *tekoart oan ferline* sa neaken útklaaie koe. Hy moast yn 't offensyf, dêr hiene jo it transformatorhúske al. Mar se helle de foet fan it gaspedaal ôf, it rydtúch mindere. In frou mei in ferline, no goed, dat hied er witten, al wist er it krekte net.

- Hasto it sà mâl dien, dêr yn Den Haach?

- It wie Amsterdam, mar dat let neat.

- Yn Amsterdam dan?

- Dêr prate wy letter wolris oer (*letter, der wie dus in letter, se hie belang by him, by syn praat, by syn miening*). De fraach is mar (*wach bliuwe, wach bliuwe, de 50-kilometerpeal, de earste huzen fan it doarp, strjitlantearnen, de tsjerke, it tsjerkhôf tiid stean stil, stean stil*)... Hasto de moed om dy doarpswiven te trotsearjen? Dwers tsjin alles yn?

- Asto my helpst, ja.

- Wat moat ik dwaan? Sis it mar.

Se stiene stil foar syn hûs, it skoalhûs, nee net *derfoar*, se wie handich genôch, tsien meter fierder. Hy seach de ljocht-

skreven tusken de gerdinen troch. Dit moat net lang duorje. Tikje te link! Hy tocht hastich nei. En doe wist sij it:

- Op 'e earstfolgjende repetyasje, moarntejûn dus, seisto sa by de noas lâns: Dat iene ein foldie my net, dêr haw ik in solo fan makke. In altsolo. Is der ien fan 'e alten dy't tinkt dat se dat sjonge kin? Dan sis ik prompt ja, binnen de heale sekonde, wylst dy oare froulju noch steane te wifkjen en elkoar oansjogge. Sa simpel as wat. Mar pas òp. Dan seist der fuort oerhinne, in bytsje wiis skodholjend en sa: Juffer Westra? ik wit net oft jo dat wol oankinne, jo binne noch mar sa koart by it koar. En dan sis ik: Ik soe 't dochs *och sa graach* besykje wolle, master. En dan do wer: No goed, wy sille it besykje, mar... as it der net op liket, dan moat in oaren it dwaan... Jo hawwe in goede stim, mar... En dan betinkst fierder mar wat.

- Knap betocht, sei er, ûnrêstich wurdend ûnder har wurdefloed, syn iene skonk al ta it portier út. Sa moat it dan mar. It is ôfpraat. As myn toanielspylderskwaliteiten teminsten sa fier strekke...

- No, minen wol, sei se, better as dy fan Fokje Nammensma, mar dêr hawwe wy it no net oer. (*Earsuchtich wie se, en dus ek lang net frij fan oergeunst*).

- Fynst it goed as wy elkoar mar dookje? En net sa heal en heal? It wie in aardige set by wize fan ôfskied. Goede freonen, echte kammeraten yn 'e keunst, tegearre yn 't spier foar de doarpskultuer, en tegearre yn in moai komplot.

- Fansels, dat docht men dochs ûnder artysten, lake se. De Goaise matras! Mar as 't my net mist, binne wy al in skoft mei dookjen dwaande.

- Do kinst it witte, sei er noch. Do bist yn 't sâlt bebiten. Better as dizze jonge.

In fleach fan har parfum strûsde by syn noas lâns wylst er

oer de leuning rikte om syn tas fan de efterbank te krijen. Syn skoalmasterstaske mei de diktaten en learboeken, Dúts m.û. Hy rekke har skouder efkes, de grize bûntmantel dy't oanfielde as in libben wêzen, of as it wyld dier dat er ienris west hie? Doe joech er har de hân.

- Tank foar de lift.

- Neat gjin tank. Nije wike bin ik om distiid wer yn 'e stêd, as de wein frij is.

Hy stie bûtendoar en sloech it portier ticht, it binneljocht floepte út. It wie begûn te storeinen. Hy weau nochris en seach de efterljochten yn 'e buorren ferdwinen, in read spoar troch de nacht.

Skûtefaer en syn wyfke

Wypkje hie de auto fansels net heard. Se sei:

- Wat bisto betiid thús.

- In lift hân. Fan Bjinse Houtsma, kaam ik tsjin yn 'e stêd. (No, hy kôge mei wrange tosken op dy namme om, de fint dy't *no* goedernôch wie).

- Toemar.

Mar se bedoelde neat mei dat wurd. En wylst er mei noch wat triljende hannen (*nije wike om distiid bin ik wer yn 'e stêd, wide fierten iepenen har!*) yn syn bakje tee rierde, registrearre er twa gefoelens yn syn wêzen, zwei seelen in seiner Brust: in slûpend skuldgefoel: wêr begjin ik oan, wêr moat dit hinne, - en in gefoel fan ûneinich meilijen mei dy suterige Wypkje, dy't hjir yn har boeltsje siet, in soad wytguod op tafels en stuollen en de radio mei in amusemintsprogramma fan de avro. Mar miskien wie 't mear sêlsmeilijen om in lyts, noch net slim steurend tekoart oan gesellichheid en húslike sfear, dat mei de jierren grutter wurde soe, as sij it alhiel net mear oankoe en mei de hannen yn 'e skurte en frjemde ôfwêzige eagen yn 'e fierte by har strikersguod sitte soe. Kâld en modern. In nije wente, spesiaal fan de gemeente sette litten om in master oan te lokjen. Mei in jier of wat fersketten gerdinen en fette taasten en bernefingerprintsels op doarren en behang, en stikken út it plafond, want bêst boud wie it net; yn 'e w.c. oppenearren har al de earste skuorren fan foartidige âlderdom. Mar dat skuldgefoel, hoe siet dat? Bestiet der wol skuldgefoel-mei-rjocht, as de died noch net iens goed en wol begien is? Hy hearde net wat se him frege, mar hy

fernaam dat se him in fraach dien hie oan har no absolút stilwêzen, en hy wist ek wol wât: Hoe wie't op 'e kursus?

- Goed, sei er, krekt as altyd, wurktúchlik, wurch. It lycht der net om, sa trije oeren efter elkoar. Se freegje in soad fan jin, it soe ek bêst mei wat minder takinne. Hy hie noch nea sa'n lang antwurd jûn op har fêste fraach, de iennichste fraach suver, dy't se him oait stelde. Dât wie dus it skuldgefoel. Dingen dwaan en sizze dêr't je sûnder skuldfielen te loai foar wiene; oerstallige iver oan 'e dei lizze! Hy woe wat goedmeitsje, hy wie dus skuldich! Mar goedbesjoen - wat wie der bard? Wie der ien gefaarlik wurd fallen? Hy lei syn fuotten op 'e stoel, suchte, tocht nei. De Mercedesmotor gûnze him noch yn 'e holle om, spûn dêr as in poes. En hjir yn 'e hûs wie it frjemd stil. Fan 'e iene wrâld yn 'e oare fallen. Dat moast al efkes wenne, mar wat koe men oars as yn it âlde spoar fierder sjuttelje ek nei sa'n boeiend aventoerke, dat foar sÿn libben in grut aventoer, in grandioas aventoer hjitte mocht, dêr't gâns út groeie koe. Lekker oerdriuwe, tocht er, want hokker man belibbet noait ris sa'n aardichheidsje? Dêr hoege je dochs net sa oeral fan te wêzen?

Wypkje begûn mei it strikersguod te avensearjen. De strykplanke kreunde en kriet swier by it útinoardraaien.

- Moat dat nò noch op 'e lette jûn?

- Moatstò mar sizze hoenear't ik der oars tiid foar ha. It hat hjoed goed droege en moarn komt de wurkster.

- Aha, as ik it goed begryp, do soest de wurkster wat wurk út 'e hannen nimme. It wie as grapke bedoeld, mar klonk net sa. It klonk kritys. Bitter hast. Se loek oan 'e skouders en it petear rûn dea. Hy hie him dochs wol slim yn 'e kaart sjen litten troch oer Bjinse Houtsma te begjinnen. Stom. Hy ferskeat fan kleur by 't weromtinken. Mar faaks wie 't wol

goed sa. It hood noch neat yn, en tagelyk koe men dochs ek sizze dat er har dêrmei oan him ferbûn hie, yn in soarte fan lotsmienskip. Hy moast dêr de oare kears dochs ris op ynfreegje, dy twa kear oansiik om mei him te dûnsjen. Wat lette it, soks te freegjen? In gewoane fraach, sà út kleare meiminsklike belangstelling wei. En sy mocht ek witte, ja deagewoan witte, dat er it net goed ha koe, sa'n frijfeint en lebemann, dy't him fan alles permittearje mocht. De wei nei de ûndergong, tocht er spotsk, de wei dy't ik net gean wol, moaie titel foar in kristlike folksroman: it reint sûnden en ellinde, mar oan 'e ein pakt Hear Skriuwer de struibus en it hagelt rûnom godlike genede! Ik woe dat ik der mei ophâlde woe. Hjir sit ik, mei myn tsjoede plannen yn 'e holle. Plannen lâns de wei fan in kantate. Kantate fan Hindrik Visser (nee, gjin namme foar in komponist, mar wat komponist hat ea in pseudonym brûkt?) *Opus ien*. Hjir sit ik, mei de skuon út en de fuotten op in platte stoel, en ik loer nei myn wyfke, myn Wypkje, myn Wypkjewyfke, myn iverige húsfrou, de warbere strykster, it wyfke dat spûn en dat striik neffens dokter Eeltsje syn ferneamd sankje. En hy, skûtefaar, digere troch de riik en tocht oan dy út 'e wynreade Mercedes, dè auto foar ûndogense romantsjes. Hy hie in mâl sin, hy reage de skuldgefoelens oan 'e kant. Foar de radio besocht in man grappich te wêzen tsjin ta laitsjen ree minskefee. Dy knakker krige dan teminsten wjerlûd op syn mâle rite. Hÿ net. Hindrik Visser opus ien. Hy gjin wjerlûd oars as it earmoedzjend kriteren fan de strykplanke, o hoe yndrôf klonk dat! En it wie wer as roek er Lutske Westra har parfum, soir de paris of wat dan ek de paris, in lytse dream, in lytse oanrekking mei in grize bûntmantel, koart of trijkwart, út Den Haach, nee Amsterdam. Ferdomd, dan dât wer: dat ferline, *dêr't se nochris mei him oer prate woe*.

De jûn riek him ferfeelsum en gapjend út oer de skreppende en swittende Wypkje Himpenius, oer de switplakken ûnder har oksels en oer de hiertûfen dy't se mei in wurge hantaast oan kant fage. Dizze jûne hie al lang skjûn syn nocht! Meilijen, lit my mei rêst, tocht er, vade retro. Doe sei se, út in wazem fan strikersguod wei:

- Wolst noch in glês molke? It is wer bêdtiid.

Boppe hearden se Jisse út 'e sliep opgûlen. Dy wist syn plak en syn tiid, better as hy.

Stikkene ribben

Hy wrotte de oare deis wer danich op dy kantate om. De solo waard fannijs besjoen en ôfwoegen tsjin de eftergrûn fan de koraaleftige koarstimmen. De piano moast hjir mar swije, dat wie foar neat te folle geraas. Mar út de beide haadtema's helle er no dochs noch in soarte fan ynstrumintale ouvertuere. Notaris Bylsma soe der oan te pas komme moatte en dy selloman út 'e stêd, en hy wist earne in mefroutsje dat fluit spile. Hy beharke de partituer by himsels en hearde wer wat fan Brahms. De altrapsody mei Ferrier. Lutske Ferrier. Flau. Stjonkende flau. Net te brûken.

Mar Wypkje wie dit allegear frjemd, dy wist allinne fan in 'stik', net fan in altsolo en noch minder fan in Lutske Westra dy't dêrmei anneks wie.

It wierre him oars net mei. Want yn 'e krante lies er dy middeis, en it hert sloech him hast út 'e foegen, dat de ekspediteur B. Houtsma de foarige deis earne yn Gelderlân in oanriding hân hie yn syn grutte truck mei oplizzer en mei in mannich stikkene ribben nei 't sikehûs brocht wie. Twa of trije oeren letter, rekkene er út, hie dyselde B. Houtsma him in lift jûn út 'e stêd wei. As se dit lies of it hearde by de slachter of de winkelman, stonk er der fiis yn. Hy hie der in minne jûn fan, net om Bjinse, dy hie de dea wol faker yn 'e tût sjoen en wie der altyd oan ûntkommen. Wypkje krantlies wol net in soad, mar it wie dochs better en hâld dat papieren meunster by har wei, hy skarrele der mei nei boppen, kwânskwiis om der wat út te knippen. Letter mocht se it wol witte, in minske is sa gau de tel fan 'e dagen kwyt, hy koe

dan altyd noch sizze: Hea, dy Bjinse, en de foarige jûns hie ik noch mei him... Mocht it dan noch op in rekkenjen gear, dan koed er altyd sizze: No ja, yn 'e folkswein fan Bjinse. Syn feint, Gosse van der Mark, siet der yn, dy wist doe noch fan neat.

Mar it rûn alwer goed ôf, sels de wurkster, oars net fij fan doarpsnijs, hie Bjinse noch net mist. It brocht him dochs op it idee foarsichtich te wêzen mei syn leagentsjes.

Mar Bjinse waard al mist op 'e sjongrepetysje, de tenoaren wiene al net sterk en dus wie it de fraach oft de jûn trochgean koe, no't de haadrolspiler fan it stik, de jeune premier, ynearsten fan 'e kaart wie.

- Bjinse hat lak oan trije stikkene ribben, sei ien fan de manljusleden, dy stiet hjir nije wike sûn en wol wer foar ús. It kin noch wol in wike lije. Dy rol leart er wol yn 't sikehûs. Doe kaam it gefaarlik momint. Hy hie alris wat eachkontakt hân mei Lutske, dy't him oanmoedigjend taknypeage, mar har fierder rêstiger hâlde as oars. Om Bjinse? Ut earbied foar Bjinse, dy't dêr no machteleas lei, ek foar syn tredde oansiik om mei har te dûnsjen? Hy wist it net. Se wie sà opfallend stil.

Mar it betearde bêst. Nei in foech ynliedinkje (dat er dochs besletten hie om it mei de kantate te besykjen nei in revisy fan dat iene ein) foel dan de fraach: wa fan de dames-alten fielt har roppen...?

En prompt - nee net prompt, mar krekt mei de goede tuskentiid fan spanning, fan stilte fan elkoar oansjende en oanmoedigjend taknikkende froulju, en folslein natuerlik út 'e wifkjende situaasje wei, kaam Lutske fanwegen:

- Ik soe it graach besykje wolle, master, mar ik wit net... Der ûntstie ûndúdlik gemompel by de froulju (de manlju seagen benijd mar belangeleas ta) en Lutske krige krekt de

goede kleur fan skrutel skoalfamke dy't fanneden wie. Hy bewûndere har machtich, dit wie toanielspyljen fan heger oarder as nedich wie foar de draak fan Cannemakker. Hy wachte noch efkes, tikke op syn lessener, kuchte. Gjinien oars oppenearre har.

- As jo it besykje wolle, juffer Westra, it is my bêst, mar ik wit fansels net oft jo it oankinne, it is gjin maklike partij. En jo... jo hawwe noch net folle roetine... yn 'e koarsang, bedoel ik.

It wie krekt de goede doasis foarbehâld, fernaam er. Sels frou Sudema-Meijer trape dêr wol yn, dy soe it wrychtsjes ek noch deugd dwaan, dat er dy faam mei dat ferline sa ûnderdúmsk te plak sette. Dy wist ek wol, dat Lutske gjin noaten lêze koe en dus de hannen fol krige oan dat stik solo. Der tipte in lyts, fynynlein gnyske oer it langwerpich antlit fan frou Sudema, dat miste him net.

- Goed dan, wy besykje it, ferfette er resolút. En as it net goed liket, juffer Westra sil dêr wol mei akkoart gean, dan kriget in oaren de kâns. Wy hawwe op 't lêst méar goede alten.

Hy krige in stikem knikje, in lyts, och sa lyts, mar tankber knypeachje fan syn beskermelinge. Op dat stuit wied er al in ferlern man, wist er. Hy wie smoar op har, hy soe nooit fan har ôf kinne. Se wie machtich, se wie fantastys! En boppedat moai, fantastys moai, en dy eagen te ticht by elkoar, dat wie allinnich in saak fan beljochting, dat seach men net yn in Mercedes en yn oare situaasjes noch tichter oan in ferfulling. Goedbesjoen wie it net iens sa!

Se setten útein en de koarpartijen dat like der op. Hysels song de tenoarpartij mei. De solo wie noch neat, mar dat soene se apart wolris trochnimme, jûn of in oare kear.

En nei ôfrin oefenen se tegearre by de krebintige piano, oant

de koster kaam om de boel te sluten. Dy Lutske wie muzikaal genôch en song de partij op 't gehoar ôf moai arich mei. Der siet noch wat in âldfrinzige galm yn har lûd, dy moast der út, sei er, justjes dimmener noch en soberder, it wie gjin opera-aria, mar in krystliet. Einliks mocht er net sà graach oer altsjongen, sokke kiellûden hiene wat ûnnatuerliks en ûnfrouliks. In toan heger, dat gyng better. It koar fernaam der dochs neat fan, by de ynstruminten moast er dus efkes transponearje. Hy wie net ûntefreden en hy lei dat út fan it fibrato, in saak fan stim-technyk.

Se stelden tegearre de pauzen foar it sykheljen fêst, en wiene it wakker iens.

- Moaisa, sei er, it liket lang net min. De koster moast mar tinke wat er woe, mar dy tocht moai wis neat, dy hie earbied foar de keunst. De man prutste wat oan 'e kachel om, en doe hâlden se dan mar op. Lutske glimke wat wurch. Hy holp har yn 'e mantel en kniep dêrby efkes yn har skouder. Hy liet har foargean troch it tsjuster portealtsje. Beroerd foar dy Bjinse Houtsma, hied er sizze wold, mar hy koe dy namme der better bûten hâlde, ek foar syn eigen sielerêst. Se skarrelen nei bûten. Lutske wie op 'e fyts. De Mercedes siet yn Brussel, fertelde se. By de E.G.

- Dan binne no ús sosiale ferskillen weinommen.

- Och, do..., sei se, en joech him in stompke tusken de ribben (koe se foarloptich by Bjinse Houtsma net dwaan). Se rûnen it paad út.

- Ik woe datst ris ophâldest dysels sa leech te lizzen, sei se. Dat past dy net.

K o m p o n i s t (*pleagerich*). Do hast tsienkear sa folle yn dyn marse as ik (*earnstich*). En ik bin oer mysels bêst tefreden (*irony*). Tink dochs net sa min oer dysels. Wat moat ik dan?

Wer dy tsjustere sinspiling? Of wie it in grapke?

- Hindrik, it bêste, - nije wike ken ik myn rol. Myn sóló (*mei twa deftige, pleagerige, rûne o's, dy't him waarm troch de siele gyngen*). Se stiek him de hân ta. Hy knypte der efkes yn, sij knypte werom.

- Pas op mei my, sei se noch.

Doe skeat se op 'e fyts de buorren yn. Hy eage har efterljochtsje gâns in skoft nei.

Hied er har thúsbringe moatten? Men hearde sa faak fan froulju dy't op in iensum dykje... Roukama-state lei nochal bûtenút. Alhoewol, yn dit froede goe-kristlike doarp... Hoe dan ek, it wie te let, se wie mei har efterljochtsje weiwurden, hy stie hjir noch by syn fyts. En mar better sa. Der hie dochs neat fan te meitsjen west no, sà hurd gyngen sokke dingen net. It naam suver in bytsje fan syn (tinkbyldige) skuld wei. En by Wypkje yn 'e hûs wied er mar fleurich foar syn dwaan. It wie kreas oprêden, de kachel barnde noflik. Lustig ist das Zigeunerleben!

- Myn kantate, dat giet oan, sei er (*en no fuortdaliks mar alles:)* Lutske Westra sil de altsolo sjonge.

- Altsolo, sei Wypkje sleauwich (*wa wit no net wat in altsolo is*). O, dy dochter fan Pier Westra. Is dat sa'n stjer?

- Mm, skilt net sa folle.

- Hat dy netris foar de radio songen? Dan sil 't wol goedkomme.

- Ik hie leaver frou Sudema hân, dy is gâns betrouder. Mar dy oare wie earlik earst. Mar ris sjen. It sil wol in pear ekstra-repetysjes kostje moatte.

Dat wie dus al wer in stapke foarút. Mar Wypkje réagearre der net op. Dy seach, hearde, die gjin kwea. Dy wurke al wer oan it bêdgongersrituël.

Freonskip, suver as kristal

It foel net ta mei dy solo fan Lutske. Miskien wied er ek in bytsje wrantelich om't er dy kursusjûn yn 'e stêd omdôch nei har útsjoen hie en teloarsteld syn bus opsocht. Har stim wie goed, en dat moasten sels de froulju tajaan. De galm wie der ek in stikhinne út, dat makke har lûd natuerliker, ienfâldiger, efkes fynder foar de sfear fan sa'n subtyl krystliet. Mar se hie har ferkearde loopkes oanleard en dy wiene der mar min út te krijen. Hy waard der suver wat ûngeduldich en nytlich fan, it foel him ôf fan har. In septymsprong nei boppen, dy't neffens him it liet krekt de goede romantise (mar net swiete) ynslach joech en dy't yn it harmoanys ferbân boppedat ek noch wat ynteressant-modern klonk, koe se mar net yn 'e macht krije. It waard in dôfhûdige kwint en mei de ferkearde oplossing dy't net by it akkoard paste. Syn artystyk gewisse ferbea him it te feroarjen en de oare partijen by har eigenwillige kwint oan te passen. Se ûntskuldige har en besocht te begripen wat er krekt bedoelde, se wie oerrinnende fol fan goede wil; hy song it foar yn domisol, mar it siet der stokstiif yn. Dat moast yndied in pear ekstra-repetysjes kostje, spesiaal mei har. Op himsels gjin ramp.

Mar it waard der net better op, doe't frou Sudema, goed beslein op 't iis, de solo spontaan sûnder fouten en mei in glêssuvere septymsprong - en alhiel neat minder goed fan toan en opfetting - hearre liet, sûnder dat immen dêr om frege hie. Dat wie sa hâr wize fan protest en rjocht fan bestean hie it, dat moast er tajaan. Lutske sels wie der,

faaks foar it earst fan har libben, efkes ferbjustere fan. Har eagen sochten sines. Syn harsens giselen om útrêding, mar hy fûn neat, en dus sei er neat. En dus koe it lykje as hied er it alhielendal net heard, fan frou Sudema har ûnfeilberheid. Ek it mûskopjen yn de frouljusôfdieling liet er foar wat it wie, hy stoarre stiif en neitinkend yn syn partituer, mar hy fielde it ferrekte goed, as in machtleas protest, in utering fan solidariteit mei in fersmitene en tsjin befoarrjochting fan in ûnweardige. It wie in traap op syn hert. Sà moasten se it sawat sjen: master wie der mei dy ûnweardige yntrape, dy koe it ek net helpe dat se sa brutaal wie, mar hy hie nò dochs sizze moatten: Juffer Westra, dit kin net, ik jou de solo oan frou Sudema. Myn God, wat in rotfiguer!

It mislearjen friet oan syn siele, de hiele jûn. Hy fielde him ûnwis en wurch, it woe net. Der wie ek wat fan ûnwissens kommen yn syn ferhâlding ta har: earst dat weibliuwen op 'e kursusjûn en no har tekoartsjitten as beskermeling. Hy fielde de spanning yn it lokaal rjochtoerein stean. Hy liet betiid einigje en soe dan noch mar efkes mei juffer Westra apart. Hy frege it har op in toan fan 'e skoalmaster dy't neibliuwe lit, it wie goedbesjoen ek in soarte fan straf. En sij fielde it ek sa, har eachopslach wie frijwat ûntmoedige, sokke tsjinstuiten as dat fan frou Sudema koe se net oer, mei al har drystens en selsbetrouwen. En doe't de oaren, tige wifkjend, as wie't mar amper betroud dat dy twa hjir efterbleaune yn it keale lokaal mei de grutte gaskachel en de iepene ruten sûnder gerdinen, lang om let ta de steech út skarrele wiene, wie it earste wat se sei:

- Wat seisto fan dy set fan frou Sudema?
- In rotstreek, sei er.
- Ja mar... (hy hie har noch nea sa kúm sjoen, se wie lyts man, nee lyts frou en rôp suver meilijen op)... asto tinkst

dat sij it better kin, lit hâr dan sjonge. Ik wol graach ôfstân dwaan. Om 'e leave frede.

Hy seach har oan. Triennen krûpten troch har eachslidden. Hy fielde him tekyk stean foar de hiele gnuvende buorren en de hiele herfoarme gemeente fan wa't dit gebou wie, mar moai wis wie der gjinien om 'e doarren.

- Dó dochst it, en dêrmei út.

Hy rûn nei de piano en sloech in pear akkoarden oan. Lutske folge stadich en gyng skean efter him stean. Hy seach fansiden har lichemsfoarmen, de strakke swarte trui, de bantsjes fan de b.h., de rôk spand om de brede, mar net te brede heupen. En dêr boppe har hals, dy oargelhals, fierder seach er net. Hy sei:

- Do kinst it bêst. Dat wiif fan Sudema is in kring. Dy stunt wie foar my bedoeld, mar dat spultsje giet net op. Wy nimme it nochris troch.

Der wie wat oars dat him op 'e tonge lei. Wêrom wie se dy kursusjûn weibleaun? Moai wis gewoan fergetten. Hy moast it mar sizze, oars siet der altyd noch wat tusken harren, it moast útpraat wurde. Hy tyngel wat troch, in soarte fan achtleaze ymprovisaasje op it kantatetéma.

- Ik ha dy earjusterjûn net sjoen yn 'e stêd.

It wie in skoft stil. Se beweegde har wifkjend en die in stap op him ta.

- Ik haw it earlik fergetten, sei se deemoedich. It soe ek noch wol wier wêze.

- No ja, it hindere neat, mar...

- Bist der liik om?

- Op dij kin ik net sa goed liik wurde, sei er suchtsjend. Alwer in leafdesferklearring mei in omwei.

- Ik hie ek net bêst fuortkinnen, ferfette se, ús mem wie wat heal. Mar ik haw it earlik fergetten. It kaam my jûn yn

't sin, doe't ik hjir hinne ried. Ik fyn it rottich.

Hy fielde har lichem flak neist him, har heupen, hy soe se beroere kinne, syn earm der om hinne lizze. Hy die it net, al ferwaarme har deemoed him it hert.

- Ik ferjit altyd alles.

- Ja, dat haw ik fernommen.

Se lei him de hân op 't skouder. In freonskipsgebeart, mear hoegde dit net te wêzen. Mar de gnuvende buorren, às dy der wie, soe der wol wei mei witte. Hy sei:

- Kom, wy begjinne. Dat oare prate wy wolris út. Sa slim is 't ek net. En wy sitte hjir te kyk. Se naam har hân fan syn skouder ôf en socht yn har partij. Hy sloech in pear tariedende akkoarden oan en seach nei har op.

Krekt nei de earste toanen kaam de koster skytskoarjend en stommeljend troch de doar:

- Master, ik soe graach slute wolle, de oaren binne al fuort, sjoch ik.

Hy sloech de piano ticht en krige syn tas.

- It is goed, Van der Byl.

Doe skarrelen se wer troch it portealtsje, krektlyk as in wike earder. Spitich, mei dy koster, tocht er. Mar ek wer gjin ramp! Wat no? Nei hûs gean en al dy ferfelende dingen rêste litte, sûnder útpraten en der lykwols op sitten bliuwe te brieden? Dat ferdomde wiif, sei er by himsels. It wie dúdlik: frou Sudema-Meijer moast boete dwaan foar méar as allinne har goede, mar foarbarige solo.

- Giest mei my nei hûs? Wy kinne thús wol repetearje, by de piano. Ek noch in betteren as dizze.

Foar en tsjin skeaten as skerpe pylken troch syn brein, pylken fan skuld en hope. Mar se hie it portier fan 'e Mercedes al iepen en noege. De motor sloech oan en hy siet al neist har, knibbel oan knibbel. Bûten it doarp hâlde se, de

motor gûnze sêft en geduldich troch, de koplampen wiisden de lannen yn.

- No wol ik earst witte, ofsto lilck bist om dat fan earjuster, sei se.

- Nee, ik wie net lilck, wol in bytsje teloarsteld. Ik hie der op rekkene. Mar it is fansels lytsbernich fan my.

- It spyt my mear as ik sizze kin.

Hy hood skerp de dyk yn 't each, foar en efter, hy moast hjir net mei har sjoen wurde. Syn fyts stie noch by it lokaal. As in stille tsjûge. In anty-aliby.

- Leau dat?

- Fansels leau ik dat, it is flau fan my.

- Ik ferjit altyd ôfspraken. It iennichste dêr't ik goed yn bin.

- Dan sizze se dy ek net folle.

- Gewoan sleauwichheid. Ik hie der iderkear wol oan tocht, mar krekt doe net.

Silst wol faker belibje ast my better kenst. Ik bin in ûnmooglik minske om mei om te gean.

Hy sei neat, se skeakele en joech gas. No of noait, tocht er, hastich, hastich en nèt te lang. Hy naam har gesicht yn 'e hannen en tute har ferheftich. De motor joech him wer del. Se ferwarde har net, mar wurke ek net bot mei. Se woe him de ferantwurdlikheid taskowe, tocht er. Mar de rook fan har rûnomoanwêzich parfum bedwelme him, hy seach dizichwei de omkriten fan har gesicht yn it readich ôfskynsel fan it dashboardljocht, lykas de foarige kear, betsjoenend moai. Dit wie dan it echte begjin fan de sûnde, hy waard kjel fan dat wurd. Folle sûndebesef hied er fan hûs út net meikrige, alhiel net yn 'e kalvinistise sin, mar de minske hat dat yn him, ferdomd. It siet yn jin bebakt. It begjin, de earste stap. A sizze en fansels ek B sizze en dan it hiele alfabet bylâns oant de Z fan Hollânsk zonde, it Frysk is wat gauwer

klear. Mar men kin ek A sizze en B en C noch en dan ophâlde, men kin ommers op elk stuit ophâlde, gewoan útstappe, mar men koe ek de A noch wat langer duorje litte. Se réagearre no wol deeglik, it kaam dus godtank net fan ien kant. Wist er ek wol. Al lang. Mar hy seach in fytsljochtsje oankommen en makke him út har omearming los. Hy sei neat, sij begriep it en dêr rieden se wer, en no yn ien kear troch nei Roukama-state. Hy gyng mei troch de syddoar, der wie nimmen yn dit part fan it hûs, dat joech dan ek gjin komplikaasjes. Yn 'e keamer mei de piano, in deftige, swier bemeubele heareboerskeamer mei famyljeportretten oan 'e muorre, wie it kâld. Se draaide de ferwaarming heger. Hy seach op syn horloazje. Goed healwei alven.

- In kertierke noch, sei er.

It gyng no gâns better. De septym-sprong joech noch wol efkes swierrichheden, mar se wie fan folslein goede wil, en fielde har no better op har gemak as mei de donkere driging fan frou Sudema-Meijer yn 'e rêch. Hy knikte goedkarrend en glimke. De stroefens fan earder raande sêftkes wei. Se soe net witte, dat er spyt hie, spyt fan syn hâlding, syn wrantelichheid, mar ek fan de A al, en spyt by foarrie fan de B en de C en wat der noch komme mocht of moast. Hy knikte, skoalmaster yn ieren en sinen. Der wie no ynienen neat oars as freonskip, myld ljocht, skimerlampeljocht oer deeglike, glêdwreaune meubels. In noflike, freonlike freonskip, sûnder komplikaasjes. Se makke grapkes op syn skoalmasterichheid en dat ûntspande nei dy spanning fan niis. Hy rookte noch in sigaret, doe wie it oer alven, hy moast fuort. Unrêst besette him dochs. Wypkje moast neat yn 'e gaten krije, dan wie it spul ferlern. Alhoewol, der stiek ek neat yn, want wat er hjir die, yn dizze keamer rûnsjen, ta de rook derfan bewenne, him der al in bytsje thúsfiel, dêr stiek gjin kwea by.

Gjin sûnde te sjen! Mar se moast him dochts bringe mei de Mercedes, nei it lokaal ta. Hy koe bêst rinne (koed er altyd thús sizze dat er pine holle hie en noch in ein rinne moast), mar se woe it sa. Ek op 'e weromreis gjin komplikaasjes. Freonskip, suver as kristal. Fûstkje.

- Nije wike bin ik àl yn 'e stêd. Rekkenje der op.
- Ik nim yn alle gefallen in retoer yn 'e bus, sei er.
- Fertroustr my net. (*spot of earnest*)?
- Dy wol, mar mysels net.

Doe sloech it portier ticht. Hy hie noch sizze wold: Kom dan wat earder, dan gean ik ek earder út, dan hawwe wy tiid oer. Mar dy't A seit, moat mei de B net al te hastich wêze.

Wypkje wie al op bêd gien en waard út har earste sliep wekker, doe't er neist har skikte. Dy hie dus neat yn 'e gaten, dy wist fan neat, dy stie bûten de grutte feroaringen dy't har yn syn libben oppenearren, oppenearje soene of alteast koene. As er woe. Just: as er wòe. En dat mocht no krekt it grutte probleem hjitte: wolle en kinne en it nuvere Nimmenslân dêr tuskenyn. En wer kamen dy nachts de skuldgefoelens as faaie fûgels op him ta, wjokkeljend mei driigjende skerpe snavels. Dit wie dus ûntrou - in begryp dat nea yn syn woloerlizzend skoalmastersbrein opkommen wie, dat er koe út 'e romantsjes, lykas Wypkje se ek lies, hastiger, mei mear benijdens as hy, en der dochts fierder ôfsteand. Hy harke lang nei har sykheljen. Is der wat dat jin fierder fan in oar ôfbringt as dy oar syn sykheljen, ûnoantaastbere opsteapeling fan sêft gerûs, muorre fan eigen persoanlikheid, lûdbarriêre dy't alle begryp ôfskoattelt?

De man dy't B sei

Der wie dy wyks wer fan alles te rêden. In gearkomste fan de âlderkommisje. In jûnsbesite fan freonen út in oar doarp (efkes gefaarlik doe 't se by Bjinse Houtsma syn ûngemak lânskamen). In âlder dy't ried hawwe woe oer in bern, in dochter, amper tolve, mar al by jûntiid troch de buorren en de bûtenpaden strûzend mei jonges yn har sok - koe master ek ris mei har prate, de heit wie bang dat it de ferkearde kant opgyng mei Antsje. Sok ding lei oars op 'e wei fan 'e âlden, sei de master, de mem alderearst en as dy net koe, dan de heit. De mem - de man lake wat skeadlik, dy wie destiids krekt sa, master soe dêr wol fan heard ha: it hie in hastige trouwerij west, en letter hie de jonge heit him wolris ôffrege oft hy wol de iennichste wie dy't heiterjochten op Antsje jilde litte koe. Master wist fan neat, mar hy woe it wol oannimme, en hy soe in each op it fanke hâlde, har wat boeken te lêzen jaan en ris mei har prate as 't sa útkaam. In tankbere, nederige arbeidersman klompke fuort. Wie noch fol betrouwen yn 'e seedlike ûnoantaastberens fan de yntellektuël. En doe rekke juffer Baanstra ek noch út stel, dat hy siet mei de legere klassen en moast, woed er se net frijjaan, iderkear tusken twa lokalen patroeljearje. Hy koe de kop der net byhâlde, it rûn him danich út 'e hân, hy stjoerde de lytskes liik nei hûs en ferwinske juffer Baanstra en har âldfammekwaaltsjes. Billik wie dat lang net: syn ûnderwizeresse, dy't hjir al in fearns ieu hast stien hie en har royaalwei oanpast oan syn fernijingswoede, liet it net om in ding fan neat sitte. Se wie dogmatys-trou yn har plichts-

opfetting en hy koe mei har lêze en skriuwe. Mar har ôfwêzichheid krekt no, no 't er der sa raar ta siet, wie him ta in argewaasje. Syn komposysje tyspele him yn 'e holle om en it gefal mei Lutske Westra, der moast klearichheid yn komme, wylst de saak oars sa klear as in klûntsje wie: de komposysje gyng troch, en dat oare soe ek trochgean as er it woe, en oergean as er it net woe. Simpel genôch foar in oars net sa komplisearre man as Hindrik Visser (tocht himsels), in bedaard, helder-tinkend man, gjin brieder, gjin romantikus, in man dy't it sûn ferstân foarop hie as de flage yn syn oersichtlik bestean. En hy tocht ek by sûn en reedlik neitinken, dat it oergean *moast*. Hy tocht it sels as er Wypkje oanseach yn har steat fan net alhiel sûne húsfrou dy't wurdleas klage oer wurgens en pine holle. En hy tocht it benammen as er de jonge Jisse spinfuotsjen seach yn syn beginnend minskewurden, dat lyts wûnder fan biologise skeppingstechnyk, dat er dochs wol slimme leaf hie en dat er dus net leafst mei in ûntrouwe en yn seedlike dusoarder fersille heit opskypje woe. Sa'n bern, sa'n besit, oan jins eigen wêzen ûntspruten, groeid yn en út de frou dy't by wet en gewisse jins eigen wie, dat mocht jin dochs wol fan brike sprongen tebekhâlde.

Mar hy frege him ek wolris ôf, wat er, ôfsjoen fan dy Jisse (dy't as it net tsjinrûn nei it gymnasium soe en studearje wat er mar woe, muzyk, medisinen, téology byneed) noch fan it libben ferwachtsje mocht. It bestean mei dy stadige, net tsjin it libben opwoeksen Wypkje, dat net folle oars opsmite soe as in bedimjen, in treast sykjen yn 'e maatskiplike warberheden, yn 'e opgeande ljedder fan legere skoalle-mavo-havo, fan doarp nei stêd en sa op nei it pinsjoen. Dy Wypkje, ferlern geand yn har ienfâldich, himpen húshâldinkje, mei gjin oare ynteressen as har romans

(goede romans wol, sa net, en net sûnder oandacht foar Hermans en Mulisch), - mar dochs dingen bûten it libben, en dy't him sa'n ferdomden lyts bytsje ynspirearre ta de dingen dy't er mei himsels foar hie. Net ta dy akte - want dêr siet se genôch efteroan - mar ta de muzyk. De muzyk, dat wie, tocht him, yn har each in ynbrek op 'e maatskiplike reedlikheid, dêr't se neat fan begriep, mar ek neat ynseach, frijtiidsbesteging sûnder nut, dat gyng by har lâns en rekke har net. Wat rekke har einliks àl? Wat beweegde en woele dêr efter dat wat wurge en yn in jiermannich tiid ferâldere en fersutere gesicht fan harres? Libbe dêr noch wat of wie it in stilsteand wetter, in poel fan deistich en húshâldlik planteguod? Dit waard dochs wol nijsgjirrich, dizze fragen hied er nea earder sa helder yn him omgean litten. En hoe't dat mei Lutske ek beteare mocht, it hie al ien winstpunt oplevere: hy wist, hy libbe sa goed as by syn frou lâns, syn frou dy't er foar de helsdoarren weiskuarre moatten hie - hy mocht der syn skoanâlden noch net om lije, bygelyks as dy in snein oerkamen en net oars diene as op Wypkje har sûnens omeamelje en de jonge Jisse al taastende en tillende en speurendeweis hifkje op de bekende tekens fan in swak skaai, as wie der gjin Visserbloed mei anneks! En ynienen seach er fierder perspektyf: Lutske wie de wei om Wypkje te hifkjen, om efter de geheimen fan har libben te kommen (as se dy hie). Net om har werom te winnen, dat wie net oan'e oarder. Want hy wie mei har ferbûn en soe ek geastlik by har bliuwe, op 'e ien of oare wize, ek nei in aventoer, in oangripend ûnderfinen mei Lutske.

Hy besocht har waar te nimmen yn dwaan en litten, hy *bestudearre* har. Myn frou, mompele er soms en hy fernuvere him der oer, dat dy wurden in feit dieken, in wurklikheid, in besteansgrûn. Hoe tocht se oer him, hoe ûnderfûn se him?

Wat ferwachte se fan him en fan it libben yn it algemien? En hy fernaam net folle dat op ûnrêst of ûntefredenheid tsjutte, se oanfurdige de dingen en efter har wurge hantaasten, efter har húshâldlik skreppen en skuorren en stinnen koe men dòchs wat fernimme fan in soarte fan heldestriid om te bliuwen dy't se wie, om harsels te hanthavenjen op 'e smelle basis dy't har bestean útmakke. De trekken fan dat soarte fan heldedom stiene har de lêste tiid skerper yn it antlit snien, tocht him. Wie it bern har tefolle? Mar dy besitejûn, dy't him al gau ferfeelde, him hingerich makke en suf fan al dat smoken - in kollega fan in oar doarp mei syn jonge, net ûnsjarmante frou, skoander knibbelwurk ûnder de nauwe rok, mûltergjen - fleure hâr op. Se waarme har oan dat selskip, mar it wynde har ek op: nei ôfrin, tusken de bowlgleskes en de stjonkende jiskebakjes, hie se reade plakken op 'e wangen en yn har eagen lei in frjemde, ûnnatuerlike skittering. Wie dit dochs in befrijing fan in ferfeling dêr't se mei tangele siet? Moast er har dit méar jaan: fleurich selskip, freonen, freondinnen foaral dy't loftich prate koene oer lytse ûnderfininkjes, oer de bern, oer it deistich wurk fan himmeljen, wurksters, molkeman, oer de radiodingen en de televisy?

De televisy. Dy oaren wiene dêr wol wiis mei, no ja nèt om der kultureel fan op te sprekken, sei Harm, mar dochs, mits mei soarch útkeazen, de muoite fan it hawwen wol wurdich. Je stieken der sachs wat fan op en in goed toanielstik of in aardige film dêr mocht men sa yn dy iensume doarpsoarden wol wiis mei wêze. It wie in soarte fan skuldgefoel dat him oer de streek loek, mar dêr wie 't op himsels net minder om. Him koe dy kastekikerij neat skele, it soe in boarne fan ûnrêst en in stan-yn-'e-wei foar syn wurk wêze, de deastek foar syn kréative oanslaggen betsjutte. Hy wie der sosiaal

besjoen ek net sa foar. Mar Wypkje? Soe it har net de kontakten jaan dêr't se nei ferlange en dêr't se fan opfleurje soe? Doe't de besite fuort wie, tante er, foarsichtich. Se stie net ôfwizend en foar har betsjutte dat: graach!

Sa wie Wypkje: hoeden yn har geastdrift, net te hurd fan 'e miet. Mar letter begûn se der út harsels oer, socht in plak dêr't it tastel stean koe. Der kâam dus in tastel, ynearsten op proef, mar it soe wol bliuwe. Dat wie dan dat, in tsjinset om grutsk op te wêzen.

Mei it skoalfanke slagge it him minder. Hy sloech dy Antsje goed acht, grouwe fodze foar har jierren, folslein froumins al nei it uterlik, ynwindich in bern noch, wat domeftich en sleau. In bekend tipe yn dizze kontreien. Hy helle har foar 't boerd en seach dat der al wat heupdraaien oan te pas kaam. En letter, nei skoaltiid, soed er mei har 'prate'. Mar der wie neat yn te krijen en ek neat út. Doe 't er op it sjapiter fan 'jonges' kaam seach se him mei kealle-eagen oan en sette it stadich op in gûlen, grutte lakse triennen, rûne triennen út in rûne tût, dêr't er allinne út opmeitsje koe, dat Antsje moai wis net de ûnskuldichste wie. Mar hy kaam it net oan 'e weet, ek net doe't er dan yn 'e goedichheid mar sei, dat se oppasse moast mei jonges en neat mei har dwaan litte, ta it broekje yn en sa, it gûlen waard der allinne mar lûder en syn geduld lytser fan. En hy liet har gean en seach har oer it plein fuortdraven, de rokjes fladderjend yn 'e wyn. Dat wie no wer sa'n teloarstelling, dat er it betrouwen fan sokke bern net winne koe. Pedagooch fan jan lul. Mar earne yn him hie dochs ek wat langst west nei in pikante bycht oer grypske boerejongesknûsten en heabulten, dat wie net alhiel fris by him. Faaks hie se net iens ûngelyk mei dizze taktyk fan gûl-en-hearskje. Sa'n bern ûntdiek it libben sûnder euveldoed en woe der gjin probleem fan meitsje litte, en dat wie

dan de ienfâldige wei fan de natoer, dêr wie gjin fjochtsjen by. Fjochtsjen waard it allinne as je de bril fan it ferstân der by opsetten. Ek alhiel net nedich: soks kaam altyd op syn poatsjes telâne, mei help fan de pil, en sa net: in net troude mem is foar nimmen mear in ramp langer.

Doe't Wypkje dy jûns mei in pûdfol fruit nei juffer Baanstra har kosthûs sette, hied er efkes it ryk allinne. Frijheid yn syn eigen hûs. Hy stelde him der wit wat fan foar, mar it waard in ûnrêstich omhingjen, in omdôch sykjen fan gaadlik wurk. It Dúts lei al tiden op syn kont, syn gean nei de kursus wie allinne mar in aliby, in middel om de skyn op te hâlden, takomme jier eksamen dat koed er him wol út 'e holle sette. Mar dêr kaam dan Lutske foar yn it plak. En hy wist ynienen wat er dwaan soe, hy gyng nei de telefoan. Se song suver troch de hoarn, ien stik froulike enerzjy, syn earen toeten noch minuten neitiid en hy wie wat dronken fan dat lûd. Hy soe dan in oere earder út 'e les gean en hie in plak fan moeting ôfsprutsen. Dit wie dan dochs fan him útgien, in beslút dat er sels nommen hie, de B fan it Abie dêr't er net fan wiste wêr't it ophâlde soe.

Mar hy doarst Wypkje net oan te sjen, doe't dy thúskaam, en letter wied er wer fierste aardich, yn 't each rinnend aardich, en se seagen twaresom nei de televisy, in blau skynsel fan jachterige mannen mei aktetassen yn auto's dy't troch bochten riken, roerend by de ôfgrûnen lâns. It giet goed tocht er, der sit wer spanning yn. Dûnsje op 'e smelle koarde fan de leagen, sa'n televisy stekt men wrychtsjes wat fan op. Harm hie gelyk, al bedoelde er it oars.

Tsjustere eksploaten

Hy stie fansels út te sjen nei in wynreade Mercedes, mar it duorre lang, hy ferwinske himsels hjir foar pyt snot te stean. Wer fergetten op har manier. Hy hie it fielen dat de stêd him fan alle kanten útgynske: Soa, do dus dat freontsje fan Lutske Westra, troud man op frijerspaad, soa, soa... Dy't A sein hat sil B sizze, en sa fierder... Jaja, sa giet it as skoaljonges âld wurde en dochs koallen bliuwe...

Sij moast ûnderwilens al in hiel skoft nei him sjoen, him waarnommen hawwe. It ljochtblauwe folksweintsje hied er wol stean sjoen en dizichwei wie him efkes de skym fan Bjinse Houtsma troch de geast flein, dy't no neffens it lêste nijs mei wat ferbân om syn skansearre ribben, wer thúskommen wie en yn 'e hoede fan syn âlde mem. Mar doe stampfuotte er wer ferrietlik oer dat froumins, wylst se him stiltsjes begnûfde. Oant de folkswein starte en treiterich súntsjes efter him oankaam en lyk njonken him it rjochter portier útstiek. En sij mar laitsje.

Hy stapte yn en besocht mei te laitsjen, mar fan herten gyng it net. Hy fielde him ferrifele en betrape. Se hie him hjir dus omstrunen sjoen tsien minuten of langer, as in longerjende skoaljonge.

- Is it dy fan... Bjinse Houtsma? sei er hakkelijk.

- No en wat soe dat? Se lake mar en hie in gek sin. Hy moast him efkes oanpasse, it gyng net al te flot, dy oerskeakeling.

- De Mercedes wie net thús jûn, - moast nei in gearkomste fan superbollefokkers. Doe haw ik Bjinse syn VW ôfluze.

Samar klear, yn it folste betrouwen. Knap hèn?

- Soa, sei er, noch altyd wat grimmitich, ja, do en Bjinse dat akkordearret goed.
- No en wat soe dat? frege se.
- O, neat, do bist folslein frij.
- Just, en dat hat hy ek sein.

In skoft swijen.

- Ik mocht earst prebearje, hat er sein, en dan in beslút nimme, sûnder ferplichtingen.

- Moaisa. (*En hy tippede der fansels wer yn.*)

- Hy hat in nije Saab op it each, witst wol, sa'n oerdeeglik produkt fan de Sweedse oarlochsyndustry, sterk as in pânserwein. En hy wol dit ding foar in skaplik pryske kwyt. In kammeraatskiplik pryske. Snapste?

Hy snapte it en knikte, in brok foar de kiel. In eigen folkswein foar in net-eigen Mercedes. Se dyng it mar! Hy bleau noch fierder efter.

- En wa betellet dy grap?

- Jaaa..., nytge se fierder. Ik sei dochs: In skaplik pryske. Bjinse is in prima sakeman, dy wit wol wat er docht.

Hy naam it, stomgenôch, wer foar ernst op. Op 'e eftergrûn fan syn tinken ûntstiene lytse skrikbyldsjes: in auto foar neat, en dêrfoaroer... Hy woe de dingen net neame, want hy wist dat er dan bespotlik wurde soe. Mar dizze jûn moast wol in mislearring wurde, as 't sa trochgyng. De lju hiene him al sa mâl oansjoen doe't er te ier út 'e les gyng, dat barde oars nea, hy wie sa'n trouwe klant, en syn mompeljen oer famyljeomstannichheden hie net oertsjûge klonken.

Se rieden troch de bûtenwiken. Lutske seach him fansiden oan, noch altyd mei in pleagerich sin.

- Do kinst der fan meiprofitearje, sei se. Bin 'k gjin hûn yn.
- No nee, tanke, sei er.

- No nee, tanke, sei er.

- Der klibbet gjin bloed oan, hear. En ek gjin skymke fan skande. Earlik fertsjinne.

- Dus it giet oan? Hy waard no dochs wat moediger: se pleage him, dat fielde er wol, se prebearre him út, sa't dat hjit, en dêr hie se alle rjocht ta, tsjinoer in sokses as hy, dy't alles foar tinken opnaam.

- Ik tink it hast wol.

- Hoefolle kilometer? frege er, him nei de teller foaroerbûgend yn in besykjen in flotte autokennerstoan te finen.

- Justjes 60.000. Nea wat mei west. Motorys poerbêst. 3500 gûne. Hy waard kjel:

- Neamst dat in skaplik pryske?

- Foar in VW wol, - en fan in betroud adres.

- It sil't ek wol. Ik tink noait oan sokke bedraggen. Foar arbeidersjonges is in tsientsje in kaptaal.

- Soa al. En... dy televisy dan?

- Hoe witsto dat?

- Tochtsto dat ik gjin antennen op dakken stean sjen koe? (*Dus se seach nei syn hûs, by syn hûs op, as se lâns kaam! Dat betsjutte dochs wol wat!*)

- No, ja goed, mar ik fertsjinje sels.

- Hm, tochtst dat ik sûnder ynkommen wie?

- Op heite bûse tarre. Bollejild, sei er no ek echt haatlik, it oerskot fan it bollejild. Ek op dit punt moast er him wer de mindere fielde. Dat se dat no wist, fan dy televisy, de dreamwrâld fan de bettere arbeider. Tagelyk (mar dat koe sij wer net witte) it soenoffer foar syn oansteande ûntrou.

- No ûnderskatst my al, âlde, sei se, ynienen ernstich. Ik haw in eigen ynkommen, mar dat kin ik dy mar better net oan 'e noas hingje. Do bist noch sa hearlik ûnskuldich.

Hy sei neat. Wer lytse skrikbyldsjes yn syn efterholle. In

boeredochter dy't in skoft weiwurdt yn 'e Grutte Stêd, saneamd om te studearjen, sjonge yn nachtkroegen, in manljusaffêre of mear as ien, tsjustere eksploaten - en dy werom nei heite pleats. Goed ûntfongen ek noch, dêr binne liberale boeren gjin hûnen yn, dy slachtsje it bibelse bokje sûnder bibelse euveldoed foar in ferlerne dochter. Sûnder strafmaatregels, in lúkse libbentsje yn heite Mercedes en dan in eigen Folkswein út eigen ynkommen. It ferbjistere him. En dan hearre te moatten: *Do bist noch sa hearlik ûnskuldich*. Hy biet him op 'e lippe.

- Wolst ek ris stjoere? sei se.

- Ik wist net wat ik leaver die.

- Soest dyn libben net leaver yn eigen hannen nimme yn pleats fan dy sa warleas oan my ta te betrouwen? Ik bin wier net sa'n bêste rider. Se seach him skerp fansiden oan, hy seach op it dashboard, 50... 40... 30... Se bedoelde dat dûbelsinnich. Se hifke him, tantsjen wie it. Hy waard te licht befûn, dit stuit. Te ûnskuldich. O ja, in goed persoan, mar te goed foar ûntrou. Sa'nien dy't thúshearde by in sukkelige frou en in televisytastel en in pear sloffen, mei in partituer fan in kantate as iennichste útskriptichheid. Ien dy't tsjin Bjinse Houtsma de stikels net hoegde op te setten. By foarrie ferlern. Lutske trape op 'e rem, se stiene stil. In rêstich dykje, bûten de stêd, seach er. Goed útsocht. De ljochtsjes fan de stêd twinkelen ûndogens yn 'e fierte. Oan 'e himel boppe de stêd in grut giel plak. Se die de grutte ljochten út.

- Do bist in goede jonge, Hindrik, sei se. Har lûd wie oars, alhiel net pleagerich mear no, in bytsje fertrietlik suver. Do moatst net fierder mei my ynsile, ast net wolst of net kinst. Ik wol tsjin dy earlik wêze.

Hy seach har oan. Dizich ljochten har eagen, justjes foch-

tich of ferbylde er him dat?

- Sjoch, ik bin wat se neame in frou mei in ferline. Do witst der fan?

Hy knikte wrantelich. Hy hoegde gjin bekentenissen, no net, it makke him mar ûnrêstiger en ûnwisser. Se boarte mei him en hy liet mei him boartsje, yn dy ôfwikseljende, mar altyd opwinende tsjinstridige gefoelens fan majeure en mineur. Se lei har hannen om syn gesicht, net by wize fan leafdedied, mar út betrouwen. Hast as in mem.

- Witst ek dat ik troud west haw?

Hy waard kjel, it hert sloech him, hy fielde in gleone weach fan benaudens troch syn korpus gean. Dus dat wie it. In mis houlik. In ferlerne dochter, werom op 'e pleats, har ferfelend en sykjend nei wat ferdivedaasje mei in ienfâldige doarpskoalmaster. In tuskenbeurtsje.

- Troud..., sei er neitinksum. Nee, dat wist ik net. Wie 't slim?

Dêr moast se om laitsje.

- Ja, it wie ryklik slim. Mar ek slim ryk. Ik haw dan ek net neilitten him by wize fan wraak in fikse poat út te lûken. Ik hoech myn libbensdagen gjin hân wer út te stekken. Dy stamboeksbollen kinne om my opfleane mei eksterieur en al.

- Wat wie 't foar ien?

- In direkteur. In hege. Captain of industry. Manager. Siet geregeld mei de minister oan 'e buorrel. It hat net lang duorre. Oardel jier sawat. Doe snipte ik him op sa'n cocktail-party mei syn sekretaresse yn in tûnpriël, krekt in Libelle-roman, hèn? Ik hie myn nocht ek al lang, bliid ta, moatst rekkenje. Mar ik haw it treflik spile, al sis ik it sels. Mei triennen, oanfallen fan woede en flaufallen en al! Ik hie aktrise wurde moatten. En sa koe ik mei skik fan him ôf komme. Yn in pear moanne wie de saak beslikke. En ik wer

nei de stamboeksbollen, om wat te bekommen fan de spanningen.

It hie net djip sitten, dus. Mar wat moast sa'nien mei him?

- Begrypst dat ik lak haw oan lju mei jild of stân? Dy dingen besteane foar my net iens mear.

- Nee, omdatst it hâste, sei er.

- Nee, dêr net om. Mar ik sjoch it oan dy. De minderwaardichheidsgefoelens fan de provinsiaal prikke dy ta de eagen út. Ik soe dat graach feroarje wolle.

Se hie him loslitten en lei de hannen yn de skurte.

- Do bist folle mear wurdich ast tinkst, sei se. Dat mist my net. Minskekennis haw ik wol in bytsje leard. Dat stik muzyk fan dy, dêr sit wat yn, dat is... dat moat... Se koe de wurden net goed fine en seach him machteleas oan. Hy wachte ôf.

- Ik haw dy ek nedich, sei se. Al wie 't allinne om dy solo. Hy begriep it net, twivel hood him befangen.

- Dy solo is om sa te sizzen myn rêding... myn rehabilitaasje, as ik sa'n grut wurd brûke mei... myn plechtanker, dêr grypt myn earne siel har oan fêst.

- Wêrom?

Om my in reden fan bestean te jaan... nei... nei dat rottige fan ferline jier. Want rottich wie 't fansels al. Hy begriep it no wol, sa'n bytsje. En hy tocht: miskien stjonk ik der fiis yn, miskien is dit allegear boarterij en set se my aansens prinshearlik oan 'e dyk, yn 'e barm, mar it moat ferdomde fijn wêze der mei sa'n frou yn te stjonken, jins ûndergong temjitte te gean. Verplet te worden door één trein, dichte alearen P. Paaltjens. Hy koe al net oars mear. Hy naam har yn 'e earms en liet syn holle tsjin har skouder falle. Hy waarme him oan har waarmens. Net allinnich waarm wie se, mar ek fochtich.

Samar in persoan

In frou dy't wit wat de leafde is, tocht er op 'e weromreis. Ien dy't my befêstigje kin yn myn wêzen, dy't my *rjocht docht*. Net ien om mei te trouwen, dat soe slaan en klauwen wurde, moard en deaslach faaks, mar om leaf te hawwen en grutte dingen mei te dwaan. Ien dy't fierder is as ik en dy't my helpe kin. Mar ik bin ek stjonkende jaloers op har ferline, wist er bitter. Hy soe dy keardel fermoardzje kinne mei syn jild en syn alimintaasje.

- Ik soe dat jild net mear hawwe wolle, sei er. Hast der nò gjin rjocht mear op ('Nò', sei er; fine nuânse!).

Se lake syn beswieren oan 'e kant:

- Op dat punt haw ik gjin inkeld gewisse. It giet fan miljoenen, en boppedat is elke cheque in traap op syn... op syn... elke kear as er in cheque útskriuwt, sil er witte dat er my... no ja, gjin grutte wurden s.v.p. En wat moat ik oars?

- Do hast dochs studearre?

- Studearre... o dat healjier psychopsachology... idioaterij, niks foar my... sis no sels, wat moat ik mei psychopsacho... it is om je te bedwaan.

- No, wat oars dan, in taal of sa (Myn ôfdieling: lekker tegearre grammatika útplúzje!).

- Nim my net kweaôf... ik haw der stomwei gjin sin oan myn harsens wêr dan ek mei te pleagjen. It libben is my sa goed en ynspannend genôch. En as ik ooit dat jild net mear hawwe wol, dan fal ik mei de grutste leafde werom op de bollen. Ja wier, sa bin ik no, treurich, mar it is wier.

- Ik begryp dy net.

- Mar jonkje, hasto noch oait it idee datst in frou begripe silst? Krastus, wat in yllúzje!

Se kaam no wol op nuodlik terrein. Hy hood him de lea stikken. Mar se gyng troch.

- Tinksto wier, datst bygelyks dyn eigen frou troch hast? Hy loek oan 'e skouders, nidich. Dat wie no ommers net oan 'e oarder, dat koe de boel allinne mar bedjerre.

- Dyn frou, dyst tinkst dat neat yn 'e gaten hat, neat oan dy fernimt, net sà oan dyn eagen sjocht datst wat oan 't hantsje hast dat gjin ljocht ferdrage kin? Och kom no, meitsje dat de kat wiis.

- Do oerskatst har, sei er. Underskatst, hied er sizze wold, sizze moàtten.

- Se leaut yn dy, bedoelste? Kin wier wêze... mar... Ik hoopje foar dy it bêste. It is in aardich wyfke, ik gun har it gelok fan de ûnnoazelheid wol.

Sjoch, dat wie der no wer fier by troch. Dat naam er net.

- Ast sa wolste..., sei er, stúmjend.

- O nee ik wol sa net. Ik tocht datstò sa woeste. Hast my niis net sward datst fan my... No ja, goed, do kinst werom. Like goed freonen, hear.

Hy swei, de tinzen giselen him troch de kop, hy hie pine holle, hy taaste nei in sigaret.

- Ik haw alhiel gjin kwea fan dyn frou sizze wold, sei se doe, mei wat fan ynbinen. Do bist mei har troud en jimme hawwe in bern. Ik wol dêr net tusken komme. Mar as ik hiel earlik bin... en dan praat ik ek yn myn eigen belang, in lyts bytsje... as ik hiel earlik bin, dan krigest net oer alle boegen dyn gerak.

Dat wie sa, de spiker op 'e kop, dêr hied er net fan werom. Hy hie it jûn ûnderfûn, doe't er B sein hie. Underfûn hoe't it wêze koe, as men net bûn wie troch maatskiplikheden en

biningen út it ferline en moréle skrupules en mear fan soks.

- Ik freegje neat fan dy, sei se noch. Dat moatst goed begripe. Ik hingje net alhiel fan dy ôf. Ik ha wol mear mooglikheden.

Bjinse, skeat troch him hinne, se sinspilet op, se tinkt oan Bjinse...

- Mar opheden, no jûn, moarn en oaremoarn... jou ik om dy, begrepen? Miskien stom, mar 't is sa.

- En ik om dy, Lutske, sei er dimmen. Hy wie wurch fan alle redendielen en alle alteraasje, hy hie gjin ferwar mear, gjin reserves. Gyng foar de bile.

- En ik om dy, sei er nochris. Ferdomd as 't net wier is. Hoe't it ek wêze mei en hoe't it ek komme mei. Se lei har rjochterhân op sines, op syn knibbel, der striele krêft fan út op him:

- Hofkesjonge en parren gnobje... dat hat altyd sa west, smakket lekkerder as gewoan fan 'e karre.

Se kamen tichte by it doarp, se ried wer suniger.

- Hoe wolste, frege se, troch it doarp? It is al by tsienen, de bus is allang oan.

- Ik moat noch wat betinke, sei er.

- O, dat is ienfâldich, do hast de bus mist. En doe hast in skoft op in lift stien te wachtsjen mei de tomme omheech. En doe kaam der op 't lêst in folkswein... sis mar Bjinse... o nee, dat kin net. (*Wie it fyn ynlein opset sin, dat se dy namme neamde?*)

- Dêr haw ik my de foarige kears hast de das mei omdien, sei er, sûnder fierdere útlis. Dat moat mar net wer.

- No ja, in... hannelsreizger, samar in persoan, do koest him net. In pear tekenjende bysûnderheden. Rossige snor, groede op 't wang, reade strik, griis pak, lêst de Telegraaf, betinkst mar wat gek.

- Sa sil it dan wol moatte. Betanke foar dyn stipe. Op 'e trijesprong stapte er út. Hy hâlde har hân fêst.

- Oant oaremoarn op it sjongen, sei se. En meitsje dy gjin soargen, hâld de holle koel. Ik hâld fan dy.

- Ik fan dy, flústere er, mar dat koe se net mear hearre. Hy seach troch in flues fan fertriet de beide efterljochten foar him út ta reade puntsjes ynkrampen. Hy hie de stap der al gâns in ein yn, doe't er murk, dat er syn tas mei stúdzjeboeken yn 'e folkswein lizze litten hie. Dat waard dus in probleemke, wach wêze (*op kursus lizze litten?*).

En it wie ek wol goed, dat er efkes útwaaie koe. Hy hie har parfum, miende er, noch oan en yn 'e klean hingjen. It waaide aardich. Gjin noed.

Twa nylonknibbels

Hy hie de ûnbekende hannelsreizger mei tekenjende bysûnderheden opdrave litten en fuortdaliks ek mar de fergetten tas yn ien muoite troch. Der wie sasear gjin haast by, der sieten mar twa boeken yn en in skrift. De lju soene him dêr wol goed bewarje, hy soe oars moarn de konsiërge efkes skilje. En Wypkje naam it allegear yn folslein betrouwen oan, al hie se dan yn 'e ûngerêstens sitten oer syn lang weibliuwen. Oan syn skuon koe se as se wold hie, dan noch sjen, dat er in ein, fan 'e trijesprong ôf, troch de puozzen fan 'e pûndyk boksele hie. Mar dat bewiis wie net iens nedich.

En doe moast er fierder boartsje - oeral en altyd op syn iepenst wêze, har yn 't fizier hâlde, tekens waarnimme, oft se fermoedens hie, of fertriet om dingen. Mar hy murk neat, se bleau deselde, wat stadich, gau wurch, soms justjes better, mei lokkige eagen allinne as it om Jisse gyng. Hy betocht ynienen, it wie op 'e kop ôf twa jier lyn, dat it earste bern, it famke, nei it grêfke brocht wie. In oantinken om by te janken. Wypkje wist dat, dy wie ûnfeilber yn datums, mar se ferburch it fertriet, se sleat it yn harsels op, naam it mei yn de lome bewegings fan har lichem. Stom, deselde jûn dat hy B sein hie, B dien hie! Gefoelleaze rotstreek. Mar hy hie der earlik net om tocht, en it wie de fraach oft er it litten hie, hied er der àl om tocht. It fleis is mar swak.

Want dit hie de B west en dêr bleau it fansels net by. Hy hie, platwei sein, de smaak te pakken. Hy koe net werom, ek om hâr net, om Lutske. Sij hie har eigen fertriet kwyt te wurden, dy bittere rotsmaak om dy direkteur - Shell of

Unilever, wat it dan mar wie - en it middel dêrta wie hÿ. En as hÿ it net wie, dan foel se yn 'e grypske kloeren fan dy Bjinse Houtsma, en wat dan? Hy soe fersmoare yn jaloersens.

No, dy Lutske doarst wol wat oan. De oare moarns ûnder de earste lesore, wa stie dêr yn 'e skoalgong, foar it rútsje fan syn lokaal, dat er har justjes sjen koe? Dêr wie de tas wer. Se striele fan libbensnocht en enerzjy, en hy mar yn 'e rats sitte, dat de bern wat bysûnders fernimme soene.

Mar goedbesjoen, wêrom soene je net deagewoan dwaan en in tas werombringe dy't it dochs op 't lêst ek net helpe koe dat syn baas oare dingen oan 'e holle hie? En wêrom soene dy skoalbern dêr wat fan tinke? Op syn heechsten koene se heard hawwe fan master syn muzykstik en juffer Westra har sjongen dêryn, hoe giet soks op sa'n doarp, en dat wie dan al it aldermeaste. En wêrom soe Wypkje it sjoen hawwe dat er samar op in bleate moarntiid yn it stofsûgerskoft besite krige oan 'e skoalle fan in blauwe folkswein mei in aardige juffer? En wat dan noch? It hie ommers mei dy solo te meitsjen. In noat te heech of te leech notearre. Of in boek dat se him te lien brocht. Of in oar leagentsje by de noas lâns, dêr rekket men yn behurde, dat giet samar fansels. Mar hy makke it praatsje op 'e gong net te lang, net langer as nedich wie oangeande dy tas. Hy wie ek wat stroef, en bleu tagelyk. Sok in barren by ljochtskyndei, dat wie dochs wer oars as yn 'e feilige oerkoepeling fan Mercedes of VW. En de oare jûns soene se elkoar dochs sjen, op 'e sjongrepetytsje. En se weau ûnbeskamsum nei de skoalbern en lake mei har hiele rykdom oan toskwurk. En doe stoep dat tiktik wer ta de gong út, mei in lyts fleachje matin de paris, dat it tsjin de krytlucht net lang úthâlde soe. En hy seach har nei, hoe't har sierlik skonkespul ûnder de koarte rôk en

dy wer ûnder it koart sportjaske triptrip op nullehakken de stoepe delgyng, efkes wat wynfang yn dy rôk, in stikje bleat, in skym fan wat 'foundation' skynt te hjitten, in bûgen fan twa nylonknibbels troch in portier, in wiuwende hân ta ôfskie, ensafuorthinne. Kwestje fan in heale minút. Mar dy heale minút wie genôch om in fjoer yn him te ûntstekken, dêr't gjin dwêstensein oan wie. Ferdomme, ferdomme.

En dy deis fierder rûn er om yn in berûzing. Hy koe gjin oarderlik tinken beneikomme, syn brein wie breinroer, yn opstân, syn lichem stie yn 'e lôge. Hy mijde Wypkje, hy koe syn fjoer net flamje litte by har útdôve pitsje, har koelens, by har stadichheid, har pielerij, har gegriem sis mar. Brij, sûpenmoallenbrij, fansels justjes sangerich. Wat ek al in fantasij: hjoed sûpenmoallenbrij, moarn fanyljefta - sûpenmoallen - fanyljefta - ierpels mei slaad - moarn ierpels mei apelsmots en sa bar om bar, - às der netris in kear taaie blomkoalstronken op 'e karre leine, of yn 't winterskoft ris in kear rapen of biten. En it iten berêden draafde er suver nei boppen om dêr wat foar it rût te sitten mei in Dúts literatuerboek en in kop fol Lutske. Hy wist wol dat dy him ferrifele, him foar de kroade ried, him brûkte ta har ferefeling en har rehabilitaasje. Mar hy woe net oars. *Hy woe ferrifele wurde, foar de kroade riden, misbrûkt. Hy woe ferlakt wurde.* Hy wòe yn dizze frou, dizze perfekt boude en fernimstich bebeittele brok erotyk ferdrinke en fergean. Pompe èn fersûpe! Hy hie omsichtich de tas, yn in stik pakpapier berôle, nei boppen slûke. Dy wie no dus wer op syn basis, mar Wypkje moast dat net witte, dy soe freegje kinne (mar fansels frege se it net) hoe't er dy dêr sa gau krige hie. Hy pakte de boeken der út en fûn in brief. In brief ferjamme. In brief skreaun by nacht en ûntiid fan in moaie frou dy't dus de kop fol Hindrik Visser hie. In brief mei in foto der yn. In foto om yn te biten.

In fotozjenyk pronkjuwiel op grutkerrellich papier, kompleet mei geheimsinnich tsjinljocht yn it kroeshier fan 'e nekke, mei skaadfal yn 'e eagen (*stiene dy no wier te ticht by inoar?*), mei in skaadfal op 'e boppelippe en dy glim, dy mysterieuze, fiere, ynfierene glim fan har. En ûnderoan in ferwizing nei alle Hearlikheden dy't it Heechliet útstalt. Myn God.

Mar pas op, oan kant dat spul. Yn in laad mei in kaai, kaai yn 'e bûs. Mar earst dat brief lêze, de wurden opfrette, fan it 'Leave H.' oant en mei 'it alderleafste fan Lutske' ta, en dêr tuskentoch - o frouljusfernimstichheid - in sinspiling op in út elkoar gean - dit koe net goedkomme - hy gyng der sa oan - moast ophâlde - goed begripe om him. Sij wist wêr't se him krije koe: *krekt wêr't er wêze woe*. Mar oppasse mei dat brief en dy foto! Op bledside hûndert en safolle fan Jadassohn - dêr soe se gjin brieven en gjin foto's sykje, en dêr stie krekt dat kwinteprobleem fan syn kantate behannele - symboalys mocht soks hjitte. En doe dus de tas sels noch efter 't slot, teminsten ûnder yn in laad, dêr't se dochs net sykje soe. Hoe soe se no ek om dy tas sykje? Dy tas wie der net.

En dêr siet er dan, de kop gûnzjend fan ferealens, de hannen triljend fan spanning en ûnrêst.

Ienman-show

Lykwols, dy sjongjûn rekke de kantate raar yn 'e bekniping. De útfiering moast fersteld wurde, om Bjinse Houtsma syn ribbekast dêr't noch altyd in dûk yn siet. It waard no justjes foar Krysttiid, advint, net de gaadlikste tiid foar draken fan Cannemakker. Mar wol foar kantates op krystteksten fan Piter Jelles. It joech wat ferromming - it koe allegear even kalmeroan. Behalven dan it toanielstik, dêr moast dy jûns noch in repetyasje fan wêze, de earste grutte repetyasje nei it rollêzen, en dan fanneed sûnder Bjinse. Faaks soe... e... master sa lang dy rol fan Bjinse efkes fan 't boekje lêze wolle. Hy waard kjel... nee, dat wie better fan net, hy hie noch wurk te dwaan, *de rol fan Bjinse*, mar dat sei er fansels net, *lei him ek net sa bot*. Ferbylde er it him of wie der wat skeadlik mûskopjen yn 'e manljushoeke? It petear naam gâns tiid yn beslach, en doe't er op 't lêst hastich ta de doar útrekke, seach er krekt de efterljochten fan de folkswein efter de huzen weiwurden. Se hie mooglik noch op him wachte, mar net langer as 't lije koe. Hy seach op 't horloazje. Noch gjin healwei tsienen. In oere oer op syn minst. Hy koe in kuier meitsje of op 'e fyts, efkes allinne wêze, yn 'e retrête. En in skoft letter doarme er dêr yn it tsjuster by Roukama-state om, tusken de rododendronbeamkes en de lêste dahlia's. De keamer mei de piano wie tsjuster. In oare keamer levere neat op as ljochtskreven mei in blaueftige televisyglâns. Hy stie dêr, snotnoas, skoaljonge fan santjin, teenager, puber, en it hert kloppe him yn syn ribbekast as woe it der út. Yn 'e fierte seach er de eilânsljochten by de

kym lâns feien. En hy harke, lûden yn it bûthús, stamboeksbollen fan 80, 90 mille en mear. Eksport foar Brazilië of Pakistan. In pleats as in paleis, dêr't gjin strieke oerders lei. Paden mei de sentimeter beknipt en mei de túnklauwer rjochtstreke. Dat koed er yn it skrale moanneljocht net sjen, dat rette er, en hy doarst op dy paden net iens te rinnen, der kamen dan fuotleasten yn 'e túnklauwerstreken. En dêrsanne de fiver, glêd en rimpelleas fan oerflak, de fiver dy't har hûs, har paleis spegele oerdeis en dy't faaks har byld spegele, as it de moarntiid begroete foar har sliepkeamersrút. En as hied er har stjoerd fan bûten út wei mei de geheimsinnige krêften, de elektronika fan syn leafde, op dat stuit gyng it ljocht boppe op en seach er har de gerdinen talûken. Stom, wêrom de gerdinen ta? Rette se dan net yntuïtyf dat hy hjir stie, sa'n frou hie dochs in seisde sintúch? En wa koe oars strune as hy en wa oars mòcht hjir strune as hy? In voyeur, hjitte soks yn 't Frâns, it Hollâns hie der net iens in echt wurd foar. Vestdijk rêde him mei de 'ziener,' mar dêr siet dan mei-iens in religieus-symboalys luchtsje oan. By him net! Hÿ strunde mar gewoan. Just, hy soe dus mei dyselde Vestdijk yn dy beam moatte, dy donkere, machtige, mânske, yn hjerstkleur klaaide boekebeam dy't it balkon fan har sliepkeamer hast beroerde. En dan sunich fluitsje. In herkenningfluitsje, dat moasten se hawwe, lit ús sizze it kwarte-tema út 'e kantate sol-do-re-la-si-mi. Hy besocht it - wêrom soed er it net besykje? It klonk skriel en earmoedich yn 'e nacht. En it gerdyn bleau ticht, hy moast ta mei rieden. Klean út - badkeamer yn - parfumearre sjippe - spiegel ta fuotten út - nachtjûpe - babydoll of hjitten dy flodderdinkjes net mear sa? - of miskien alhiel neat. Fansels alhiel neat. Gjinn ferrie oan 'e natoer.

Earne blafte in hûn. Op in oare pleats. Hy skrille op út syn

fantasij, hy makke him los, hy skarrele syn sûn ferstân by elkoar, earmoedige stealtsjes. Hy moast werom nei Wypkje Himpenius en nei Jisse en nei de skriften en de blomkoal-luchtsjes.

Hy flokte op himsels. As in skoaljonge, in snotjonge, sei er, heal lûdop. Gek yn 'e kop. Gek om in wyld froumins, dat dy net iens wurdich is. En dêr waard er dan dochs wer kjel en mismoedich fan. Want hie se net sein, dat se him helpe soe om himsels te wurden, om te wurden dy't er wêze koe? En dy't er dus yn wêzen al wie?

Dy nachts wied er sa wyld, dat er net fan Wypkje ôfbliuwe koe. Dy fernuvere har, mar naam it lykmoedich op, de kalinder wie geunstich. Nei ôfrin lei er lang mei iepen eagen yn it tsjuster te stoarjen, hy fielde it ek as ferried oan Lutske, ferried nei twa kanten, syn skuldgefoel krige dus noch in diminsje méar. Hy lei noch krektlyk doe't de dage oan 'e loft kaam en de hoannen fan 'e buorren har fiktoarje kraaiden, en fuort dêrnei syn soan Jisse.

Te trou foar ûntrou

De folgjende kursusjûn fersomme er hielendal. Ut in telefoansel skille er de skoalle op en sei, dat er ûnferwachts behindere wie. It wie reinich en ûnlijich, dat se hiene in kafee ôfsprutsen. Nimmen koe him hjir, hy wie hjir anonym. En wat dàn noch? De folkswein wie der noch net doe't er troch de draaidoar skarrele. Hy socht plak yn in ôfsketten hoekje en joech de ober syn oerjas. Hy sprate papieren oer it taffeltsje, siet sa kwânskwiis te rekkenjen, in hannelsreizger dy't him troch wjerstrjibbigge klanten benachtsje litten hie yn in provinsjestêd fier yn 't Noarden.

In kertier te let wie se, dat mocht noch hinnebruie. Hy hinge har jas op en swile syn papieren by elkoar.

- Wat boadskip hàsto altyd yn 'e stêd? sei er glimkjend, sa om in begjin te finen.

- Ik hoech fan myn ditten en datten gjin útlis te dwaan, sei se nochal fits. *Ik* bin sels baas. (Klam op: *Ik!*)

O, just, woe se út dat fetsje taapje? In oanfal? In oanfal op syn houlikssteat? Hy hifke har. Se like no net sa bot mear op dat portret, op dy godlike foto fan in Amsterdamse artyst. Yndied, dy eagen sieten justjes te ticht by elkoar. It wie as kuerde se allegeduerigen, as mikte se in bytsje. Nee, it wie echt wer in bytsje wennen nei dy oerrompeling yn 'e skoallegong en nei dat fertretlik en beskamsum ienmanstafriel dêre yn 'e hjersttún fan Roukama-state.

- Ik tankje dy foar de foto.

- O just, sei se. Dat is ek sa. Wied er nei't sin?

- Dat witst wol.

- Feilich efter 't slot?

Dat wie wer haatlik. Se hie dus hjoed wer in hiel oar oangesicht foar. Agressyf en koart om 'e hoeke. Mar doe kaam de ober: Dame, mynhear? It waard Martini, nee, Campari, wat bysûnders, - hy wist amper wat it wie. Mei soda, dat er allinne fan 'e kokenútris koe.

- Ik kin him no ienkear min op it kammenet sette, sei er wat noartlich, net fan doel oer him hinne wâdzje te litten. Mar se sloech syn brûkelens gjin acht en begûn oer de folkswein. Bjinse wie (*út ûnmacht mei syn stikkene ribbekast?*) no op 3050 sakke, mar dan ek echt gjin sint minder. Der wie noch al wat mei de karburateur, mar in ding fan niks, neffens Bjinse. Sa ferholpen. It moast mar oangean, tocht har, it wie no langernôch besonken. Alhoewol, as se him noch wat op 'e tok hâlde, koe 't ek noch wol 2500 wurde.

- Gelok dermei, sei er, it is in himmel weintsje, gjin jild, ik haw der ris nei fernommen, mar twaddehâns folksweinen binne yndied nochal prizich.

Sij gyng der net op yn, mar stapte oer op wat oars. Foto's! In tas fol. It wie wer ris wat nijs. In ferbjusterjende foarrie - yn tûzenerlei kostúms, hâldingen, beljochtingen. Hoe wie 't godsmooglik dat immen sa'n skriklike foarrie kréaasjes yn 'e kast hie. Kast? Kasten en kasten fol. Unnoazele hals dat er wie.

- Ut myn mannequinkarriêre, sei se. Hy hie dat út himsels ek begripe moatten.
- Hasto...? Hy seach har oan. Mooglik mei in bytsje wanhope yn 'e eagen.
- In jierlang, sei se.
- Soa. Ek dat.
- Foar myn trouwen, hear.
- Fansels. Dy direkteur hat dêr moai in skoatteltsje foar

strutsen. Dêr moast se om laitsje. Se wie al wer aardich ûntteid.

- It is in earber fak, ast dat bedoelste. Eare en deugd. Damestafersjoch.

- En de rest, sei er haatlik. *(Nee, dit wie der hielendal by troch, hy seach de linich taastende fingerseinen fan moademannen, glêdhierrich en parfumearre, sentimeters om 'e hals, spjelden yn 'e mûle, kryt by de hân en mar taaste en fiele op dat lichem, fiele en fingerje, heupen, rêch, boarstwiidte, skonklangte, ôfstân ljisk-knibbel, ensafuorthinne. Myn God, wat in bernlike foarstelling fan saken. Mar hoe soe soks oars gean? It héare-tafersjoch dus. Alhoewol, nei't se seine meast homo's en dat koe gjin kwea...).*

- Fotomodel is wat oars. Haw ik ek west, in pear wike mar. Net folle oan. Altyd pine yn 'e rêch fan dy nuvere hâldingen, op in strân fan buordpapier en tsjin in see fan plastic.

- Toemar. En skildersmodel?

- Så fier haw ik it net skopt. Wolris frege, hear, en net troch de earste de bêste.

Hy trille ynwindich fan ferûntweardiging, jaloersens, eangst. Aanst woe se him noch wysmeitsje dat iepenbier neakenrinne it fijnste en súnste wie dat bestie. Lekker manlju ophysje. Dizze faam, pardon dizze frou hie dus net ien libben efter har, mar tsien, tweintich. Studinte, rûnfearboaten, sjonge by in band, mannequin, model, troude, joast mocht witte wat der noch mear kaam. Se wiene der no dôchs oer gear. Se liet mear foto's sjen. Foar in Dúts tydskrift, front-pagemodel. Yn bikini mei blau wetter op 'e eftergrûn en oerhingjende tûken fan in romantise magnolia.

- Allegear nep, sei se. Montaaasje, der wie gjin see en gjin beam te sjen yn dy studio. Se hunde him, fernedere him. Hy hie niks werom.

- Dat licht der net om, sei er, sa neutraal mooglik. Mar wêrom bist oeral mei ophâlden?

- Affêres, sei se geheimsinnich. Plus in ûnrêstich aard, X ambachten, X + 1 ûngelokken. De ober sette omsichtich drinkber spul tusken harren yn. (*Om tinke, foar 't thúskommen in pipermuntsje, net te folle drank drinke, pas op!*)

- Manlju, sei er moedeleas.

- Meastal, joech se ta. It wie mei my altyd like nuver. Altyd manljusaffêres, komplikaasjes. Bert soe my dêr fan rêde. Altyd wat nijs, selden wat goeds.

- Bert? De namme bestoar him op 'e tonge.

- Myn direkteur.

- O just.

Swijen. Wat betsjutte dit allegear? Woe se him mei hynstemiddels te liif, him op it spek bine troch him wanhoop yn te skunen? Of moast se wat kwyt, bychtsje en ôfreakenje mei dat ferflokte ferline?

- Myn direkteurke. No, miskien hat er my yndied rêden. Ik wie al in hiel ein hinne, doe't er my fûn en opkrige.

- Ut 'e goate? Of út in bordeel? Hy waard dryst, dus. Want sa'n rûch wurd is net niks tsjinoer de frou fan jins dreamen...

- Nee, út 'e goate. Figuerlik altyd. As in nachtklub in goate is. Mar der is in ferskil.

Sisa, de ferdoarne wrâld waaide op him ta, yn dit gemoedlik sakemanskafée yn in noardlike provinsjestêd. De wrâld dêr't syn âlden fan grize soene, om fan pake-en-beppe mar te swijen. Je wiene erflik belêstige!

- It wie in tige fatsoenlike nachtklub, hear. Alhiel net klandestyn. Dat wol sizze: myn wurk wie fatsoenlik, gjin striptease en ik reizge elke nacht mei in taksy nei hûs. Earlik. De baas wie net sa'n minne man. Hy roek it keine Fryslân oan

my, ja wier! En hy fûn my te goed foar syn saak, en hy liet my as der Fryske gasten kamen - mar dat barde hast noait, allinnich de dichter Sybe Sybesma hat der ris west, en dat wie wol aardich - it Aldershûs sjonge en 'Moai sûnder wjergera'. Meast troude manlju, fan dy stille gnobbers en koekeloerders. Mar dy fûnen net wat se sochten en bedarren mei gauwens yn it neistlizzende pân dêr't se wol stripten. Ik song net ûnaardich, mar de jurken moasten it measte dwaan. En de mikrofoan. Johnny, de bandlieder, hie 't op my fersjoen. En dat hie faaks misgien, as Bert my net opfiske hie. Nee, wier, ik mocht him letter foar myn eagen net mear sjen, mar hy hat my... rêden. Allinne hy wist it sels sa ferdomde goed, it joech him in machtsposysje oer my. Hy hie him troch meilijen mei my liede litten, sei er letter. Hoe seit Anna Blaman it ek al wer? 'Het meelij is niets anders dan de welopgevoede vorm van de verachting.' No, 'welopgevoed' wied er, sels mei dy typiste. In glêde sakeman, dy't fan Mexico nei Manilla reizge vice versa. Lang en brún en meager en al wat keal, twakear earder trouw west. Och, sa'n he-man mei in grutte sportauto en in diplomatetas, dy't rapporten lêst yn it fleantúch en Sonja en Karin seit tsjin de stewardessen, do kenst dat soarte wol. Of miskien ek nèt.

Hy harke it relaas oan en besaude him. It wie allegear tsien kear slimmer en beëangstigjender as er tocht hie. Mar hy woe it allegear witte en tagelyk nèt. Strak kaam se dochs noch mei har striptease-nûmer op 't aljemint. Hy moast no syn hâlding alhiel op'en nij bepale. Wie dit allegear it doarmjen troch de rododendrons en útbloeide dahlia's wurdich? Plus - aansens - de ferachting fan in hiel Frysk doarp, en in stikken houlik?

- Mar... hoe komt men ta soks, sei er, doe't it ferhaal út wie, einige yn getyspel mei it campari-glês.

- Fan stapke ta stapke, ju. Letter kin men it amper mear rekonstruëarje. Men seit A
- in studintefeest en wat tefolle drank en in wearze fan de pleats en de stamboeksbollen
- en men sit by de B en dan sa fierder.

Ja, hy wist it, hy wie sels allang oer de B hinne. It hiele alfabet lei iepen en bleat. Der kaam yndied mear los. No ja, allegear krekt op 'e grins fan earber en net earber, mar dochs wol foargoed bûten de doarpske seden of wat der sûnt Gysbert Japiks foar gean moat. Se hie mei gâns kjirls op bêd west. Dat waard wol net rûnút sein - en it mocht ek hinnebrueie, want objektyf sjoen, wat rjocht hie hy op har ferline? Dat wie alhiel en folslein hâr saak, mar it wie wol dúdlik, en tagelyk - wie it net in garânsje foar as er har oait loslitte moast? Sa'n ien wie ommers nea ferlern, *dy wîe al lang ferlern en dus nea*. Mar dêr stie hy mei syn skoalmastersamt en syn kunde oan rododendrons dochs wol ryklik meager tsjinoer. Hy wist by god net wêr't it bêd stean moast dêr't hy...

Hy skrille op.

- Moatst dit ris lêze, sei se.

Se liet him in briefke sjen. In houderich poatsje, yn in wanmoedich besykjen om dy echte âlde ynmoaie Fryske stavering rjocht te dwaan.

'Juffre Westra. As jo troggjinne my gitrouwde mânljuw út ûs doarp te ferlieden en in jo auto mei te nimme kû it wolris net bêst my jo ourinne. Ik warskouje jo mar. Dit bliuwt gin geheim.'

Hy stavere der op om, socht it briefke oan alle kanten troch, foar en efter. In driichbrief dus - sûnder mis fan in frou. In troude frou. Hy wist it ynienen: Frou Sudema.

- Wa tochtst dat ús dit lapt hie? sei er.
- Gjin idee. Do?

- Frou Sudema.

- Hoe witst dat?

- Dat seit myn yntuysje my.

- Koest wolris net fier mis wêze. Of frou Siderius?

- Nee, dy ken it Frysk te goed, dat is in kritesuster, har poatsje ken ik wol, dy skriuwt grif net fan 'gitrouwde' manlju.

- Dit is mei in ferdraaide hân skreaun.

Sjoch, dat sette no wer in domper op 'e jûn, al hoe pikant en nijsgjirrich it wêze mocht (yn in simpel Frysk doarp!) en oanlieding jaand ta aardich sneuperswurk: skreaun mei ballpoint, ferdraaide hân, typys froulik fan struktuer, emoasionéle gefoelsline, of hoe neamt in grafolooch soks, miskien in tikje hystery, ien dy't trochhat hoe't it sit, dy't de doarpssede hoedzje wol, mar dy't ek 'belang hat' by it ien of oar. Net drekt in kaapster op 'e kust sasear, dêr ek te âld foar; skatting: sechstich. No ja, hystery of net, alle spoaren wiisden nei frou Sudema-Meijer, der wie einliks ek neat oan, allinne it bewiis ûntbriek noch mar, en dat kaam wol. En oan 'e oare kant - wat wisten je fan frou Sudema: in wat meagere, skraitseftige ferskinning yn it doarp, mei in langwerpich taai gesicht, net al te lokkich troude mei in sekretary-amtner, gjin bern, in ûnfruchtbere skerte, in bitter brein, in aardige stim fan sjongen. Fyftich jier âld, tritich jier bitter. En dêrfoaroer kollektante foar it reade krús, it anjerfûns, foar bern mei krupsjes, kanker- en t.b. fûns en wat der alsa op dy doarpen mear oan filantropise warberheden te rissen falt.

- No ja, sei er, it is net oars. As ik dêrfoar omlizzen gyng...

- Do hoechst ek net omlizzen te gean, sei Lutske. It brief is oan my rjochte, oer dij wurdt net praat. Do bist it slachtoffer dat yn beskerming nommen wurde moat.

- Asto dêr foar omlizzen gieste... Mar likegoed, it gefal fertrette him al mear as er sizze koe. Hy soe net omlizzen gean, mar sij?...

- Witste, ferfette Lutske. Se plante har earmtakken op it taffeltsje, de hannen ûnder it kin en seach him oan. Witste, do tinkst miskien dat it foar my mar in grapke is, dit mei dy. In grapke út ferfeling of sa. Ik soe 't my bêst begripe kinne, sjoen myn reputaasje.

- Dat tink ik net, sei er. Dêr haw ik gjin inkelde reden ta.

- Ik kin net sûnder manlju libje, earlik. Mar dat wol net sizze, dat it my allegearre likefolle is. Dat ik *dy* graach lije mei, bewiist myn goede trou, soe ik sizze. Mar dat is fansels net earlik... Do tinkst miskien dat ik ek in eachje ha op Bjinse Houtsma. Dat is net sa. Goed, dat is in frije fûgel en ik bin it ek. Mar ik - no ja, it klinkt miskien wat kika-kultureel - ik kin net bûten de geast om.

- De geast fan Bert, ynterrumpearre er haatlik, mar se prate troch:

- Dêrom is alles earder ek mislearre: der wie noait in geastlike basis, net by Bert en net by Johnny en net by al dy oaren dy't my efternei rûnen as in loopsk hûntsje en mei moaie ferhalen oer har mislearre houliken.

- En dy geast sjochsto yn my, sei er net sûnder nitelichheid. Ik bin goed foar de geast, om't ik lichaamlik dochs net in soad wend bin, is 't sa net? (*it wie wer sa'n spultsje, want goed besjoen mocht it him as kultuerdrager deugd dwaan dat hy foar geastlike - en oare - doelen útkard wie boppe miljonêr Bert en ekspediteur Bjinse*).

- Ik sjoch neat. Dat wol sizze: neat méar as do. Do fertsjinwurdigest allinne dysels, dyn eigen minskwêzen. Ferdomd, it is lullich dat ik it sis, mar it is gewoan sa. Ik miende datsto ek wat yn my seachst, ek belang by my hiest. As dat

net sa is, kinne wy better by elkoar weigean en der gjin rotsoai fan meitsje.

Hy swei, hy wachte ôf wat it 'spul' oer syn holle útstoarte soe. Fuortgean wie in idee dat syn gefoelens yn opstân brocht. In wei werom wie der net. En benammen op dit stuit net.

- Ik bin gjin idéaliste, sei se, dat witsto wol. Mar ik wol ek leaver net de brok seks wêze dêr't guon my noch alris foar oansjogge.

- Marilyn Monroe siket har Arthur Miller, spotte er. Raak wol, mar in rotopmerking oer immens dea hinne.

- En Arthur Miller krûpt yn syn skulp, spotte se werom. Mar goed, miskien sit it dêr earne. It is it lot fan myn soarte froulju mei in draachlik eksterieur, yn bolletaal sein.

- Ik krûp yn gjin skulp. Mar om reëel te bliuwen:... wat ferwachttest dan fan my? frege er wifkjend. Hy tocht: ik sis it net sa goed, oars as ik bedoel. Mar it is wol wêr't it op delkomt.

- Dat is in rotfraach, Hindrik, sei se, mei de fingers tyspeljend oan har leech glês. Sûnder mis, dat fertriet fan har wie echt en it ferwyt ûnbillik. *Hy wist ommers blinderse goed wat se fan him ferwachte. Mar har earnest wie him oer't mad kommen.*

- Dy fraach soe ik dy ek stelle kinne, ferfette se, mar dat doch ik net.

- Ik lûk myn fraach yn, sei er, do hast gelyk, soks freget men net.

- Ik wit it ferjamme ek net, gyng se fierder, it is in rotfraach, mar goedbesjoen draait alles om dy rotfraach. Om it antwurd op dy rotfraach. In antwurd datsto krekt like goed witst as ik.

- Bedoelst: myn boargerlik bestean, myn feilige baan en

myn dochts altyd noch deeglik houlik.

- Do seist it sa, ik sis it justjes oars. Mar ik wol it net oan barrels goaie. It is myn bedoeling net om dyn libben yn trewyn te bringen, dyn libben fan in gewoane, wat bernlike man mei goede bedoelingen.

Hy seach har oan, freegjend, hy observearre de spanningen op har antlit, spieren dy't hiel efkes oan it oerflak ferroerden, om mûle en noas hinne.

- ... it soe der fan komme kinne. Leafde giet no ienkear bûten maatskiplike roailinen om.

- Behalve foar frou Sudema-Meijer. Hy besocht om der wer wat fleur yn te bringen en rôp de ober. Mar hy stoarre tagelyk yn in gat fan ûnwissens, in gat sûnder boaiem. Leafde yn ûntrou is de iennichste leafde dêr't spanning en aventoer yn sit, tocht er. Moai aforisme! En meilijen is in fatsoenlike foarm fan ferachting, sa koene je it sizze op oanwizing fan Anna Blaman. En dat sloech dan op syn libben mei Wypkje. Dit stadium fan earnst, fan petear yn 'e djipste betsjutte sûnder mis al wer in stadium fierder. Gjin B mear, mar C of al wer fierder. Hy wie al oan Lutske Westra ferbûn troch in geastlike basis, al mocht joast witte wêr't dy geastlike basis krekt út bestie. Joast? Nee, hy wist it sêls al: mei dizze frou, dizze Lutske Westra, wa't se dan wêze mocht neffens har eigen byld fan 'e hûntsjes, koed er prate, koed er guon dingen yn syn libben rjochtsette, koed er somlike dingen rjochtút sizze, mei dizze styng er op it skerp, belibbe er spanningen, geastlike en lichaamlke, dy't yn syn libben mei Wypkje goesloof folslein ûntbrieken en noait komme soene. Dizze wie behalve moai en sensuëel ek yntelligint, de yntelliginsje fan in âld boereslachte, dy't him in útwei siket bûten de fermôge tradysjes. Hy wist dat er Lutske net mear skrasse koe út syn bestean, net yn 'e geastlike sin, mar ek net

mear yn it mear maatskiplike. Hy wist dat er har fêsthâlde moast, him yn har fêstbite, om te libjen, *om te wêzen dy't er wie en wurde moast*.

De ober brocht mear campari. Se seagen elkoar oan. Se hifken elkoar.

Ik sykje by har it lichem en sij by my de geast, tocht er. Mar is dat wol sa, kin men dy dingen sa maklik skiede? Kin it iene sûnder it oare bestean, behalve yn 'e hûntsje-ferhâldingen? It wie as rette se syn tinzen.

- Do praatst leaver net oer dyn frou, sei se. Do respekt-tearrest har, en dat respektarje ik. Mar ik freegje my ôf - en dêr bin ik folslein earlik en ek folslein seedlik yn - kin in minske syn trou allinne basearje op meilijen?

- Fatsoenlike foarm fan ferachting.

- Dàt wol ik dêr litte.

It siet dreech jûn, al mei al. Mar hy koe der net foarwei: hjir waarden om te begjinnen fundamintele dingen sein, en twad: se wòe it witte, fan Wypkje, fan har sûnens, har stadigens, har sleauwens. Hy koe it net ûnder de tafel skowe, no yn dizze sfear dy't se mei har ernst opropfen hie. Hy prate as hinge syn libben deryn, hy prate him de siel út it lichem. Se knikte begripend. Mar it lytse grêf fan twa jier lyn ferswijde er, mooglik wist se dat wol.

- Ik kin dy gjin ried jaan, sei se doe't it ferhaal út wie. Myn ried soe net objektyf wêze.

- In subjektive ried kin ek de muoite wurdich wêze. Hy kaam tichter by har, mar se warde him ôf.

- Sjoch, sei se, dat fan dy ferachting lit ik dêr, it is in bytsje wier en in bytsje net wier. Wêrom soe meilijen net op himsels goed en echt wêze kinne? Mar ik freegje my ôf, kin in minske dan út meilijen of om 'e maatskippij of wêrom dan ek, oars neat dwaan as him skikke yn 'e rottichheid?

Moatsto dêr it slachtoffer fan wurde, fan dyn eigen meilijen? Hat in minske net it rjocht om op elk stuit fan syn koart eintsje libben syn saak yn eigen hannen te nimmen en it gelok - no ja, ik praat yn't algemien - domwei te gripen dêr't er it krije kin?

- Ik haw ienkear A sein, sei er. Dêr moatte je de konsekwinsjes dan fan nimme.
- Dat betsjut datst der noait útkomst.
- Noait foar ivich teminsten.
- God, ivich, kinst net wat minder grutte wurden brûke?
- No, altyd dan, of foar in skoft.
- Bist der wis fan dat it dyn plicht is om dy ûnder de gefolgen fan dyn eardere stommiteiten del te jaan?

Hy wist it net, hy koe der net útkomme. Hy fage him it swit fan 'e foarholle. Hy hie dus, dat wist er no àl, dat wist er al lang, ienkear de ferkearde kar dien. Mar hy hie himel en ierde beweegd *om de ferkearde kar dwaan te meien*. Hy wist ek noch krekt it stuit, twa of trije moanne foar de troudei, dat er de kâns hân hie dy ferkearde kar te ûntrinnen en frijman te wurden. *It wie sa'n ferkearingsrûzje sûnder oanwiisbere oarsaak. Se hiene op besite west by freonen, sieten yn 'e bus op 'e weromreis. Neat woe, in petear net en wat fertroulikheid ek net. Hy seach harren ferfoarme sylhouetten yn 'e glêzen fan 'e bus by jûntiid, beammen en huzen skeaten dêr dwers troch hinne. Ik wol dy net bine, sei se, asto net genôch om my joust, hast gjin rjocht op my. Mar sis it dan. Hy wist it dus: op dat stuit hied er de bân brekke moatten en der hiene gjin ûngemakken fan kommen - dy útset wiene se wol wer kwytrekke en lytse Himpenius en syn frou soene bliid ta west hawwe. - Hy wist it dus, en se bea it him oan, se bûn him op it spek, yn 'e negative sin dan. En hy die it net, hy naam it net, hy hood stiif fêst oan syn plan, hy woe folbringe wat er op him nommen hie, ferflokke idéalist dat*

er wie. Se joech him de frijheid, se draaide har ring los fan 'e finger. En hy seach stiif fansiden nei dy draaiende fingers en dan wer nei dy fuortfluttende sylhouetten en dy beammen en huzen en hy sei by himsels, dat dit net mocht en dat er dôchs fan har hâlde en dat er ienris, letter noch mear fan har hâlde soe, as er har hielendal hie, sa't je dat neamden. Hy hie A sein, hy sei dus B. En hy wurke it hiele ferkearde alfabet ôf. Hy hie dy ferkearde kar miskien allinne nèt dien, as oaren har net tsjin dyselde kar ferset hiene. Goed besjoen wie har heit dus de grutte skuldige, dy eigenwize Jisse Himpenius, dy't him twinge wold hie syn leafde foar Wypkje as in foech misdied te sjen, as in ding dat je as fatsoenlik man net diene, in oantaasting fan har sûnens of fan har rjocht om siik te wêzen. Hjir siet dus de oast: ienkear fout is altyd fout. De fout mei Wypkje makke ek dat mei Lutske fout, en sa gyng dat (al wêr) oant yn 'e ivichheid troch. No, se krige gjin antwurd op har lêste fraach, dat wist se ommers sels wol. Se wist bêst dat de minske net frij is en al frij wêze wol, dat er mei stielen kables bûn sit oan it ferline dat er sels skepen hat, sels wòld hat. Men koe jin frij meitsje, goed, mar dan allinne te'n koste fan in oar - meastal te'n koste fan in oar, as dy oar net Bert hjitte, dat mei dy Bert, no ja, dat siet oars, dy smoarde yn 'e sikretaressen. Mar syn frijheid, Hindrik Visser syn frijheid, soe it ûngelok fan Wypkje Himpenius wurde. En dêrtroch ek sines. Hy murk dat se glimke, net spotsk, mar begripend, as in kammeraat, mei wat fan (gâns) leafde en fan âlder-en-wizer-wêzen:

- Ik meitsje it dy net maklik, Hindrik.
- Dat leit net oan dy, mar oan mysels. Ik bin no ienkear in stinder. Godallemachtich, wat bin ik in brieder.
- Do bist te goed foar ûntrou.
- Tankje. Te trou foar ûntrou, soe ik leaver sizze.

Mar hy wòe net trou wêze, as it allinne mar om 'e trou gyng, om 'e trou an sich. Wat is trou wurdich as dy *allinne* mar bestiet út trou, út eangst fan ûntrou, om't de ûntrou brokken makket, om't brokken ûnaardich en ûnnoflik binne en in bedriging foar jins fêstichheid. Hy dronk syn glês yn ien swolch leech, en naam noch ien. It holp in bytsje - de problemen en redenaasjes ferdizen en se sakken wei yn in stimming fan lome tefredenheid. Ferdomd, dat wie 't: *tefredenheid!* Hy hie it oan tiid ommers, om de dingen rêstich út 'e tiis te heljen. Der wie sasear gjin haast by. Men koe noflik yn in goed kafee sitte en jin oerjaan oan dizelige stimmingen. Der wie noch neat ferlern en noch neat kapot. En sels letter, doe't se troch de ûnlijige jûn rieden, mei glêde wjerspegelingen fan strjitlantearnen yn 'e lege asfaltstrjitten, bleau dat fielen fan in lytse tefredenheid nettsjinsteande alles. Tefredenheid om it sitten neist sa'n froumins dat men dan dochs mar *ferovere* hie, tefredenheid om't der noch neat stikken wie en om't men noch alle kanten útkoe. Tefredenheid sels om it feit, dat men nei sa'n petear net frije koe, allinne mar skuldeleas hân yn hân sitte. En by it stasjon naam er braaf de bus, op it nipperke, mar it koe krekt. De bus dêr't er oars ek altyd mei thús kaam. En syn tas fergeat er diskear net. Ek dat wie reden ta tefredenheid!

Mar bitter wie it ek, as er om Lutske tocht, dy't allinne yn har folkswein deselde wiete wegen lâns ried, dêr't de westewyn oer strûsde, ferrotte blêden opjeiend. Mismoedich faaks en wat fertretlik, lykas se sjoen hie, doe 't er sei, dat er de bus nimme woe. Sij hie gjin reden om wiis mei him te wêzen, sij likemin as Wypkje.

Lige as Brugman

Juffer Baanstra, wist er, wie net ien dy't graach har noas yn oarmans saken stiek, en hy hie oan har goede bedoelingen nea twivele. Dat woed er nò ek net. Se hie master Skoustra syn minne sinnen altyd mei in fleurich gesicht treast west, se hie har nea de mûle spield oer de misstap dy't de âld man syn baan en goenamme koste hie en se hie har oan Hindrik Visser syn fernijingswoede lûdleas en mei allinne in swymke fan irony yn har eagen oanpast. As sa'nien, tocht Hindrik, har roppen fiede om him op it ferkearde fan syn paad te wizen en him op it rjochte werom te bringen, dan moast men soks yn goedens oannimme en reewillich harkje. Lykwols makke it him ynwindich in bytsje kiezzich.

- 't Is net om 't ien of 't oar, master, sei se - se neamde him altyd master, al hied er neffens it ferskil yn jierren by har yn 'e klasse sitte kind - der geane praatsjes oer jo. Ik wit net oft se wier binne of net, en dat kin my ek neat skele, mar ik woe it jo efkes sizze.

- Praatsjes? Oer my? It kaam der sa wat ûnnoazel út, fiede er. Ik bin my gjin kwea bewust.

De skoalle wie út en se stiene efkes yn syn lokaal, dêr't er wat skriften en boekjes oprêde soe.

- Leagens kinne soms noch mear kwea dwaan as de wierheid, sei se noch. En leagen of wierheid is myn saak net.

- Wêr giet it no krekt oer? frege er.

- Oer jo en de dochter fan Pier Westra.

- O, fanwegen it sjongen, sei er ferromme.

- Der wurdt sein, dat jim tegearre yn 'e stêd sjoen binne.

- Dat kin útkomme, ik ha har dêr tafallich in kear moete, doe't ik in frije oere hie. Tegearre in kopke kofje dronken. Stekt dêr wat yn? Hy fielde him lykwols net noflik. Nei de driichbrief dus ditte. Better bedoeld, earliker, mar it kaam op itselde del.

It wie gjin geheim bleaun, en juffer Baanstra hie gelyk: wierheid of leagen, dêr gyng it net om, dêr bleau it resultaat itselde om.

- Ik bin net neigeanderich, sei se. Mar op sa'n doarp kin 't in bytsje lije.

- Ik sil der rekken mei hâlde, al hoe healwiis as it is, sei er. *(Hy hie it fielen dat syn lûd net alhiel oertsjûge klonk, hy hie nea bêst lige kinnen en benammen net tsjin earlike lju, lju dy't der wol wat fan begriepen.)*

- Wa hat it jo ferteld?

- It is my yn betrouwen sein, en ik neam gjin nammen.

Dat wie fansels net aardich fan har en miskien ek net sportyf. Hy wist ek net oft se in soad omgong mei frou Sudema hie. Miskien yn 'e iene of oare feriening of kommitee. Op dat mêd wiene se beide nochal warber.

- Nee, ferefette er, sa bedoel ik it ek net, ik bedoel: is it praat algemien, of komt it fan in spesiale persoan, út in spesiale hoeke?

- Ik haw it fan twa kanten heard.

Se draaide har om en gyng nei de doar. Hy bleau stean mei in rekkenboekje yn 'e hân, sa'n ûnnoazel útsloerd rekkenboekje út it pakhús fan Wolters of Van Goor. Hy seach nei har, sa't se dêr by de doar stie: rûn fan foarmen, dik sis mar, ryklik swierliddich, wat útpûlerich fan boarst en rêch, griisbrún en igaal klaaid, skuon mei lege hakken, it al griizjend hier glêd efteroer kjimd. De perfekte skoaljuffer sûnder folle libbenstier en yllúzjes.

- It hipt tige nau op sa'n doarp, sei se. Ik haw it sels ûnderfûn, master.

Hy hie der fan heard, earne, ûnder gysgobjende kollega's. De misstap fan juffer Baanstra - it moast wol hast tweintich jier lyn wêze, yn in oar doarp, krekt sa'n doarp as dit. In affêre mei in notabele, in boargemaster of sokssawat, hy wist it net krekt mear, in bytsje bespotlik en grotesk. Omstrunen op stille bûtenpaden by nacht en ûntiid, hân yn hân. En op 't lêst op 'e die betrape yn in droege sleat, heal ûnder de toarnbeiranken. In âldere troude man dy't miskien ris wat oars woe of, mooglik, har ek oprjocht leafhân hie - wat wisten je? It joech dochs wat fan mienskip en solidariteit soks te witten. Foar ien kear sinspile se op har eigen, persoanlike dingen, juffer Baanstra, se wie altyd strikt saaklik, op 't koele omt ôf. Ek dy tûge dus har ferline mei, har dingen, dy't boppe kamen en dêr't men och sa hoeden wat fan losliet, as it fertroulik waard. Hy hie in ferdomden soad respekt foar har.

Doe't se fuortgien wie, tocht er der noch oer nei. Faaks hie it earliker west en sis mar hoe't it der mei him hinnelei. Hy hie no it fielen, as hied er juffer Baanstra ûnrjocht dien. Mar hy tocht ek: it rint yn 'e gaten, it giet mis. Hjoed of moarn ien dy't it, mei sin of út ûnnoazelens, oan Wypkje ferblepke, dat ik yn in kafee sitten ha mei de dochter fan Pier Westra. En wat is der noch bård? Mar ek it ferswijen makket my fertocht. It wie syn safolste dei fan ûnrêst no al. Nachts net sliepe, mar lizze te woeljen, om en om, kessen sa en kessen sa, tekkens oer, tekkens ôf, fuotten rjocht, fuotten krom, wêr moast soks hinne? Soms lei it him by, dat er mei Wypkje prate moast, har sizze (opbychtsje, nee sizze, gewoanwei sizze) dat *der in oaren yn syn libben wie*. En dan sjen hoe't se réagearre. Men koe altyd noch werom, sizze dat

it sa slim net wie, dat it grif oerbetterje soe, dat it al hast oer *wie*. En jin fannijs yn 'e put fan it meilijen sakje litte. Hy woe net fan har ôf, dat stie fêst en dat wie it gekke en tagelyk it moedjaande. As se sizze soe (mar soks sei se fansels net): No hawar, beroerd foar my en Jisse, mar dan moatte wy mar by elkoar wei - hy soe net witte wat er leaver die! Hy woe eins mar ien ding: syn trou oan Wypkje bewize, syn plicht, de konsekwinsje fan doe yn dy bus - en hy woe nòch ien ding: mei Lutske Westra op bêd. En dan sà dat Wypkje fan neat wist. Of sa dat se it goed fûn. Sa fan: Gean dyn gong mar, ik begryp it bêst, der is net folle mear oan mei my. En alle manlju hawwe dat op har tiid, it betteret wol wer oer. Pas allinne in bytsje op, skep gjin komplikaasjes. Gjinn widskes bûten de doarren. Ja, Wypkje soe my dêr gek wêze. Der is net folle (mear) oan my. Foar't se dat ynsjen en sizze soe en har der neffens hâlde en drage! Mar lei de saak wol sa? Der soe dochs ris in petear mei Wypkje komme moatte. Dizze spanningen wiene net te dragen, foar har ek net. En foar de safolste kear, thúskommen út skoalle, ûndersocht er har, beseach er har sa temûk, efter de krante wei, naam er har dwaan en litten waar as wie it immen oars, in tafallich oanwêzige. Besocht er te rieden wat der omgyng ûnder dy harsenplasse mei dat brune, net sa botte glânzige en net sa bêst fersoarge hier. Helle er de ronfeltsjes ûnder har eagen en boppe har noas en by de skrale lippen lâns suver wittenskiplik en mikroskopys tichterby. Bestudearre er it ferrin fan 'e mûle en it swymke fan bitterheid dat der om hinne lei. Wie se noch dy't se west hie? Wie se yn wêzen oars as dy kears yn 'e bus, doe't er sa nei oan 'e befrijing stien hie, mei ien skonk yn 'e frijdom om sa te sizzen? Of hied er ditselde doe ek al field, dizze wrantel, dizze irritaasje, dizze lichte wjersin? En dan noch? Fiif jier houlik giet in frou net alhiel

yn 'e kâlde klean sitten, lichaaamlik. Benammen ien út in swak laach net. Doe mei de earste hie se der minder útsjoen, lijerich en kwinend. No net, no mear stabyl, wat útdôve.

Se fernaam syn sjen, syn kueren.

- Wat is der tsjintwurdich mei dy, Hindrik?

Hy seach op fan 'e krante, kwânskwiis net wittend wêr't se op doelde.

- Mei my? Neat soe'k sizze. Dròk. Min sliept. Sangerige pine kop.

- Nee, der is wat oars. Dat mist my net.

Dus dôchs. Der kòe sjusa in petear komme, in útbarsting, in ferromming út 'e benearing dêr't er him no al safolle wiken yn bewrotte litten hie. Sa fynfielend wie se dus noch al.

- Ik bin my neat bewust, sei er, frijwat ûnwis, dat soe se ek wol fernimme.

- Do hast gjin oandacht mear foar my en do sjochst my soms oan as wie 'k in frjemd, sei se. Har hannen streaken oer it tafelkleed. Begrutsjen wâle yn him op, en argewaasje tagelyk, dat se syn allinne-wêzen fersteurde en syn ûnrêst iepen en bleat tearde.

- Der is wat dat dy dwers sit.

- Ik soe 't net witte. Hy doarst it petear dat er wold hie net oan, leffert dy't er wie. En hy hope dochs dat it komme soe, bûten him om, út har inisiatyf, út har froulike fernimstichheid wei. Dat koe dochs? Froulju dy't feilleas retten: Der is dochs gjin oarenien, wol? Sa stie it yn wat Lutske spotsk 'romanske boeken' neamde.

- It benearet my soms sa.

- Wat benearet dy, wat bedoelste? *(Sa wie it dus fan him op hâr oersprongen, har situaasje. Dat wie feiliger, ek as oanrin ta 'it' petear.)*

- Dyn hâlding. Do hingest mar wat om, do sitst boppe en

rinst hinne en wer op dyn keamer, do dochst dyn dingen of dochst se net, do leist nachts tiden wekker. En do hâldst my oeral bûten.

- Wêr bûten?

- No, dyn kursus, dy sjongútfering, dat stik fan dy...

- Mar leave, wat moat ik tsjin dy no oer dat stik sizze? Dat is (*dêr hasto dochs gjin ferstân fan, woed er sizze, mar hy bekoarre him*)... dat is net sa belangryk, niks om 'e hakken, flut, ik wit net wat ik der fan sizze moat. It giet wol goed, mar noch net alhiel nei't sin. Ik kin 't sa net sizze.

- No, sis it dan net. Hâld it mar foar dysels, slút dy mar op... Ik... ik... ik...

En dêr hiene je it al: gûle en snotterje, mei de holle op 'e earms. Hy wie dat net wend fan har, se plichte harsels earder pynlik strak te hâlden, mei in stille trien en amper te fernimmen ferbitenens om 'e mûle. Mar hy wist no ynienen hoe't der al dy dagen lang (de dagen fan syn oeralwêzen om Lutske Westra) in spanning yn har groeid wie, dy't de ien of oare kear brekke moast. Begrutsjen bebroep him fannijs, hy gyng nei har ta, hy lei syn hân op har rêch, dy meagere, wat rûneftige rêch, dêr't er bonkerige útstyksels fiede en it slutinkje fan de b.h. as in oanklacht tsjin syn gefoelleazens. En se gûlde fierder, mei dêr tusken troch gjalpen fan sinnen, wurden fan ferwyrt en ferriet - my allinne litte - sitte te brieden - oeral bûtenhâlde - dyn eigen libben lizze - en foar my televizy - hjir hûn hast in bonke - hâldst net mear fan my. Gjûn taspiling op in 'oaren'! Mar sjoch, hy moast no dochs in kear mei har prate. Har gerêststelle, wurden fan treast sykje... Der wie ommers neat te rêden, goed besjoen, neat bysûnders... En hy fûn dy wurden en hy prate mar op 'e dolle rûs. Sokke tiden hie men wol, dat it net rjocht woe mei it troud-wêzen. Hy siet mei dy kursus yn 'e mage en mei

syn âlde leafde foar de muzyk, hy siet yn in krisis, in identiteitskrisis om sa te sizzen, en dêr kamen je wol wer boppenút, in tydlike kwestje, in ynsinking, soks komt yn 'e bêste houliken foar, it hêart der by, goed besjoen, fynst sels ek net? En do bist ek wolris wat stroef en ûntagonklik. En wy mòatte sa net - nearne goed foar, wy hawwe 't wol nei 't sin - in goed hûs, in lytse jonge, finansiëel net sa min. It koe bêst wer in autootsje lije. Hy preke as Brugman en sy libbe suver wer wat op, want se leaude yn him, noch altyd. Hy lulde fansels tûk by de dingen, by de wierheid lâns, en dat wist er, mar tagelyk leaude er oan syn eigen arguminten, hy sette syn dingen ommers yn in wider ramt fan algemienheid, hy seach eftergrûnen en ferbânen. Dat fan dy muzyk bygelyks - hy wist dat se dêr net folle yn seach - en dat die him sear, hy hie ommers yn 'e muzyk moatten en dat wie no te let, dat kòe no net mear. Hy rêde him no wat yn dat koar en mei dy kantate - dat 'stik' - mar dat wie him dochs eins net. Idéaal en wurklikheid, dream en died. Foaral oer dy boech smiet er it, dat wie in terrein dêr koed er noch wol wat op trocheamelje en it wie *wier* ek noch.

En Brugman lulde net sûnder fertuten, se glimke alris tusken har triennen troch, ferdomd, se waard der kreazer fan: triennen mei in glim, en soe dan mar tee sette. Se hie har foar him fernedere en dat wie ek wat dat oerwûn wurde moast. En ûnderwilens hy mar tinke: Bern, hoe ûneindige fier bin ik fan dy ôf mei myn moaie praatsjes, ik libje boppe in fulkaan - driichbrieven en warskôgingen, geheime slûperkes, solo's yn kantaten, weibliuwen fan kursussen, tassen op kompromittearjende plakken lizze litte, der komt gjin ein oan. En dan in frou treaste moatte dêr't men ienris A tsjin sein hat, dêr't men oan ferbûn is, ja ferdomme, *dêr't men fan hâldt*. En dy't men net jaan kin wat se nedich hat en

dy't men net sizze kin wat der yn jin opbuorrelet oan langsten, oan rebelly, oan driften.

Mar goed, it waard in fredige jûn, en Jisse syn kraaien yn 'e widze die dêr sines ta - it wie suver it lokkige húsgesin út de damesblêden - en alles hie wol te dragen west sûnder de sjongjûn op kommende wei, it ûnthjit op nije ûnrêst.

De hoanne kraait

En dat waard dan yndied in nij stik ûnrêst, mar oars as er ferwachte hie. Al wa't op 'e repetytsje kaam, Lutske net. Ferbylde er it him, of seach er yndied yn de grien-grize eagen fan frou Sudema in skynseltsje hún? Loerde dy op 'e altsolo? Wist sy méar oer dat weibliuwen, yn syn eagen in soarte fan deserty, ja, in soarte fan ferried - as der teminsten gjin sykte mei anneks wie? Hy prate net oer de kantate, it hie mei de dochs al opstelde útfiering ek net sa'n haast, en hy gunde frou Sudema net de triomf fan in akkoardbegelieding sûnder solo en de triomf fan in spontaan ynfallen as ferfangster. It wie oars Bjinse Houtsma syn rentree en dy wie wakker it milpunt. Dat wie dan wer in goede kant: Bjinse moast it èk sûnder har stelle, jûn. Hy makke der betiid in ein oan, de toaniellju woene noch graach efkes los en Bjinse hie yn syn twongen rêsttiid al gâns in stik rol leard, mei it byhearrende raas- en fûstwurk. In rol dy't him op 'e lea skreaun wie. In artyst yn syn soarte, dy Bjinse. Allinne it soarte doogde net. Mar dêr kin men as âldkeapfardijmatroas ek net foar. Yn sa'nien sit no ienkear gjin kultuer bebakt. En doe dus nei hûs. Mar hy betocht, hy soe omdôch te betiid thús wêze, hy koe bêst in ein omrinne, it lette neat, om Lutske en har rododendrons wie 't no net te rêden, hy rûn boppedat de oare kant fan it doarp út, in iensume gonger, in wanderbursch op stille paden by de mar om. In wide wrâld wie it hjir, mei pleatsen as rêstich kôgjende bisons yn in dieretún, mar de bittere trystens fan de hjerstjûn stiek de kloeren nei him út. Hy ferwachte fan sa'n kuier

wat, bygelyks in útrêding út syn dûbelhertige posysje. In beslissende tins. Bygelyks it beslút, grûndearre op sterke manlike gefoelens en grutte tagedienens, om him manhaftich by Wypkje te hâlden, om trou te bliuwen, ek yn 'e ferwachting dat se nei dat fan dy middeis wat fikser, wat feardiger en kreazer op harsels wurde soe. In nije jurk keapje, ris freonskiplik prate oer in ôfwiksel yn it deistich menu. Wat útlizze oer de kantate. Mar de ûnrêst om Lutske har ôfwêzichheid dreau iderkear ûnwjersteanber nei boppen. Dy ferhâlding mei har wie net ta in útdragene saak kommen, der stie neat efter, gjin punt noch fraachteken. It stelde hielendal niks foar. As er him yn dit stadium weromloek, wied er in labbekak, doarst er har nea wer oan te sjen en wied er sels it oansjen ek net wurdich. En boppedat hied er har lot ferbûn oan syn kantate en dus min of mear oan syn karriêre, syn takomst. De ferhâlding moast sublimearre wurde, op heger plan brocht, frij fan seksuële smetten, yn it artistike flak lutsen - en dan soe de punt of it útropteken wêze: Lutske en syn kantate foelen gear. Dan wie it gefaar likwidearre. Dat betsjutte yndied in triomf - en it makke de ûnrêst minder pinigjend: se bleau wei fan 'e repetysje, *want se fiede ek dat it sa net langer koe*. Se joech him de gelegenheid ta rêst en ynkear te kommen en in nije hâlding te finen, sa moast it sawat wêze. Op heech plan like it in goede ferklearring - in keunstnersfreonskip moast foar de banale seksleafde yn 't plak komme en dan koene je ek dy Wypkje wer mei ûnbeskamsume eagen oansjen.

En dy nachts like it der yndied wer op mei Wypkje en him. Se hie har dochs treastge oan syn wurden, der nije krêften út opsûgd, en joech him in befrediging dy't er yn lang net hân hie.

Mar dat gyng allegear wer oan smots de oare moarns, doe't

in jonkje út 'e tredde klas him in brief oerlange. In brief fan Lutske Westra, it koe allinne har hânskriфт wêze: rûn, iepenhertich, resolút en net sûnder artistike kwaliteiten, it koe gewoan fan nimmen oars wêze. Se hie dus in postillon d'amour fûn yn har ûnskuldige bliere buorjunge Ulbe Betsema, dy't gjin idee hie hokker delikate en gefaarlike dokuminten him tabetroud wiene, al naam er it gewichtigernôch. Doe't er de bern oan it wurk hie, makke er it brief iepen. Wêrom ek net, it koe bêst in saaklik ding wêze, dêr't se oer skreau, in bes of in dis yn 'e solo. Mar sa wie it net. Se fielde har net kapabel ta de altsolo, frou S. soe dat better kinne. Se woe gjin swierrichheden jaan (*yn it koar? yn syn persoanlik libben?*) en se woe (*dêr kaam it keal út it hok*) him net ta ûnfoarsichtichheid ferliede. Tige de groetnis fan Lutske Westra. Sa dyngen dy froulju dat - in bytsje dûbelsinnich, in bytsje teloarsteld en in bytsje edelmoedich de moaie morele rol spylje, en dêr moasten je mei klear sjen te kommen. Dat betsjutte tagelyk dat syn kantate oan smots gyng, nea de premiêre helje soe. Fansels, dy kantate koe doel op himsels wurde, - mar hy wist it ynienen: hy koe it stik nea losmeitsje fan har dy't him der ta *ynspirearre* hie. En dat keal út 't hok, as men dat goed lies, lies mei eftergrûnen en al, dan stie der dat hy in *foarsichtich man* wie, dat wol sizze: in benypte lytse boarger. Lutske Westra hâlde net fan foarsichtige manlju, en gelyk hie se ek noch. In man dy't neat foar har riskearje woe. Dy't him op 'e flakte hood en dy't sels - se wist dat net, mar froulju riede fier en fyn as radarapparaten - it plan opmakke hie om der dan yn 'e goedichheid mar in *freonskip-op-heger-plan* fan te meitsjen. De ûnrêst sloech wer yn grutte gjalpen troch him hinne.

Kaam dat troch de no foar de dea opskreaune kantate of troch it wierskynlike feit dat er har net wer beneikomme en

miskien net iens wer sjen soe? Kaam se wol wer op it koar? Sette se net samar op in moarn mei har folkswein fol koffers en wykeintassen nei Den Haach of Amsterdam ta om har ûnoarderlik bestean fan earder tiid wer op te nimmen? Wie der gjin kâns dat Bjinse Houtsma, de artyst fan it rûge wurd en it brede gebeart, nei dit kantate-fiasko syn trekken waarnimme soe? Hy moast in died dwaan, - dit mocht net trochgean, dit wie te gek om los te rinnen. Foarsichtich mocht er wêze (*mocht er dat net wêze, altemets, om wiif en bern?*) - mar in skytsek wied er net.

En dy frije middeis brocht er syn plan ta útfiering. It wie sa simpel as wat. Wypkje naam it yn alle gemoedsrêst (of like dat mar sa?) doe't er sei, dat er nei Roukama-state moast. Dat fanke hie earst mei in soad geweld dy solo sjonge wold en no gyng se der foar omlizzen, krekt no't it der op begûn te lykjen. Hinne en wer as de wyn, sokken. Hy roerde sels de oansteande triomf fan frou Sudema oan. Dy fekke gunde er dat nèt. *Koe men dêr wer efteroan.*

Foaral dy lêste set die it goed, hy learde grif al wat fan Bjinse syn akteurskeunst, en sa fytste er frij en sûnder euvelmoed dat op nei Roukama-state. Se seach ferheard, mar ek wer net sûnder in lyts glimke fan foldwaning, tocht him, doe't er dêr sa by de doar stie, net fier fan dy rododendrons fan dõe. Der wie fierder yn dat hûs gjin minske te sjen, se koene hjir altyd wol nei konferinsjes, gearkomsten en fakânsjearden wêze. Of libben dy lju hjir yn keamers ôfgryslke einen fan elkoar ôf, dat men elkoar net beroppe of berinne koe, en dat nimmen wist wat de oare die?

Earne boppe wie har keamer by dat balkon, by dy boekebeam, dêr't se him hinne loadste. Sjik genôch, tocht er. Of wiene dit de oerbliuwsels fan de perioade mei Bert? Hy sakke del yn in fauteuil, ree ta in lange en moedsume

feroveringsstriid en naam fan har filtersigaretten. En hy foel mei de doar yn 'e hûs. Se siet foar him oer, hy koe har knibbels wer ris bewûnderje en de rôk dy't dêr strak omhinne spand siet, har wide trui dêr't de eptige boarsten spand yn stiene, mar hy socht har eagen noch net.

- Net aardich fan dy, sei er, datst der foar omlizzen giest. It gyng om dy - it is skreaun om dy - en ik gun it frou Sudema net. Asto net wolst, giet it stomwei oer. Unberekkenber wie dizze frou, want ear't er syn oanfal, syn selsrjochtfeardiging goed op priemmen set hie, sakke se al ynelkoar. Hy waard der suver kjel fan, doe't se sei:

- Ik hie der fan 'e moarn ek al spyt fan. Mar ik woe dy net yn swierrichheden bringe.

- Do bringst my nò yn swierrichheden. Mar ik bin net bang fan swierrichheden. Foar 't earst seach er har no goed oan, en fuortdaliks sloech de brân wer troch him hinne. Mar hy bedimme him, hy wie der noch net.

- En dan dat oare, sei er. Do woest my net ta ûnfoarsichtichheid ferliede. Ik bin dus in foarsichtich man.

- Ja, mar dat is gjin skande. It is in goed ding, dat de leafde foar frou en bern jin boppe alles giet. Sa'n wylde fûgel as ik bin.

Hy die 't him net oan tiid om de gefoelens tusken ernst en hún te hifkjen dy't efter har wurden leine. De hoanne fan 'e leafde kraaide lûd yn him. Hy gyng nei de doar en draaide de kaai om. Hy naam har mei nei it útklapte opklapbêd, dat muzikaal pipe. Syn hannen trillen. Hy begûn by har trui en einige by har slipke. Hy soe sjen litte dat er nèt foarsichtich wie. Nèt in lytse, bange, benypte boargerman.

Heilsleger as alibi

Hy hie dus no Bert oerwûn en Johnny en Bjinse en de hiele mykmak oan ûnbetrousume en geheimsinnige manminsk, himsels derby. En doe't er yn 'e skimerjûn nei hûs ta fytste, tocht er dat it no wol tà koe. Want al wie it hastigernôch om en ta gien, te rjocht op it doel ôf en wie sadwaande it hichtepunt fan it feest net alhiel ta syn rjocht kommen, hy wist it no wol. Hy koe tefreden wêze oer syn dûbelde oerwinning, kantate en opklapbêd. En mooglik ek oer de wize wêrop. Hy hie sjen litten wa't er wie. De flotte-jonges-toan wie yn him fearn. De hoanne hie goed kraaid! En as er him no weromloek, krekt op 'e tiid, *kraaide der gjin hoanne nei* en hoe't it letter kaam, dat seach men letter wol. Wat him ynearsten te dwaan stie, wie oars neat as de spoaren útwiskje, him liep oan ferfelende fragen en konsekwinsjes ûntwine. Hy moast op syn iepenst wêze en dus de taktyk fan goede húsfaderkostwinner spylje.

Mar doe't er thúskaam wie it gâns oars as er ferwachte hie. Hy hie ryklik trije oeren fuort west en dat is yndied lang, as men allinnich mar in oerhearrich koarlid ta de oarder roppe hoecht. De keamer wie leech, der stie neat klear. Hy hie hunger. De kachel stie op lyts. It hûs like ûnbewenne. Hy kroaske nei boppen en fûn Wypkje op bêd (*it twadde bêd dat er dizze middei piipjen hearde, mar hoe gâns oars, hoe oatmoedige ûnmuzikaal pipe dit twadde bêd!*), sêftkes snokjend en skokskouderjend. Hy loek earst noch oan 'e skouders en woe nei ûnderen, de hunger pleage him, mar hy fielde dat dat gjin styl wie. Allinne: wat wist se, - wât wist se net - en

wat wie allinne mar fermoeden, yntuysje?

Hy gyng op 'e bêdsrâne sitten en sei sa ûnskuldich mooglik:

- Wat is der oan, fielt dy net goed?

Snokkerjen wie it antwurd. Hy wachte in skoft en sei doe nochris:

- Wat is der oan, wêrom dochst sa?

Se kaam heal oerein en seach him oan, ferneatigjend:

- Hiele middeis by dat froumins sitte en dan nòch freegje, wat is der oan.

Hy seach har eagen, reade rânren, wanhope dy't der yn opljochte en glinsteringen fan haat. De hate fan Jisse Himpenius. Skiere, ûnbetsjuttende eagen eins en no dochts slim fanatike Himpenius-eagen.

- Mar leave, wat kwea stekt dêr yn? Hy lei har de hân op 't skouder, mar se warde dat ôf.

- Kwea? Nee, neat. Ast har leaver hast as my, sis it dan, dan kras ik wol op.

Efkes skeat in grandioaze oplossing troch syn brein. Jezus, tink ris ta! Mar hy sei:

- Hoe komst derby, dat ik har leaver ha? Ik wol har alhiel net hawwe. Der falt niks te hawwen. Ik ha dochts sein wêrom as ik dêr hinne moast? Se soe myn kantate yn 'e hobbeltje. Dat haw ik rjochtpraat. En dat naam tiid. Oars neat.

- Oars neat, oars neat... fint gean wei, do bist al tiden gek op dat frommis, dy sloery... dy...

- Hoho, sei er op in bestraffend toantsje, wat jout dy it rjocht om sà oer har te praten?

- Tochtsto dat ik net wist wat dat foar soarte is? Poe, de wyldens strielet har ommers ta de eagen út. Dy hat al safolle manlju de kop gek makke, dêr is hjir op it doarp genôch oer bekend. Troud hat se ek noch west... dy... dat...

Snokkerjen.

Hy draaide him om en gyng oerein, nei it finster.

- Do moatst earst ta rêst komme - dan sille wy de saak rêstich beprate. Mar leau my, der is neat oan 'e hân. Niks. Hy wist sels net oft dit no wol oertsjûgjend genôch klonk. In stim ferriedt sa maklik en in frou dy't op har iepenst is, hifket yn milligrammen. Hy bleau noch by it finster stean.

- Wêrom bedonderst my? sei se noch, mei brutsen lûd, amper te ferstean. Haw ik dat oan dy fertsjinne? Sis it dan earlik. Ik bin net sa wis fan myn eigen bêstens.

- Ik bedonderje dy net (*giet nei de doar ta*). En ast yn goedens nei my harkje wolst (*kruk yn 'e hân*), sil ik dy alles fertelle (*Rint wer op har ta, wifket, docht in stapmannich, hâldt wer yn*).

- Alles...

- Ja, alles, en dat alles is niks.

Se snokkere noch wat nei en sei doe:

- Goed, ik sil harkje.

- Ik hie dêr in boadskip, dat ha 'k dy al sein. Sy hie har yn 'e holle helle dat se dy solo net sjonge koe. Ik ha dy ek sein, ik woe dat wiif fan Sjoerd Sudema der net yn behelje - dy wurket my stikem tsjin (*komt sunich nei it bêd ta, tinkt: mei driichbrieven, ja*) - dy gunt it har net, Lutske (*dêr hiene je dus dy namme*). Se hat in ferdomd moaie stim en fielt de solo tige goed oan. Ik ha har dus oerhelle om wer mei te dwaan. Ut eigenbelang. Ut bleat eigenbelang en niks oars. Do witst, ik haw dy kantate nedich. Om... no ja, miskien begrypst it net alhiel, mar it is in wurkstik, in kréatyf stik eigen libben, dat men kwyt wol, dat in bedoeling hat, dat nei de minsken ta moat...

- Moast dat trije oeren duorje, earst har safier hiest?

(*Nee, hiest har gâns earder 'safier', goare sinikus.*)

- No, al gâns in skoft. En doe rekken wy sa wat oan 't

praten. Wêroer? No ja, oer fan alles, oer sa'n doarp, oer it stik, oer de muzyk... Se is nochal sljocht op muzyk.

- By in jazzorkest, sei se smeulsk (*in goed teken oars*).

- No ja, mar dat seit net safolle. Benny Goodman, hied er sizze wold, dy spilet ek Mozart, en Mr. Bach goes noch altyd to town, mar wat joech soks?

- Wy hawwe te lang praat.

- En 't wie sa gesellich, smeulde se wer, do fergeatst de tiid. En fergeatst de ôfspraak mei de fersekeringsman.

- En do bist jaloers. Hy ferlear syn geduld, dat haatlik ferwar prikele him, mear as triennen. Boppedat, ôfspraken mei fersekeringsmannen binne der om fergetten te wurden. Dy komme wol wer lâns, dêr binne se foar.

- Ik bin mar in sjutsje, sei Wypkje, en ik kin fansels lang net tsjin sa'n artistike dame op. Mar ik bin dochs wiis genôch - se kaam mei de boppe-ein omheech boppe de tekkens út en krige wat fan in bittere profetes, o wat wie se meager en suterich fan fel - ik warskôgje dy, stoarje dy net blyn op dy... op dat...

- Dat doch ik net, sei er slop. Hoe komst der by?

- Hoe't ik dêr by kom? Tochtsto dat ik neat fernommen hie? Do bist oars as oars. Ofwêzich. Do pakst hjir of dêr mei om. Do fersitst in bus en komst rinnende wei thús - hast oait fan dyn libben earder in bus fersitten? Do stiest as earste by de halte en sitst as lêste yn 'e bus - do litst dyn tas yn skoalle lizze - do bliuwst lang wei nei 't sjongen - do krigest in lift fan Bjinse Houtsma, dy't dan al lang en breed yn 't sikehûs leit.

- It wie de feint fan Bjinse, sei er hastich, dy ried yn Bjinse syn auto.

- Do hast gjin oandacht foar ús bern en net foar my, do rinst mei wat om. Ik wit wol...

- En wat betsjut dat allegearre, sei er, him ynhâldend, mar ynwendich triljend (*wat wist se, wat wist se net, kaam der aansent net in ferpletterjend bewiisstik, in geheimsinnich briefke foar 't ljocht: Pas op jo man? Dy is net los fertroud?*) As ik hjir of dêr mei omrin, goed, lit ús sizze dat dat sa is, mar... moat dat dan perfoarst om in froumins wêze? Do soest my doch better kenne. Haw ik oait...

- Ik wit wol, prate se by him lâns, dat ik mar in sjutsje bin, ien dy't altyd wurch en altyd heal is, dy't it wurk net oan kin, dy't... mar do hast my sels ha wollen, do hast alles dien om my te krijen... De ûnderste stien moast boppe...

- Allegear wier, mar wat betsjut dat no, wat bewiist dat?... Wa seit dat ik dy kwyt wol? (*Skreaut wer te lûd, bynt yn*). En jou asjebleaf antwurd op myn fraach: As ik mei wat omrin, moat dat dan perfoarst om in froumins wêze?

- Wêr dàn om?

- Wêr dàn om? Wêr dàn om? - Goed, ik wol it dy wer útlizze, mar ik freegje my ôf ast it oait begripe silst, sels nei in útlis fan oardel oere lang...

- Welnee, sjutsje is ûnnoazel, sjutsje begrypt neat...

- Sa moatst net, Wypkje (*komt tichter by it bêd, giet op 'e râne sitten*). Moat ik it sizze of net?

- Ik begryp it ommers doch net, ik begryp doch noait wat... Wer gûlde se it ynienen út, wyld en ûnbehearske en biet yn 'e punt fan 'e tekken.

- Do kinst it wol begripe, ast mar efkes al dyn wantrouwen oan 'e kant leist. Ast mar goed harkje wolst en net nuver dwaan en dy sa oanst..., en dy dingen yn 'e holle helje dy't der net binne.

Se fermanne har, droege de eagen oan it lekken en bleau rjochtop sitten. Hy skikte tichter by har.

- It sit him yn 'e muzyk. Dêr sit alles op fêst. It is my no

dúdlík wurden, mei en troch dy kantate. Ik hie yn 'e muzyk moatten. (*As er net leare kin, mei er yn 'e muzyk.*) Dat is it iennichste dêr't ik wezenlik belang by ha. Dat hat altyd sa west, fan myn tsiende jier ôf, mar ik haw it altyd mar wer fan my ôfskood. Jild fertsjinje, begrypst, in posysje hawwe, in goed en nuttich plakje yn 'e maatskippij, in achtenearre steatsboarger. Muzyk is gjin iepenbier nutsbedriuw.

- Mar, ûnderbriek se, dat kinst dochs as leafhabberij dwaan?

- Krekt as in oar in folkstúntsje of in postsegelalbum. Mar dan moat ik dy doch sizze, it giet hjir om grutte dingen, om wezenlike dingen, om dingen dy't de persoan útmeitsje. Eksistinsiële dingen. Krekt - harkje no goed - krekt no't ik it dus as leafhabberij doch, mei dat ûngelokkige rotkoar, fiel ik wer hoe't dit, no ja, tekoartsjit sis mar. Ik wurkje no foar dy Dútse akte, en 't soe moai wêze as ik it takomme jier helle - wer in trime heger op 'e ljedder... Excelsior, aloan hegerop! Mar ik kin fan dat hiele Dúts wol spuie, grammatika, schwere wörter, Heine en Schiller... Ik kin dy dit sizze (*ferbaast him oer de genialiteit fan syn útfynsels, set der in ferheven, dramatys gesicht by*), dy jûns doe't ik de bus miste, haw ik alhiel net nei kursus west, allinne mar yn 'e stêd omrûn, fan it iene park nei it oare, op brêgeleuninggen sitten en yn finsterbanken en oan it wetter, oeral. En it muzykkorps (*o hillige ienfâld fan de fantasij*) fan it Heilsleger wie my as muzyk genôch, às ik mar fan dy smoarge kursus ôfkomme koe.

- Dy't ús no al safolle tûzen gûne koste hat, smiet se der tuskentroch. Weismiten jild, yn har each.

- En dy't ús noch mear kostje sil, as ik der net mei ophâld. It leit my net, ik fiel der neat foar. It is myn bestimming net. Der is mar ien ding...

- De muzyk, ja. En wat woest dêr dan mei dwaan?... Komponist wurde? Earmoed lije? (*net safier misroaid, hy moast it tajaan*).

- Sjoch, dat is in ding, dat kin men besjen as men in beslút nommen hat. Ik bedoel: asto der foar iepen stiest. Mar do stiest der net foar iepen. Do tinkst oan de breawinning en oan it baantsje...

- Of noch mear rotkoaren op dyn noed nimme...

Dit wie fansels gjin diskusjepeil mear, mar hy besocht dapper fol te hâlden:

- Dy dingen dêr giet it no noch net om. It giet der noch mar allinne om datsto der foar iepenstiest, datst mei my lykop tinke wo'st oer in oplossing, der wat fan begrypst. Ik rin om mei dy kantate yn myn siel - dy kantate (*it wurd komt my sa njonkelytsen ta de strôte út, mar hawar*) dy moat my wat bewize, dat is myn proefstik, myn identiteitsbewiis.

- Mar bêste jonge, haw ik oait kwea fan dy kantate sein? Ik hâw der neat fan sein, omdatsto my der bûten hâldest. Do hâldst my bûten de dingen, do libbest dyn eigen libben en litst my... it gûlen kaam wer neioan... mar oanpiele... sjochst net nei my om. Der hinget hjir yn 'e hûs al dagenlang in spanning dy't hast net te dragen is, en woesto bewearre dat dat allinne fan dy kantate komt?

- Net allinne fan dy kantate, mar fan it feit dat myn hiele besteansrjocht der mei op it spul stiet. Elke man hat wolris sa'n krisis, dat er him ôffreget, sit it wol goed allegear, kom ik wol ta myn rjocht, bin ik wol dy't ik wêze moat.

Se die der it swijen ta, it petear rûn yn algemienens dea, se soe dit earst ek ferwurkje moatte.

- Dat frommis..., sei se noch, doe't er wer by de doar wie. Hy draaide him om nei har ta, fan doel om dan sels mar wat gear te brouwen yn 'e koken, en sei:

- Dat froumins kin om my nei de ferdommenis fleane!

En dêr hiene je it dus: Wypkje dy't, nei syn moaie taspraak, dêr't ferdomd as 't net wier wie, ek noch gâns in stik wierheid yn bemjukse siet, ja dêr't er al pratende en formulearjende wei de steat fan syn eigen libben yn ûntdutsen, bleatlein, dêr't er syn eigen riedsels yn útinoartearde hie, dochs noch nei dat froumins weromkearde. En hy, dy't net allinne Lutske ferleagene troch in berop op 'e Ferdommenis, mar ek himsels. In froumins dat jin ûnferskillich is, stjoert men net de Ferdommenis yn. Dat docht men allinnich ien dêr't men krekt tige ticht by west hat, dy't men yn har yntimiteit ûntdutsen hat, dêr't men jin skuldich om fielt. Hartstikke skuldich. Mar skuldich nei twa kanten ek noch.

De bêste medisyn

Sjudêr dan it begjin fan de ein en tagelyk de ein fan it begjin. Hy hie de kâns hân om earlik te wêzen, om gewoan te sizzen: Wypkje, ik bin net alhiel frij fan Lutske Westra (of miskien: ik bin sljocht op Lutske Westra) en lit my no mar, it sil fansels wol oerbetterje. Elke man hat dat wolris yn syn libben en hy hoecht dêrom noch gjin ferkearde dingen te dwaan of in ferkeardenien te wêzen, hy hoecht it allinne mar mei himsels út te knokken. Elke man wol wolris mei in oare frou op bêd. Hy wol it en hy docht it *soms*, mar hy wol it *altyd*. En dat is sa simpel as wat: oan syn eigen frou falt neat mear te feroverjen, dy is der al, dy jout him net mear it gefoel dat er sûnde bedriuwt, en dat gefoel fan sûndebedriuwen kin er net sûnder, net alhiel, net altyd. Mar dat betteret altyd wer oer. Meastal.

Dat hie de earlike en keninklike wei west en yn dat gefal hie it ferswijen fan wat der nyskes bard wie, ek noch gjin ramp west. Mar hy hie op it beslissende stuit dy earlikheid net oandoarst. En wêrom net? Gewoan út meilijen, om't er har sparje woe. Om't er te folle fan har hâlde om har sa'n soad fertriet te dwaan. Faaks barde der no ommers neat mear, bleau it hjirby en rekke Lutske Westra út syn eachweid, al soe se foar de foarm dan noch dy kantate sjonge. En wêrom dan sliepde hûnen? Mar it die al gau bliken, hy hie Wypkje net oertsjûgje kinnen fan syn nommele bedoelingen. Of miskien ek wol, mar dochs hied er har oan it ferstân brocht, dat der wat mis wie yn syn libben, dat er hjir of dêr oan litte, en sa hied er dus ek it bewitten fan har eigen

tekoart yn har wekker roppen. It wie hâr skuld, sij koe him net genôch jaan, se wie mar in sjutsje, ensafuorthinne. Hy seach har as yn in dream rûngean en har dingen dwaan. Hy seach hoe't it fertriet op har gesicht nestele, yn alle hoeken en hernen, yn har fel friet en har meagerder en ûnsjogger makke as se ea west hie. In útbloeide blom wie se, dy't sà fan 'e stâle falle koe. En hy hie hjir gjin ferwar tsjin, om't er him mei syn leagens en oare útfynsels folslein fêstwrotten hie. Mooglik leaude se dat fan dy muzyk (it wie ommers foar in part wier, al hied er skriklik oerdreaun en dramatisearre, of miskien better: téoretisearre), mar se socht der no dochs wat oars efter: in tekoart, in ûnbefredige wêzen, in tekoartsjitten fan harsels. Se hie bygelyks sizze kind: Do fielst dy net noflik yn ús houlik en dat taast dyn tefredenheid oan, ek dy yn dyn maatskiplik bestean. It skoalmasterskip is dy dêrom te min, do wolst dysels earne yn befêstigje en sa falst werom yn in puberteits-yllúzje. En ik, sjutsje, kin dy net helpe, om't ik dy lichaamlik net bekoare kin, al lang net mear en om't ik dy ek yn it geastlike net de spanningen jou dêrst ferlet fan haste. It docht der neat ta, ofsto no dy spanningen sikest yn 'e muzyk of yn wrokJen oer miste kânsen of do sikest it yn 'e leafde foar in oare frou, ien dy't dy dy spanningen wol jaan kin, just om it ferbeane derfan.

Dàt hie se bygelyks sizze kinnen - en út dy redenearring wei hie der faaks wat te rêden west, fannijs op te bouwen, troch praten, troch de dingen ûnder it each te sjen, punt foar punt. Mar se sei dat net, want se wie der net ta yn steat, sels net mei help fan al dy probleemromans dy't se lêzen hie sûnder dat se wat fan har wêzen yn beroering brochten. Se wie ta oars neat mear yn steat as lije en weikwine en treast sykje by Jisse tsjin har ûnmacht om de dingen ûnder it each te sjen. Se wie gjin heldere tinkster, gjin eigen persoanlikheid,

se hie altyd tsjin him oanline, har hâldingen en mieningen oan sines ûntliend. Se koe dit dus ek net yn reedlikheid ferarbeidzje, en al syn besykjen, al syn goede wurken en wurden, it rûn dea op in muorre. Op 'e ûnmooglikste tiden fûn er har op bêd, mei strakke, ferlutsen trekken en bestjurre triennen, stoarjend yn it neat, yn in grize leechte. Griis, dat wie de kleur dy't om har hinne ware, dy't har bestean útmakke. Kleie oer pine yn 'e holle of wurgens, dat dyng se net: op dat punt begûn har grutskens, har stiifkoppige, ferflokke grutskens, dy't yn 'e grûn neat oars wie as selskwelling, selskwelling út skeinde eigenleafde, en dy't makke dat se fan gjin dokter hearre woe: wat moat ik mei in dokter, ik wit sels wol wat my skeelt. En dan mar wer besykje om it út te praten, in ein hannelulle: Leau my no, der is neat tusken dy frou en my. Ik mei har wol lije (*bedoeld: ik hie har doe net nei de Ferdommenis winskje moatten*) en dêr skamje ik my net foar. Mar fierder is der niks. En dan sij wer: Dêr giet it ek net om. Dit libben foldocht dy net. En dat is myn skuld. Punt út. En dan hy dêr wer tsjinyn mei wiidweidige téoretise ferhannelingen oer syn muzykplannen, oer de akte, oer in *oare basis*. En as er dan oan 'e ein fan syn konstruksje wie, dan kaam se ûnferbidlik wer fanwegen mei in tsjustere of haatlke sinspiling op Lutske Westra, dêr't it neffens har sizzen fan niiskreksa just hielendal net om gyng. Se hie har dêr dus yn fêstbiten (mei rjocht, fansels), mar woe it net wêze. Of se hie yndied wat opheind, praatsjes heard, in geheime brief krige út 'e tsjustere koker fan frou Sudema-Anonyma. Hy wist it net, hy kaam it net te witten. Se liet gjin wurd los.

It lei folslein beslach op syn tiid. Help mocht der net komme, ek net dy allinne-steande doarpsfrou, dy't earder tiden wolris in skoft holpen hie en dy't wol wer komme woe.

Hy skarrele dus in grut part fan syn tiid yn 'e húshâlding om, beävensearre Jisse, sea it iten, stofsûgere en makke de bêden op, as se belies jaan moast. De kursus hood op, dat hie no gjin doel mear. De sjongjûn wie noch it iennichste wat him barre mocht, dêr't er him oan fêstklampte. Soms seach er dêr ek gjin heil mear yn. Dan rûn er it lokaal út, om in ein te gean, yn 'e novimberjûn, oan 'e mar ta, dêr't in mins it suver bestoar fan trystens en benearing yn dy godfergetten oarde, dêr't by 't simmer de syljachtsjes har spultsjes boarten mei wyn en weagen, mar dêr't no de dea rûnware en de hjerstwyn him it brûs yn 'e eagen blies. Hoopjend dat Lutske him efternei komme soe, mar dy wist wol better plak. Thúskommen fûn er Wypkje yn har suterige pyjama, sittend by de kachel, mei in âld sjaal om holle en nekke, de ynsonken eagen stil fermoedzjend, beskuldigjend. Hy makke har net wizer.

Mar it kaam safier, dat se der net mear ôf koe, en dat de dokter dan mar komme moast. Dokter Haan ûndersocht har fan top ta teil, fûn tekens fan swakte, bloedearmoede en befûn har meager en fertutearze. Se liet sels neat los, mar Haan fielde fansels wol dat de dingen yn it psychise flak leine. Se moast der eins in skoft út, sei er ûnder tsjin Hindrik, yn in herstellingsoarde foar oerspande troude froulju of sokssawat.

Hy sei:

- Der is gjin salve oan te striken, dokter. Se wol net meiwurkje, ik haw datselde witoefaak sein. Ik wol 't jo wol sizze dokter... ik ha, no ja, lit ús sizze wat bûtenechtliks oan 't hantsje... hân. En dêr kin se net oerhinne komme. Dêr sit de oast.

De dokter knikte: Ik wit der alles fan (*hoe bedoelde dy man dat: fan Lutske of fan syn eigen ferliedlik doktersbestean?*), mar

dit is sa'n frou dy't dêr no ienkear net oer kin. Jo sille jo wat mijne moatte. Wat kalmoan yn dy dingen.

- Dat doch ik al.

- It is myn persoanlike saak net, ik bin sels ek gjin hillige, ferfette Haan, mar der geane yndie praatsjes oer jo, ik sis it mar. Jo sille der mei oanpiele moatte, it komt op jo oan. Ik kin oars net dwaan as wat medisinen foarskriuwe. Mar de bêste medisyn leit hjir earne oars.

Dat wie dan ek in moaie suver klassike formule.

- Dat sil't wol, sei Hindrik.

- Ik ha wol it idee, de dokter wer, dat jo frou geastlik en lichaamlik net sa botte ryp is foar in houlik mei spanningen... of ryp... it is net in kwestje fan ryp... earder ûngeskikt.

Dat wie dan dus de befêstiging fan âlde Himpenius syn warskôgjende retoryk. Moai, soks te hearren!

En dy sneinoerdei dan kaam de befêstiging nochris, want dêr hiene je heit en mem Himpenius yn in taksy en dy soene wol efkes oarder op saken en puntsjes op 'e seedlike i sette. Wypkje libbe der suver fan op, want allinne fan har altyd hoedzjende en noedzjende mem woe se help oannimme. It wie allinne net dúdlik, wêrom't dy heit dêr ek by moast. Of eins ek wol: En dêr hiene je it al, middeis nei 't teedrinken:

- Ik haw it dy altyd al sein, Hindrik, mar do woest it net leauwe. No sjochst it dan. It klonk nochal gemoedlik, mar pas op. Hy wachte ôf en réagearre net.

- En no is it dan safier. (*Lytse driging yn it feninich mûltsje sûnder boppetosken*). Hindrik wachte noch, mar der groeide spanning. It lyts mantsje mei de knipende eachjes kaam tichter by:

- Earst har ús ôfnimme, har gewoan twinge om mei har... Hast ús warskôging yn 'e wyn slein. Doe twa kear in bern...

en no har sûnens op dizze wize ferknoeie...

Hy draaide him om, syn hert kaam yn opstân, mar hy woe de hannen thúshâlde:

- Sis it mar, sei er, mei de rêch nei Himpenius takeard, sis it mar. It wie in soarte fan treiterjen.

- Do witst it sels blikstienderse goed.

Dus, dus noch gjin praat oer oare froulju, faaks hie dat punt dêrboppe noch net oan 'e oarder west. It klonk sels wat swak.

- Mar... mar..., sei de man efter syn rêch noch, tenei bliuwst fan har ôf, begrepen? Litst har gewurde!

Hindrik fette it noch net: fan wa ôfbliuwe? Mar it waard wol dúdlik:

- Ik set in bêd op dyn studearkeamer, ast dat begrepen hast.

Hy gniisde, Hindrik, hy gniisde lûdop, dit wie dan dochs de hichte wol, dit grouwélich misferstân, hy dy't Wypkje mei syn seksuële sinnen hjitfolge, har gjin minút mei rêst liet... Hy de omnipotinte bêdgonger, dêr koene je allinne mar mear om laitsje, dêr wie gjin praten tsjin. Hy soe dit mar yn goedens oplosse. Hy sei:

- Heit kin my gjin grutter deugd dwaan.

En doe wie it alhiel mis. Efter syn rêch, wylst er nei de keamersdoar gyng en dy iepenloek, stadich, om himsels yn 'e stokken te hâlden, hearde er de âld man yn flokken en rachen útbarsten.

- ... wel ja godfer... dat ek noch... har yn 'e steek litte... har oan har lot oerlitte... godfer...

En doe stie er al bûtendoar, yn 'e hjerstige eftertún.

Frij man yn it koalehok

Hy wist net wêr't er hinne soe. De skoalkaai hied er yn 'e bûse, mar der barnde gjin kachel en hy hie dêr ek neat te ferstriken. Hy koe de bus nimme en nei stêd gean, dêr wat ite by de Chinees en jûn nei in film ta. Hy fielde him dit sneinneimiddeisskoft wûnderlik frij, net lokkich, mar frij te moede. Hy koe nei Roukama-state gean, of op 'e fyts nei Harm en dy. Hy koe nei de mar te kuijerjen. *Hy koe alle kanten út.* It einbeslút wie dat er alhiel neat die. Hy stie bûtendoar, efterhûs, yn in klamkâlde dize, hy stie by it jiskefet, letter by it lege kninehok en op syn ikkerke bou. Hy stie mar wat yn 'e fierte te stoarjen, hy liet de minuten ferglide en, nei't him tochte, de oeren. Hy hie him troch dy twa njirren yn ferbûn mei syn frou en in poarsje misferstân ta de hûs útdriuwe litten en in moai man dy't him der de earste oeren wer yn krige. Hy fielde him frij en hie tagelyk begrutsjen mei himsels. Dit lêste aventoer hie ommers syn skuld gjin oanpart yn, dy lei earne oars en wât fan dy skuld alteast waard hjirtroch dylge, as men it goed beseach. En hy betocht, hoe'n moai ding as it wêze soe, as se de doarren, àlle doarren efter him yn 't slot of op 'e skoattel goaie soene. Mar sa gek wiene se fansels net, en doe't it nei oardeloere omhingjen yn de al suver winterske tún en yn it koalehok mei de fytsen, amers en skrobbers, lûkerich waard, sette er op 'e efterdoar ta en besocht yn syn eigen domein wer thús te wurden.

Nimmen sei in wurd tsjin him. It wie stjerrende stil yn dit hûs, syn hûs. De skoanheit siet yn in noflike stoel en prakke-

searre stoef oer it leed dat syn teare dochter no wer oandien waard, mooglik wist er no al fan de tredde-yn-'t-spul en hied er foar sok in ûnbidige skande noch gjin wurden fûn dy't in Himpenius-retoricus weardich wiene. Dat der waard net praat, it like in hûs dêr't immen op stjerren lei. Sels lytse Jisse - hy koe it stuit ferflokke dat er grutsk as wat dy namme yn it gemeentehûs oer de toanbank soald hie - paste him by de stilte oan. Tsjin breatiid toffele de skoanmem, ronfelich en lyts, rûngear fan soarch en fertriet, nei ûnderen en makke wat klear. Elk koe him mar rede. In sneintejûn waard dit om fan te janken. In sneintejûn, just. No, hy sòe. De jongfeint, de puber, de adolessint waard yn him wekker, de plattelânse seden lieten har nochris jilde: der foel fan alles te belibjen as je de frijheid keazen of krige hiene! By healwei achten wie it, doe't er syn fyts út it hok skode en dat út sette nei Roukama-state. De reis sels wie syn safolste gefjocht mei de moraal.

De moraal wûn it by tafal. Neist de hússide stie de gloednige Saab út Sweden fan Bjinse Houtsma, en dat makke syn sin net better. Hy flokte, en speurde yn it hurd oanwinnende tsjuster om in plak dêr't er feilich de fierdere gong fan saken ôfwachtsje koe. Yn 'e hûs hiene jo dus gjin taflecht mear en de oare wei, de wei nei de oare, wie ek ôfskoattele. Hy fielde himsels in kloat, dy't alle kânsen ferspille hie, troch ferkeard spyljen, troch falsk spul. Mar der waard in razende jaloersens yn him wekker, en ek in gefoel fan nije spanning, wat fan in Grutte Wrakseling soe men sizze kinne, in machtige einstriid fan sterke goaden, in Götterdämmerung, tsjin in wylde Noardske himel, kompleet mei Wagner en Walküren en mistflarden oer in fjord. Yn de foarkeamer barnde skimerljocht, tocht him, tusken de gerdynskreven troch. Boppe, dêr't er har keamer wist, dêr't er sels west hie en syn

net al te royale oerwinning befochten, wie alles tsjuster. En dat wie sa goed sa kwea. Hy besleat te retirearjen, hjir op it boerehiem gjin risiko's te nimmen. Earne yn 'e omkriten wist er in hikke tusken wat beammeguod. Efter dat beammeguod koed er de pleats en de auto yn 't fizier hâlde sûnder sels sjoen te wurden. De hjerstnacht flijde him oer it gea en hy siet op 'e pakjedrager fan syn fyts en smookte de iene sigaret nei de oare. En hy fantasearre yn dryste bylden wat him dêrjinsen ôfspylje soe, yn de grutte ryk bemeubele heareboerskeamer, dat makke syn ûnrêst en syn woede almar grutter. Op 'e ryddyk efter him knettere it bromfytse-jongfolk it aventoer fan 'e sneintejûn temjitte. Dat soarte hearde hy no ek by, allinne wat dimmener, wat mear yn eigen tragyk besletten. Syn keunst fan dûnsjen koe nammers ek gjin sprekken lije. Ryklik oardeloere moast it duorje ear't der feroaring kaam. Yn 'e sydgevel fan Roukama-state gyng in doar iepen en yn 'e fal fan it bûtenljocht koed er Lutske en Bjinse sawatsawat ûnderskiede, hy rette 't mear as dat er it seach. Letter like it him ta, se rûnen om 'e nije auto hinne dy't yn 't ljocht justjes helderder opblikkere. It *soe* noch saaklik wêze kinne, yn ferbân mei de folkswein, betocht er. Mar wa hannelt sokke saken op sneintejûn ôf sûnder bybedoelings?

Hy sette syn fyts tsjin in pealtsje en wâde troch it sompige lân dat út nei de pleats. Mist loek yn flarden foarby, en liet soms it sicht op in feale moanne frij.

Hy makke in omlûkende beweging oant er foar in sleat kaam, it wetter blonk flau op yn it tsjuster. Hy wie no út it sicht fan de beide dêrjinsen en skatte de ôfstân. In wiete foet koed er aventoerje. It slagge, al wie't wikkerdewik, mei ien skoech yn 'e weake dridzige ûnderwâl. Doe naam er de folgjende eker en skarrele dwersoer op 'e folgjende sleat oan,

dy't ticht njonken it weinhûs lei. De sleat wie gâns wider, mar hy fûn in planke. Op 'e teannen skode er der taastenderwize oer en wachte doe in skoft. It ljocht barnde noch. Mar hy hearde ek ynienen it starten fan de motor en seach de grutte ljochten opgloeien yn it beamguod om hûs hinne, syn freonen de rododendrons. Doe sloep er by it weinhûs lâns en kaam om 'e hoeke op in meter of seis fan it reau te stean. Bjinse siet al efter it stjoer. Sij bleau bûten, bleate earms (einfel, rette er) oer elkoar en bûgde har nei it portier. Wat der sein waard, koed er net ferstean. Stadich sette efkes letter de wein him yn beweging, efterút. Se wykte fansiden en weau him nei. Mar doe hie Hindrik de stap der al ynset en har de pas ôfsnien nei de doar ta, presiis op tiid, op 'e heale sekonde. Doe't Bjinse de daam út kriemde, stie er efter har. Hy koe har suver oanreitsje.

- Lutske, sei er sa sêft mooglik.

Se waard kjel en draaide har mei in skok om. Yn it ljocht fan de lampe boppe de doar seach er har fan eangst ferlutsen gesicht.

- Ik bin it mar, sei er.

- Do Hindrik? Se hime der oer. Wat dochsto hjir?

- Ik woe graach efkes mei dy prate, sei er sunich.

- It past my net. Us heit en dy sitte yn 'e keamer. Mar wat is der?

- Alles is mis, sei er, folslein yn 'e war. Hy wist net mear. Wat moast dy Bjinse by dy, hied er sizze wold. En: pleagje my net sa. Mar sij hie de dingen al wer foar 't ferstân:

- Ast in gaadlik boadskip betinke kinst, kom der dan mar efkes yn. Oer dy kantate.

Dy ferdomde kantate, tocht er panikerich, doe't er efter har oan de gong yn rûn. Dy kantate dy't myn hiele libben yn trewyn brocht hat. Mar hy taaste al nei in stikje muzyk-

papier dat er miende er yn 'e binnenbûse hie. Ek diskear soe dy kantate útrêding bringe. En yn dy lange, djoer útriste gong steande hearde er Lutske troch de keamersdoar praten fan master Visser en sjongjûn en kantate. Dwers troch dy spanning seach er yn syn ferbylding de ferhearde eagen fan dy beide âldelju: de twadde manspersoan al op ien sneintejûn, dit gyng stoefernôch, en hy betocht der ek noch by, dat gâns earsten de lêsten wêze mochten neffens it bibelwurd, en dat joech dan wer wat ferromming. Se kaam werom en gyng him foar nei boppen en liet him yn har domein. Se draaide de ferwaarming op heech en dêr sieten se dan beide yn in djippe stoel, in Bertstoel of in Johnnystoel, en hy eage de foto's bylâns en de twa skilderijen fan moderne masters dy't him de oare kears net yn 'e wei west hiene. Hy stie dus wol op skerp. En hy seach har oan, der wie in trek fan earnest of drôvens yn har eagen dy't no dochs wier wer te ticht byinoar stiene. Mar wat ynfierens hie se ek, dat net fuortdaliks paste by de needsaaklikerwize flotte omgong mei de bonvivant Bjinse Houtsma. Hy sette him teskoar en begûn syn ferhaal:

- It is mis by my thús. Skoanâlden oer de flier en dy de leie yn 'e hannen. Ik bin der suver útjage, nee, flechte.

Se seach him ernstich oan mei har grutte donkere eagen en knikte.

- Dat is net bêst, sei se nei in skoftke. Ik hoopje net datst my de skuld joust. Ik haw noait fan doel west om dy by dyn... Se wifke efkes, as woe't wurd har mar mei lijen oer de tonge. By dyn frou wei te heljen.

- Dat is dyn skuld ek net, sei er deemoedich. It is gjinien syn skuld. Hy besinde him, dat er tsjin Lutske noait oer Wypkje praat hie, - har allinne as 't net oars koe, oantsjut mei dizenichheden lykas: thús, yn it skoalhûs, dêrjinsen. Hy

moast dus no lang om let foar de moard útkomme en opbychtsje wat se fansels al lang wist: in gewoane man mei in gewoan ûngelokkich houlik, it âlde ferhaal, dat se al sa faak heard hie, yn de Bert- en Johnnydagen, en dat him sa maklik fertelle lit, as der wat mei te berikken is of liket. Hy hie it al earder dwaan moatten, no koed er der net oer gear komme. It woe net flotte. Mar nee, ynienen wist er dat er it ferhaal al ien lang twa breed dien hie, dy jûns yn it kafee yn 'e stêd, al hied er doe har namme, Wypkje, en it lytse grêf ferswijd. Hy moast dus oppasse mei syn wurden, syn tinken wie net al te helder mear. Ien misse set en alles wie ferlern. Se seach him noch altyd oan mei grutte eagen (*wat fan meilijen, fan tagedienens? of fan ferwûndering út net begripen? fan ûngeduld no ek? Wêrom avensearde er no net, wêrom sobbe er sa lang en ûnhandich op in pear wurdsjes en breklike sinnen om?*) - Se hie de fingerseinen ûnder it kin byinoar, in hâlding fan neitinkend ôfwachtsjen, mei dochs in swymke fan: komt der noch wat? Hy moast it dan mar oer de boech fan de oergeunst spylje, dat wie tenminsten rûnút, en Wypkje rêste litte.

- Ik soe dat bêst ferneare kinne allegearre, sei er, as ik mar wis wie fan dy. Mar...

It ferhaal heakke al wer. De geast fan Bjinse Houtsma húsmanne hjir noch earne troch it hûs om, troch dizze heare-boerepleats mei syn bollekaptalen en syn kaptale bollen.

- Do doelst op... Bjinse, sei se sêft. Wie dit dy frou fan wûnder en geweld dêr't er noch sa koart lyn... hy seach nei it opklapte opklapbêd.

- Ja, sei er, dêr doel ik op. Ik woe graach witte wat dy hjir docht op sneintejûn. Wat er mei dy... fan doel is.

Se glimke.

- Dy hie hjir boadskip. In deagewoan boadskip. Do meist it

wol witte, miskien mòatst it sels witte yn dyn funksje. Do witst dat ik dy folkswein fan him kocht ha? Hy hat noch 500 gûne falle litten. Bewûnderje efkes de tûke sakefrou. Mar goed, dat boadskip.

Hy makke him ree foar slimme dingen, skriklike dingen, dy't er witte mocht, nee dy't er witte mòast, yn syn funksje.

- It is dy miskien bekend, ferfette se, dat Fokje Nammensma yn 't sikehûs leit? It wie him net bekend. Dat betsjutte dus, dat dy net meispylje koe yn it stik. Der gyng him in ljocht op.

- Of wy moatte de útfiering opstelle oant nei krysttiid, sei er hastich.

- Dat hat gjin doel, it kin mei Fokje wolris lang duorje, en it is mei har allegear ûnwis. Wat oan 'e galle of de nieren en sa, alhiel net sa bêst.

- En no moatstò dy rol spylje.

- Dat wie de bedoeling, ja.

- En dat hast oannommen.

- Ja, dat haw ik oannommen. Ik kin de lju net stikke litte. Ik bin de iennichste dy't it oan tiid hat om dy rol noch te learen. Ik haw opheden neat om hannen.

Der wie wer in skoft swijen. Hy betocht de brokstikken fan it stik fan Cannemakker dy't er sjoen hie en heard. In rotstik, in boerefamyljedraak, mar der kaam gâns frijerij oan te pas. Jaloersens begûn wer yn him te fretten. Mar ho, der wie ek noch wat oars:

- En de kantate, hoe komt it dêr dan mei?

- Dêr ha wy it net oer hân, dat kin, tinkt my, dat kin dochs wol trochgean... alhoewol... no'st it seiste. Nee, dêr haw ik net oan tocht sa gau. It petear rûn dea. Hy wist it ommers wol: As de kapper gjin dwerse kneppels smite soe mei it each op it tuskentiids grimearjen, dan soe frou Sudema wol wer

opdûke en stikem agearje tsjin de al te dominearjende rol fan dat frjemde froumins. Se soe mei help fan Brandsma en oare bestjoersleden de har rjochtlik takommende altsolo opeaskje kinne. Se hie ynfloed, dêr wied er wis fan. Hy moast dizze ympasse trochbrekke, no op dit stuit. De erotyk moast rêde wat it rappe wurd net koe. Hy gyng op har ta en woe syn earms om har skouders lizze. Se wykte efterút yn de stoel, net folle, in sentimeter miskien, mear in symboalise útwiking, mar genôch om him wat fiele te litten, fermoedens yn him opkomme te litten. Hy wifke efkes, doe sette er troch, driuwend op syn yntuysje en syn opwâljende drift. Hy dyng ommers neat oars as in berop op wat se him earder sûnder wurden ûnthjitten hie, of sels mei wurden. En se joech har ferwar oer, nee, net alhiel, der bleau reserve, der bleau in amper taastbere ûnwil yn har. Se ûntwynde him, net mei it lichem, mar mei de geast, mei har eagen, mei...

- Leaver net, Hindrik, sei se sêft.

- Wêrom net. Do bist... do hast... Do lychst my foar, der is... der is wat mei dy...

Har ferwar brik, se joech har del yn syn earms.

- Ik sil it dy earlik sizze, har lûd wie tige sunich en wat heazich, en hy fielde ynienen wer hoe gek as er op dit fanke wie. Hy hat my in oansiik dien.

Doe wie it wer stil. Hy liet har skouders los. Har lêste wurden klonken ek noch wat bespotlik nei, patétys suver, de trant fan âlde Himpenius. Wat man docht yn ús tiden in 'oansiik', by de âlde lju thús noch wol? Hy hie dus om 'e hân fan 'e dochter frege, offisiëel, kreas yn 'e ferklaaiers-klean, stive board miskien, mei de gloednige auto foar as oerstallich bewiis fan wolstân.

Hy gyng wer op syn eigen stoel sitten. Hy fielde de waarmte fan de kachel by syn boksen oplûken en waard der kâld fan.

- En do hast it oannommen, sei er, ek mei heas lûd.

- Nee, sei se. It wie pynlik mei ús heit en mem der by. Dy wolle dy kant wol út. Net om stân of jild of sa, want sa safe is Bjinse net. Mar om, no ja, do begrypst it wol, om wat each op my te hâlden. Om my ûnderdak te krijen, om my tebek te hâlden...

- Fan slûperkes mei troude skoalmasters.

- Ast it sa neame wolst.

- Do hast dus ja sein? Hy gyng wer oerein en fielde in soarte fan driging fan himsels útgean. Hy ferdemde it om foar de kroade riden te wurden, en hy fernaam dat syn hâlding har ymponearre.

- Nee, ik ha... ik haw it op berie hâlden... Nee sa is 't net, ik haw sein... ik soe...

Se rekke yn har eigen ferklearringen fertiisd en seach him helpleas oan. De frou fan kwizekwânsje wie net folle mear fan oer. Wêr wie har oermoed, har gruttens, har fynynlein spul? Mar tagelyk kaam se wer op him ta, treau him efteroer yn syn stoel en gyng by him op 'e knibbel sitten, dwersoer, streake him oer 't hier, mar die it ôfwêzich en tryst. Hy wist net oft er dit akseptearje moast, hy wie wrantelich en fielde tagelyk ek de hertstocht wer yn him opwâljen, stridend mei syn eargefoel. Se striek him noch in kear oer de holle, en koe no ynienen de wurden wol wer fine. Hy roek har parfum nuit de paris, djoer en bedwelmjend, en hy harke nei har wurden:

- Ik haw sein, dat der in oarenien wie, of leaver ik ha dat net sein, want ik hoegde it net te sizzen. Hy neamde sels dyn namme. Dat fan ús is rûnom bekend en dêr haw ik al grut spul om hân mei ús heit en mem. Dêrom wie ik de lêste tiid sa... sa ôfwizend, sis mar. Ik woe datsto it begripe koest... Witste, heit en mem tinke dat it mei my altyd wat oars is en selden wat goeds, fan de iene nuverichheid yn de oare. En

miskien binne se dêr net alhiel mis mei. It is rûnom bekend, tocht er, no ja, gjin wûnder. In wûnder as it net sa wie.

- It is sa, sei er (*en hy ferburch de spyt net iens yn syn wurden*), fan it iene nuvere aventoer yn it oare. Ik begryp dat wol, it safolste famyljeskandaal. En Bjinse Dinges kin dy fan in fierdergeand skandaal rêde, dat moat altyd wêze. It kin net better. Moai mei elkoar holpen.

Se lei him de hân op 'e mûle.

- Sis net sokke dingen, jonge - tochtst dat ik wat om in skandaal joech? It soe myn earste net wêze.

- Nee, mar al it earste ûnder jim heite dak, moai wis.

- No, dêr bin ik noch net sa wis fan (*ha! boerefeint, hea, tsjustere hoeke, boereroman*).

- Bjinse Dinges is in oannimlik man, sei er grym. In man fan kwizekwânsje.

Hy wist sels net wêrom't er sa taboe-eftich mei dy fân die. De namme Bjinse wie dochs al genôch om spoeken op te roppen. Faaks wie it om distânsje te skeppen, romte te meitsjen tusken him en dy suksesrike, lang net mear sa jonge feint, dy't no wier dochs wolris oan trouwen ta wie, en om syn steat, syn grutekspediteurssteat, ôfbrek te dwaan. Hy hearde fuotstappen op 'e trep en treau har hastich by him wei.

- It is ús mem, sei se sûntsjes, dy komt hjir net.

En doe, lûdop, lûder sels as nedich wie:

- Ja master, mar dy iene noat dy is my wier te heech, dat soe al oars moatte. Myn stim...

Slofslof, gyngen de toffeltesjes oer de oerloop en doe wie it wer stil. Hy naam it spultsje oer:

- Dan is it de baas dat ik dat hiele ein wat oars meitsje. Ik soe dy in soarte twadde stim jaan kinne en de melodij yn 'e sopranen. Sokssawat as Brahms en Mahler wolris mei de

hoarn dogge. Miskien is dat de oplossing.

Doe kaam ynienen in wat benaud âlderefrouljuslûd:

- Lutske, do moatst it net te lang meitsje, hear!

In drigemint wie it, dêr't eangstme troch hinne spile.

- Wy binne sà klear, mem, rôp Lutske werom. Se stie foar him oer en spande har op 'e hark. Hy seach har boarsten ûnder it tinne bloeske. De fuotstappen toffelen de trep del en efkes letter wie der ûnder in lûd praten fan in manljuslûd. De bollemagnaat roerde him.

- It is it bêste, dat ik it fjild mar romje, Lutske, sei er. Ik bring hjir neat as ûnrêst en kreauwerij.

Se seach him oan en lei har earms om syn skouders.

- Ja, do kinst no better fuortgean... it besakket wol wer. Mar do litst my net yn 'e steek, no?

Nea dúdliker wie it troch Hindrik Visser syn brein sketten hoe't er himsels fêstwrotten hie yn it alfabet, as diskear. Hy hie hjir gjin plak, hy wie thús hosk, mar hy mocht har, Lutske, net yn 'e steek litte en hy kòe it dy oare, Wypkje, net. En hy moast no werom nei it hûs dêr't er amper wenje koe en dêr't er wenje moast. Liet er har yn 'e steek, dan makke er it paad frij foar dy aventoerier fan in Bjinse Houtsma. En kearde er Bjinse Houtsma út it stee, dan moast er in ding dwaan dat er noait dwaan soe, in rol spylje dy't er lang net oan koe, dy't fier boppe syn meuch gyng. Mar hy sei, om him der foar dit momint út te rêden:

- Ik lit dy net yn 'e steek. En do giest net mei Bjinse. Se slokte en skodholle sêft. Folslein lyts-frou no, suver in bern noch, dat de holle foar 't earst tsjin de hurde muorre fan it libbeb stjit.

- Ek net as er... as er weromkomt en oanhâldt?

- Moarnjûn sis ik him ôf. Ik hâld allinne fan dy, sil ik tsjin him sizze.

It klonk as moast der noch in 'mar' efteroan komme. Mar hy wachte der net te lang op, hy stoep nei de doar en helle har noch ien kear oan, ûnhandich en hastich en wyld, en doe stoep er fierder. Se sakken de treppen del. By de útdoar waarden gjin wurden mear wiksele. In sfear fan fijanskip en lûd razen en bearen hong yn 'e lange gong mei it koperwurk, de Chinése tekkenkiste, de Perzise looper, de twatrije Fryske klokken en de kast mei âld perslein. In knypke yn 'e hân om 'e hoeke fan 'e doar, dêr moast er it dus mei dwaan. It wie in flecht. Beskamsum.

Yn it krisis-sintrum

Dit wie no dus wat yn 'e boeken 'wrakseljen' hiet, tocht er. Hy lei op it divanbêd, dat se op syn keamer tôge hiene. De efterdoar hie los west, safier woene se dus net gean, om him út syn eigen hûs, syn amtswente wei te kearen. Hy mòcht bliuwe, hy wie op 't lêst neffens de wet de skepper en skriuwer fan dit gesin. Hy mocht bliuwe, mar op syn eigen keamer, yn syn eigen domein, syn krisis-sintrum. Der stie sels noch tee ûnder de mûtse op syn buro, mei in stik koeke, dêr't er net fan naam. Wrakseljen. In skriklik dilemma. De trou en de bekoaring. Ieuwen âld al. It goede sjutsje dêr't er mei troud en op útsjoen wie, en de moaie frou, dy't er... Ja, hy twivele sels. Want wat garânsje hied er, dat Bjinse gjin tawurd krige hie? Koed er dit froumins betrouwe? Hie se har net troch him ferrifelje litten om him namste better en fynynleiner te ferrifeljen? Of wie dit de konstruksje: Se hie 24 oeren betinktiid frege. Hie se, betocht er ynienen, net sein: moarnjûn sil ik him ôfsizze? Wêrom moarnjûn? Wêrom net fuordaliks? Bjinse hie dochs ek telefoan? Just, om't er moarnjûn, sakeman as er wie, wer efkes 'lâns' komme soe om útslútsel, om te hearren oft de keap oangyng. Sa wie it, sa moast it wêze. In hanneltsje, sa gyng dat tusken in ekspediteur-moalhanneler en de dochter fan in bollekening. Bewûnderje efkes de tûke sakefrou!

Mar wat bleau der sa fan har grutskens oer, har drystmoedigens, har kwizekwânsje? Wie har dwaan net yn striid mei har wurd? Har wêzen net yn striid mei har hâlding? Wie se net in sloppe, troch lúkse ferdoarne rikeljusdochter, dy't

de earen hingje liet nei it gebolder fan har bolle-heit? Hy liet de fragen yn him opkomme en har wer deljaan. En hy hie in bitter fertriet, dat it libben sokke rare dingen mei him útheefde.

Op 'e oare keamer hearde er Jisse gûlen, it wenstige nachtgûltsje. Dat kaam der dan ek noch by om jin te binnen te bringen, dat men heit wie en sentiminteele wurde moast om it djoer besit fan sa'n skriemend protsje stamhâlderij yn 'e widze. Hy hearde geskarrel op 'e sliepkeamer, wierskynlik de toffels fan skoanmem. In doar pipe en hiel fier fuort, as eftergrûnmuzyk, hearde er it snoarkjen fan syn skoanheit; de man dy't hjir de leie manhaftich yn 'e hannen nommen hie, de wreekjende gerjochtichheid oer syn tramtearre en misledige en fan in seksuële maniak hjitfolge dochter...

Doe waard it wer stil. In stilte om siik en beroerd fan te wurden, sa'n stille stilte. De stilte fan dit doarp, dizze godfergetten oarde dêr't er him deljûn hie. In stilte dêr't allinne de iene klokslach nei de oare in diminsje méar oan joech. Ier yn 'e moarntiid, hy wist it, kaam dêr it kraaien fan hoannen by en it skruten gehutsel fan wat hjerstfûgels. En dan stadichoan it skiere moarntiidsljocht, dat de dichters 'dage' neamden, of 'deilemieren'. De nije wike op kommandewe. Dat betsjutte: wurch en slûch en mei pine yn 'e kop foar de klas mei 28 skoalbern, dy't soks rûke en der daliks in potsje Montessori fan meitsje.

Trije rekkenboekjes

En dit waard dan yndied de dei der dagen, de dei dy't alles oer syn geare holle ûntlade woe, dat er mei syn pine kop, syn temin sliep en syn fracht kwea gewisse net mear ferneare koe. It like in ôfsprutsen saak; en alles wie sa goed timed, it koe net aardiger en slutender. Moarns stie dan de ynspekteur op 'e skoalstoepe. In langliddich skraal man, dy't syn taak oars meast represintatyf opnaam, mei it iepenjen fan nije skoallen en it wolkom hjitten en rûnliden fan noch hegere autoriteiten, en dy't net al te folle oandacht hie foar de pedagogise en didaktise masterstikjes, dy't it ûnderwizend 'persoaniel' by sokke gelegenheden opdrave liet. Teffens in bekend amateurskilder en skriuwer oer skilderkeunst. Freonlik, royaal en tagelyk in tikje sinys. Se koene it altyd ridlik mei elkoar roaie en dizze kear gyng it noch goed, de man hie begryp - moast dat ek wol hawwe, om't er in soad oan froulju dien hie (ynspekteurs hawwe fan datoangeande in fin mear as in sljochte mastersbears) en nei twa nochal yn 't each rinnende echtskiedingen fannijs in pypjong ding yn syn houliksfûke sleept hie. Hy sei:

- Visser, it is myn saak net, en ik kin 't my bêst begripe, mar der geane praatsjes oer jo. Oer jo houlikslibben spesiaal of leaver, oer wat dêr justjes bûtenom giet. Begryp my goed, ik respektarje en bewûnderje sels jo aktiviteiten en ik haw der each foar, minslkerwize, dat jo jo warberheden net strikt binnen it eigen bedstee hâlde kinne. Mar it kin jo posysje hjir gjin goed dwaan. De lju binne hjir net mak en nimme de seedlike dingen heech op, heger as se yn myn each

wurdich binne. Wy hawwe dat destiids sjoen mei jo foargonger - ik haw omdôch besocht om de man te rêden - en ik jou ta, dat wie in oarsoartich bedriuw as dat folwoeksene en folweardige fan jo. Mar it folk is yn dy ûnderskiedingen sa fyn net. Jo begripe wol wat ik bedoel. De âlderkommisje is oer ien en oar net sa bot te sprekken.

Der wie nei al dy goedbedoelde irony gjin oanlieding om oars te dwaan as knikke mei in brok foar de kiel en de man tankber wêze dy't jin sa yn jins minsklike weardichheid befêstige. De man stiek in sigaar op en yn syn hiele hâlden en dragen wie begryp en meifielen. Sa'nien hie dan miskien net it measte rjocht fan praten, mar hy hie al it rjocht fan Superieur, fan Boppebaas. En lykwols: Goeie maten, heale artysten ûnder elkoar. Der hie bêst in skunnige mop oerhinne kinnen, dêr wie ús maat net fij fan. Mar hy wie hastich, hy seach noch efkes by juffer Baanstra - noas troch de doar, knikje, wiuwke mei de hân - en krûpte mei gauwens wer yn de auto.

Doe, noch gjin oere letter, kaam de boade fan it gemeentehûs mei in brief fan boargemaster. In missive mei it fersiik om de oare deis om healwei tsienen foar him te ferskinen. Hy wist wat dat ynhâlde koe. De boade fan de ynspekteur hie mar in sêfte tarieding west. No kaam de klap: ûntslach nimme, dan noch mei it predikaat: earfol, en oars...

En de middeis om healwei fjouweren, de lêste bern draafden op har klompen it plein ôf, dêr hiene je trije man sterk de âlderkommisje sels op 'e stoepe. De hear Winkelman, kassier fan 'e boerelienbank, boer Betsema en freon Sudema, de broer fan de man fan Sudema-Meijer, winkelman fan berop. Dit wie tefolle oan autoriteiten foar ien dei. Hy sette him teskoar ear't se der noch yn wiene. Pas op é slach! Hy sette stuollen ree yn syn administraasjehokje.

- Wy woene graach efkes prate, sei Winkelman, wylst er syn útgiene sigaar fannijs en omsichtich yn 'e brân sette.
- Oer it skoalfeest fan takomme jier? weage er.
- No nee, sei Winkelman yn in wolk reek. Dat no just net. Oer freon Sudema syn krudeniersgesicht rûn in skeadlik glimke:
- Oer jo, sei er. Oer jo hêlden en dragen.
- Jo bedoele dat ik myn wurk net goed genôch doch, sei er.
- Dat is in oare saak, antwurde Winkelman, alhoewol dêr wolle wy ek wolris oer prate.
- Gean jo gong.
- It is no allegear wol wakkere moai, mei dy fernijing en sa, mar jo lizze trije rekkenboekjes efter by oare skoallen. By de kristlike skoalle.
- Trije rekkenboekjes, sei er ferstuivere. Dat is... dat moat... Al wat er ferwachte hie, dit net. Trije rekkenboekjes.
- Mar yn oare dingen binne jo ryklik foarlik, begûn Sudema wer. Dy woe mar daliks op it stik oan prate. Der wie ek gjin reden om it oars te dwaan, want dizze master winkele by in oare, in kristlike krudenier.
- Goed, ferfette Winkelman, dy rekkenboekjes litte wy dus dêr. Jo hawwe gedoente mei Lutske Westra, en dat is wat, dat kinne wy as doarp net goedkrije.
- In master moat it foarbyld jaan, sei boer Betsema. Wat moatte de bern fan harren master tinke, as se geheime briefkes oerbringe moatte en hearre dat master by nacht en ûntiid tusken de blomperkjes fan Roukama-state omswalket.
- Dit kin gjin kant út, master, sei Winkelman, syn sigaar wer oanstekkend. Kassiers krije faak dampe sigaren fan harren klanten.

- It kin gjin kant út, sei Sudema. As dit sa moat, dan kinne jo bêst om in oar hinnekommen sjen.

- Untslach oanfreegje, earfol ûntslach, ferdúdlike Winkelman, en Betsema knikte:

- Earfol, dêr steane wy boarch foar. It is in wink, wy hawwe it goede foar.

Hindrik tocht nei. De kantate soe hjir op rotsgrûn falle. Hy koe in gokje weagje, hy stie op skerp en moast him sjen te rêden, al wie't mei in sprong yn it tsjuster. Hy sei:

- Ik bin bang, dat jimme net alhiel by de tiid binne mei it doarpsnijs. Mar ik kin jim meidiele dat nei alle wierskynlikheid jûn de ferloving beklonken wurde sil fan dyselde juffer Westra mei de hear Bjinse Houtsma, jimme alle trije wol bekend as in doarpsgenoat sûnder wryt of slyt. In man fan ear.

Der ûntstie in djip swijen. Op it lêst sei Winkelman:

- Dêr is ús neat fan bekend.

- It kin ek noch net bekend wêze. Jim hawwe de primeur. It is my yn 't geheim ferteld. En it is yn dit stadium ek noch yn strikt betrouwen. Dêr rekkenje ik op. Ik haw der mines ta dien, as jim it krekt witte wolle. Dat ik briefkes krige fan juffer Westra en wolris petearen mei har hân ha, lange, fertroulike petearen, ûnder fjouwer eagen (*o, wat gyng dit goed*) wie inkeld dêrom. Om de hear Houtsma. Se frege my om ried. Foar har is de skoalmaster (*hy moast sels glimkje om de machtige fynst*) noch altyd wat er eartiids plichte te wêzen: de goede freon en riedsman fan alle doarpslju, de man dêr't se mei har problemen hinne kinne.

Hjir hiene se net fan werom. Der waard wer swijd. Se ferwurken it slimme stadich. Hy wist lykwols, dat er heech spul spile, hy wie der lang net wis fan dat Bjinse yndied jûn syn sin krije soe. As it oan him lei nèt. Mar goed, foar dit

stuit hie dyselde Bjinse, syn grutte konkurrint, de doarpssjarmeur, him der trochskuord. Want se hiene net werom. Winkelman sei stadich en djip neitinkend, lykas doarpsljuwe foeget:

- As dat sa is, it wol my hast net oan, mar as dat sa is, hawwe wy neat sein, n't mannen? Dan binne wy hjir per abuis. Dat hearre wy dus moarn of oaremoarn wol. As it sa is, dan... no ja... In lytse ûntskuldiging fan ús kant is dan...

- Jo meitsje ús neat wiis, hoopje ik, besocht Sudema noch. Mar Betsema sei:

- Ik haw dat briefke fansels net lêzen, en wat der krekt bard is yn it tún fan Roukama-state, witte wy ek net. As master it sa seit...

- Dat is 't him krekt, besocht Sudema wer. Syn skoansuster hie him goede ynstruksjes yndruid.

Nòch in set, tocht Hindrik, alles mar op ien kaart. Hy sei:

- Juffer Westra soe dy solo yn myn kantate sjonge. Ek dêr hawwe wy gâns wat oer ôfpraat. Mar dat giet net troch. De solo is foar frou Sudema, jo skoansuster.

Sudema grânzge tefreden, ta bewiis dat de solo earne wol in punt yn syn oertinkings west hie. Winkelman gyng oerein:

- Oer dy rekkenboekjes en it feest moatte wy noch alris prate. Mar dan leaver in oare kear. Kom mannen, it wurdt ús tiid. It wurk wachtet wer.

De oare twa riisden ek oerein, mei kreakjen fan rêchbonken. Hindrik stie mei de rêch tsjin syn opberchkast oan, de kast mei absinsjekaarten, rapporten en skoalreisjild. Hy beseach it trijemanskip, syn âlderkommisje, hoeders en noeders boppedat fan de goede doarpsleden. Se fûstken en stommelen ta it keammerke út. Hy brocht harren nei de útdoar en skarrele doe noch in skoft yn syn administraasje om. De

pine kop dreunde him troch it brein, hy koe net goed mear tinke, hy wist dat syn oerwinning mar betreklik wie, en faaks de dei fan moarn net oerlibje soe. Mar moarn wie de soarch fan moarn.

Noch ien fan kwizekwânsje

En dyselde jûne dan kaam Brandsma, út namme fan it bestjoer fan 'Us sjongen'. De skoanâlden sieten der swijend by - der waard gjin wurd oer it waar wiksele en Brandsma moast de sfear fan ferbittering en fijanskip dy't hjir yn 'e hûs hinge, snije kinne. Mar hy bleau woltemoede en neamde de skriklike nammen yn dit pleit sûnder euvelmoed. It siet dan sa, de dochter fan Nammensma wie opnommen foar in galblaasoperaasje en dat soe wol gâns in skoft oanhâlde kinne, it wie no net sa rare slim, mar je koene dêr dochs gjin peil op trekke. En no hie it bestjoer efkes op koarte termyn gearwest mei de spylders, en it like harren de baas ta dat juffer Westra, dy't frije tiid by de rûs hie, de rol fan Fokje Nammensma oernaam. Dat koe dan, ek yn koarte tiid, bêst klearkomme, de útfiering koe dan dochs foar krysttiid noch trochgean, oars rekke men sà wer yn it farwetter fan de gymnastyk en de frouljusferiening. En dan lei it yn 'e reden dat dy altsolo fan in oar oernommen waard.

Hindrik knikte mei de slûge kop, hy hâlde him goed.

- En hiene jo ien op 't each? frege er.

- Wy hiene oan frou Sudema tocht, sei Brandsma.

In skoft swijen. Doe sei Hindrik:

- Ik sil 't yn my omgean litte. As dy it noch leare kin. Mar oars... ik hingje alhiel net oan dy kantate. It wie mar in besykjen, in aardichheidsje. Jimme moatte it beleaven net om my dwaan. Ik wol der wol ôfsjen. Dat stik fan Palestrina is der ek noch...

No, dat stik hie Brandsma net folle mei op. Dat wie te kultu-

reel, net sasear foar it publyk hjirre.

- Dy kantate wol?

Hy fernuvere him der oer, dat er mei syn hammerjende kop en nei sa'n minne dei noch sa helder en ûnferskillich wêze koe.

- Omdat it fan jò is, sei Brandsma, mei gâns earbied yn syn stim en tagelyk wat fan ynskiklikheid. Eigen wurk, wat fan it doarp sels. De man fiede wol, hy moast der wat foar oersetse: wy Lutske, do dyn kantate. Tagelyk oerjaan.

Hindrik sei:

- Ik sil der oer neitinke, en dan hearre jim it fan 'e wike op 'e sang wol.

Brandsma krige syn pet fan 'e flier en fûstke mei de skoanâlden, dy't der as faaie fûgels by sieten en wat ûnfersteanbers werommompelen. Hy liet de man út en sei:

- It bêste mei de dochter fan Nammensma. En foaral de groetnis.

Brandsma soe it oerbringe. Yn 'e gong, by de útdoar, draaide er him nochris om en sei mei ynhâlden lûd:

- Net om 't ien of oar m'ster, it is myn saak net. Mar der giet praat oer jo. It is my persoanlik bêst, hear, sa net, elk moat mei syn eigen hûdsje nei de loaier, sei ús heit altyd. Mar ik woe 't jo dochs efkes yn djip betrouwen sizze.

- Tanke foar de ynljochting, sei Hindrik, ik wit der alles fan. De lju wolle graach wat te rabjen hawwe. In meiminske besmoarkje. Stil gewurde litte.

- Sa sit dat, sei Brandsma, tefreden oer syn kammeraatskip mei de master, en stapte yn syn klompen.

Dat wie dat, tocht Hindrik. Syn skonken woene amper mear mei, mar hy makke dat er boppe kaam, op syn keamer. Mar hy seach earst noch efkes op 'e sliepkeamer. Se lei mei de rêch nei him ta. Hy seach har skrale nekke en it net opmakke

hier en in stik fan dy rôzige pyjama dêr't er altyd sa'n hekel oan hân hie. Kleurleas rôze. It gyng him troch alles hinne, dit tafriël. Mar hy sei neat. Hy ferflokte himsels, dat alles him út 'e hannen slein waard, dat de hiele wrâld gearspande om him yn 'e djipste nederklits te krijen, ek dy stomme dochter fan Nammensma mei har stomme blaas. En moarn de definitive klap út hannen fan de boargemaster.

En op syn keamer betocht er, dat er der nedich in pear dagen of in wike út moast, mei sykteferlof, om ta himsels te kommen, mei himsels te riede te gean, it út te fjochtsjen. In hotel oan see, by it hjerststrân lâns traapje en troch de dunen, les cheveux et les pensées au vent. Syn posysje like hjir ommers ûnhâldber, hy soe hjir wei moatte, solsitearje nei in oar plak, baantsjes genôch foar in jong ûnderwizer mei goede oarder en nije tinkbylden.

Hy noaske it fakatuerebledsje troch. Kar genôch, mar neat dat him talake. Flissingen, Apelskea, Doetinchem, Breda, trije plakken yn Drinte. En hy fersmiet it tinkbyld ek wer. Wêrom ûnhâldber? Hy hie syn wurk goed dien, in stik folksûntwikkeling opboud, de geast fan it doarp ferrike, de leefberheid fan it plattelân mei fersterke. Nimmen koe him om partikuliere bûtenstrongen wat meitsje. In bankdirekteur wurdt dochs ferdomme ek net ûntslein om in slûperke mei syn typiste? Dan hiene der allang gjin bankdirekteuren mear op ierde west.

Mar der wie méar as plicht en trou en amt en plak dat him hjir yn't doarp hâlde. Hy koe it stal, de heupen, de boarsten, de hals fan Lutske Westra en noch yntimer dielen fan har net út himsels weistreekje. Har eagen folgen him wylst er dêr siet, heal spotsk, heal ernstich. Har wurden, har skerpe formulearringen gyngen yn him oereinstean. Hy koe har net oerjaan en wist dat er har ek nea hawwe soe. Hoe soed er har

ea hawwe? Foar in echtskieding wied er net yn 'e widze lein en wat bleau der dan oer? Hy siet mei keatlingen fan moraal en tradysje oan Wypkje en Jisse fêst, dêr hoegde er net om te ligen. Foar Lutske dus oars neat as snipperoerkes en stellene eagenblikken by tsjuster en ûntiid en mei in spytgnyskjend doarp yn 'e rêch. Dêr wie se te goed en te kostber ta. En hjir thús? Oars neat as leagentsjes en ferlechjes en gjin ein. Oerjaan dus. En dat betsjutte de oerwinning fan Bjinse Houtsma. En dêrmei kaam it ferset wer yn him op, en de twang om as in man te fjochtsjen foar syn leafde tsjin dy oare man dy't safolle frijer styng as hy, en dy't, om in wurd fan it doarp te brûken, doch wier wolris oan trouwen ta wie. Hy mealde yn in rûntsje om en koe der net útkomme, hy siet sa fêst as in skip op 't strân by leech tij. Hy wie der ek net út doe't ûnder de telefoan gyng. Hy sette stuitelich de trep del en hearde hâr lûd:

- Hindrik ik wachtsje op dy (*alteraasje yn har stim*).

- No?

- Ja no. Daliks.

- Wat is der?

- Dat sil ik dy dàn wol fertelle. Ik ferwachtsje dy.

- Goed, ik kom, sei er. Ik kom sa gau mooglik. De telefoan kreake. Hy stie noch mei de hoarn yn 'e hân, doe't syn skoanmem der oan toffeljen kaam. Hy hie noch wat sizze wold, mar se hie al oplein, hy soe dus fannijs draaie moatte. Mar wat mòast er sizze? Se hie boadskip, en grif gjin goed boadskip. It wie no sawat de tiid, 24 oeren betinktiid... Hy lei de hoarn op en gyng nei boppen, stiif en wurch yn 'e knibbels. It kaam net op 'e minút oan. Se hoegde no ek net te tinken, dat er him kommandearje liet, dat er... It wie hâr beslút, net sines. Hy soe der dus hinne en hy koe der net oer gearkomme. Hy hearde Jisse gûlen yn 'e widze en it

kreakjen fan Wypkje har bêd. Hy seach har gesicht foar him, strak, in masker fan bestjurre fertriet, in grouwe klompe fan wanhoop. Hy hearde har syn namme roppen. Hy gyng nei har ta en lei syn hân op har meagere earmtakke. Se moast krekt noch gûld hawwe. Se kearde har nei him om. Grize, flakke eagen, dêr't er eartiids sa mâl mei west hie, yn syn ûnnoazele-jongestiid, en dêr't er no gjin kant mear mei út koe.

- Do kinst nei har ta gean, sei se sêft. Ik haw it heard. Ik wol dy net yn 'e wei stean. Ik ha der oer neitocht. Ik wol dy net keare. Ik ha der lang oer neitocht.

Har wurge eagen sochten sines. Hy wist net oft it har tinken wie, hy loek oan 'e skouders en kearde him ôf. Hy siet op 'e râne fan it bêd, syn hannen op 'e knibbels. Spile se dit of wie it echt? Hy seach har wer oan, hy moete har eagen. Der stie in gloede fan koarts yn.

- Heit en mem wolle my wol weromnimme, hawwe se sein. It snie him troch de siel, hy wist no dat it echt wie. Weromnimme, tocht er, weromnimme, neame jo soks weromnimme? Niet goed, geld terug. En hy seach it foar him: in ferhúswein mei har part fan de ynboel. In taksy dy't foarried, sij en Jisse der yn. En hy allinne yn in heal leech hûs. De skoalmaster dy't syn frou ta de hûs út wurke hat om der in oarenien yn te krijen, dy't der moai wis net iens yn woe, yn sa'n lytsboargermanshûs.

Har hân taaste nei sines. In meagere hân, klam fan koarts en ellinde. Mar yn har eagen lies er in soarte fan frede, in beslút dat frede brocht hie, myn God, hoe wie 't mooglik? Hy liet har hân los en gyng foar it finster stean. Hy seach nei bûten, de tsjusterte yn. Beammen rûzen, tinzen skeaten him wech ende wear dwers troch de kop. Want hy seach méar. Hy seach ek Lutske dy't - soks kòe dochs? - syn heal leech

hûs of in oar leech hûs fol makke mei har lûd en har sjongen en mei har parfums soir en matin en nuit de paris, en hy seach in folkswein foar de doar. Hy moast no al wat sizze, al wie 't allinne mar om dat ferrekte fizioen kwyte te wurden, dat him de strôte takniep. Hy moast wat sizze en hy wist dat er der sadêrmei spyt fan hawwe soe, wàt er ek sei. Mar hy hie syn earlike, earlik bedoelde gefoelens en hy wie mei ynlike triedden oan dizze ûngelokkige frou Wypkje ferbûn. Hy sei, nei it tsjuster ta pratend:

- Watsto seiste is folslein dwaas. Sa'n hufter bin ik net, dat ik dâ't doch. En boppedat kin ik dy en Jisse net misse.

- Dat slyt wol, de earste wiken binne de slimste (*se hie der dus yndied oer neitocht, se wie de dingen al in ein foarút*). Do hast rjocht op in sûne frou en ien dy't begryp hat foar dyn muzyk en sa. Ik bin mar in bongeltsje, dat ta neat nut is. Mar do moatst my Jisse litte, dat is alles wat ik noch ha... Se is in grutte frou, tocht er, dêr steande, in ferdomd grutte frou, in frou fan kaliber, dêr't ik net oan tippe kin. En se hat it goedbesjoen by de rjochte ein. Mar ik ferdom it. Ik sil der spyt fan krije as hierren op myn kop. It is wer krekt as doe, yn 'e bus. L'histoire se répète. Ik hoech mar ien wurd te sizzen om frij te wêzen. Mar frij op in rottige en ferflokke wize, dat wol. No èn? Efkes trochsette, gewisse, jou dy ôf. Mar ik gean der net hinne, ik ferdom it, ik gean der net hinne. As ik no gyng, soe ik in leffert wêze, in oerkommeling, in...

- Do moatst der hinne gean, Hindrik, sei se. Ik kin dizze spanning ek net langer drage. As ik better bin, bring ik alles wol foar elkoar, mei in advokaat en sa.

Hy tocht ynienen dat se dit *spylje* koe. In frou yn need is ta alles yn steat, kin bergen fersetse. In fynynlein spul om him te krijen dêr't se him hawwe woe: yn 'e djipste djipste fan syn ferdomde gewisse.

- No goed, sei er, dan gean ik. Hy sei it mear as eksperimint, om har te hifkjen, as omdat er it echt fan doel wie.
- Dat is goed, sei se, en sakke efteroer yn 't kessen. Bleek wie se en mei gleone koartsige eagen. Mar grut tagelyk, en tefreden. Se sei:
 - Ik hie it noait dwaan moatten mei dy, ús heit en mem hiene gelyk, it hie net wêze moatten, ik bin... ik wie...
 - Ik ha dy ha wollen, sei er. Dat is myn ferantwurdlikheid, dêr stéan ik foar.
 - Do moattst net it slachtoffer wurde fan in ferantwurdlikheid dy't gjin mins yn dyn gefal drage kinne soe, sei se. Do hâldst fan dy oare.
 - Ik wit it net, sei er. Dy oare hat my yn 'e besnijing en dêr gean ik oan kapot, mar ik wit net. Ik wit net o't je dat leafde neame kinne.
 - Dy leafde kin komme, as alles ta rêst kommen is. Se wie tige kalm no, helder fan geast. Se seach de dingen reël. In frou fan kaliber. In frou fan kwizekwânsje, op gâns oare wize as dy oare, mar likegoed kwizekwânsje.
 - Ik wòl datst der hinne giest.
 - Goed, sei er, ik gean. Ik kin gjin kant mear út. Ik sit fêst as in muorre. Ik gean, omdatsto it wolst. Mar ik kom by dy werom.
 - Nee, sei se, fûl en oertsjûge, strang en heechhertich. Dat wol ik net, dat soe heal spul wêze. It is gjin boarterij. Alles of neat. Do giest fuort en komst net werom. En mien net dat ik dy haatsje of in hekel oan dy ha. Ik begryp it allegear wol, ik fal dy net hurd. Ik haw it allegear wol witten, dat it sa komme moast. As dit oerbetterje soe, kaam der dochs op in dei wer in oaren. Dat giet altyd sa. Sa wol ik net. Gieste?
- Hy stie dêr as in skoaljonge. Hy woe wol fuort, hy woe ek wol bliuwe, hy wist it net mear, hy bestoar it fan 'e pine holle

en fan it tinken, it modderjen, it rotsoaien. Hy hie ferlet fan rêst no, fan wynfleagen om 'e kop. Hy woe fan alles ôf wêze, ynienen fuortrane, oplosse yn it neat. Mar hy woe ek wat oars, by Lutske wêze, har waarm lichem tsjin sines oan hâlde, har besitte yn 'e geur fan har lichem en har parfum, fergean yn 'e dellingen fan har boarsten en skurte. En dat joech dan wer de trochslach. Hy rjochte de rêch. Hy sei:

- Goed, dan gean ik.

Se bleau behearske.

- It giet dy goed, sei se.

- Dy ek, sei er. Hy bûgde him foaroer om har te tútsjen. Hy roek de rook fan har hier, yn gjin tiden wosken, muffich en ûngesûn. Hy seach de sloppe boarsten yn 'e spleet fan de ferblikte en ferwosken pyjama. Hy slokte, de strôte siet him ticht. Mar se warde him ôf, mei in wurch glimke:

- Dêr is 't no gjin tiid mear ta. Do moatst der hinne gean, sei se. Foargoed. Tink net mear oan ús, dat hat ôfdien.

Us, dat wiene sij en Jisse. Hy seach Jisse no foar it lêst, rêstich sliepend, sykheljend yn syn widze. In poppe mei in ûntaarde heit. Hy gyng oerein, syn bonkerak kreaake. De flier kreaake doe't er nei de doar rûn. Alles kreaake. Hy wist gjin wurden mear foar it ôfskie. Gjinn wurd soe hjir yn passe. Hy loek de doar efter him ticht en as in dief sloep er de treppen del. Yn 'e gong krige er syn winterjas. Moarn moat ik dy skriften fan 'e sechde klas helje, betocht er noch, hy wie dus noch skoalmaster, hy soe hjir, foar syn wurk, noch in kear oanskilje moatte. Doe seach en befielde er dy knoop, dy't Wypkje oan syn jas naaid hie. In knoop, godferjamme. In knoop dy't jin dwerse knepfels smiet. In ferkearde knoop, in knoop dy't der net bypaste en dy't se der ek noch mei de ferkearde kant oan fêstnaaid hie, slop en heal. Mar dy knoop hie wat oandwaanliks, dat wie in symboal fan har

ûnmacht en har goede wil, dêr hie se machteleas mei har ûngeskikte knoffelige winterhannen oan sitten te nifeljen, te wrotten, om dy troch it grouwe guod te krijen. Hy seach it dúdlik wer foar him, ûnder de lampe, by de tafel mei lapkes en knopedoaskes en spjelde- en nuddelkessens, ferbiten bewegings mei krampige fingers. In knoop, tocht er, krekt as Alexander. Jou my in swurd, om in knoop midstwa te hakjen. Ik, sentimintele gek, dy't snottert om in knoop, Hear stean my by, de profundis.

Hy loek de doar efter him ticht en stie yn 'e buorren. De huzen bûgden har om har sykheljende ynhâld. Hjerstroken waaiden him oan, lette ierpelloffen of wat it dan mar wie, rook fan rotsjen, fan dahlia's of krysanten, tewaaid en ferwile, de blommen fan hjerst en ûndergong, fan falske yllúzjes. Hy hearde syn fuotstappen oer de buorren gean, kraskras. Sa gyng dat dus, op 'e flecht foar in frou, nei in oare frou. It swit briek him út, hy die de jas los. Wer dy ferflokke knoop, wer de knoop fan Gordias.

Hy murk dat er stilstie. Midden op 'e dyk stie er stil, tusken twa hagen, dy fan Sikke-Froukje en fan de widdo Wesselius. In histoarys plak, it beslissende stuit wie kommen. Hy befielde de knoop en tocht dat er in leffert wie as er fierder gyng, en dat er in noch grutter leffert wie as er werom gie. Leffert of grutte leffert? Hy draaide him om en kroaske op hûs oan. De doar wie noch los.

Kleanskuorren

Dat besiid by de boargemaster brocht de ûntknoping fan Hindrik Visser syn drama. Ja, it waard in drama, mei in deaden noch wol. Ek dit wie allegear goed úttimed, *de hegere macht hie it bêste mei him foar*. Hy siet noch mar krekt yn dy boargemasterskeamer, foar de akademys foarme man mei de keale plasse en de flûnkerjende brilglêzen oer, beringe slanke master-yn-'e-rjochtenhannen op it glêde, feilleas organisearre buro, of de telefoan gyng. De boargemaster taaste nei de hoarn. Hindrik soe oerein en der út gean, mar waard werom wiuwd. Hy harke dus mar, hy moast wol.

- Yn 't sikehûs stoarn - skedelbasisfraktuer. Hy skrille op. Efkes letter foel de namme Houtsma, it wurd Saab, it wurd sterke drank, fermoedens, nachtlik aventoer. Hy waard dwyl en fiede syn hert slaan as in wyld. Der foel in lang, faai swijen doe't de hoarn wer op it tastel lei. De boargemaster fage mei de hân oer syn blanke foarholle:

- In ynwenner fan jo doarp, Houtsma, jo kenne him wol, yn 'e iere moarn mei de auto tsjin in beam oan jage. Deadlik ferwûne, yn 't sikehûs stoarn. Mar wat myn boadskip wie... Hoe siet dat ek al wer?... It ferhaal dreau by Hindrik as in neare, ûnoersichtlike dream lâns, mar hy knikte en joech ta, dat er mis west hie, dat dit gjin kant út koe. De boargemaster siet al in hiel skoft swijend mei in brieve-iepener te tyspeljen, doe't it yn him opkaam, dat it oer Lutske Westra gyng en dat er wat sizze moast ta beslút. Hy sei, en it ferbân koe de boargemaster doe noch net dúdlik wêze. Him wie't wol dúdlik.

- Bjinse Houtsma is dea en dat betsjut ek de ein fan myn aventoer. Boppedat haw ik in knoop oan 'e jas...

De boargemaster seach him oan en moat wat tocht hawwe oer oerspand en net goed by de holle. Hy sei:

- Jo kinne trije wike sykteferlof krije, as dat gedonder mar ophâldt.

- Dat is al ophâlden, juster, fannacht, fan 'e moarn doe't Bjinse Hout... In snok brik troch syn kiel.

- Fan 'e moarn betiid, tusken fjouweren en fiven, sei de boargemaster neitinkend. Moai wis drank, al wied er oars in matich man. Der moat wat mei him west hawwe, tsjinstuit yn saken...? Men wit it net. Spitich, it wie oars in ûndernimmend man, ien dy't syn libben foar de frijheid ynset hat, en dy't libben yn it doarp brocht, mei syn bedriuw. En ek in artyst.

Ja, ek in artyst, in akteur. De toanieljûn soe oergean, betocht er, en de kantate koed er dan dus mei eare frij fan. In ûnferhoedse oplossing. En hy koe nomei rjocht ûntslach nimme as direkteur fan 'Us sjongen'. En byneed as haad fan de skoalle. Mar dat hoegde net iens, as er de boargemaster goed begrepen hie, de boargemaster dy't mooglik fan doel west hie (hy betocht it yn in flits) him ta frijwillich ûntslach oan te poenen en dy't troch de dea fan Bjinse... Bjinse, dy't dus, oer syn dea hinne, konkurrinten rêde koe fan ûntslach en fernedering, fan de ûndergong.

Hy sei:

- Jo oanbieding om in pear wike sykteferlof nim ik graach oan. Ik bin wat oer myn toeren.

De boargemaster knikte:

- Dat is dan foar elkoar. Nei de krystfakânsje begjinne jo wer.

Hy gyng stean en joech de hân:

- En gjin mâljeierij mear, dat past net foar folwoeksen minsken.

Doe't er de treppen fan it gemeentehûs ôfkaam, knipereagjend tsjin in ûnferwachte gjalp sinneljocht, it waard wat winterich suver al, en noch dwyl yn 'e holle, kaam der in kraanauto lâns mei it oerbliuwsel fan in gloednige Saab der yn te hingjen. De motorkap folslein oan grús, gjin koplampe mear te sjen, lege eagen, ferfoarme gatten, tebûgd en ferwongen metaal, mei grien fan moas en beamsplinters. Dêr hie sels de Sweedse oarlochsyndustry net tsjinop kinnen. Yn it foarrút in rûn gat, mei splinterkes der om ta, in gat mei de grutte fan in kop. De royale kop fan Bjinse Houtsma, in dronken kop fan in doarpsartyst, in dronkene kop mei in blautsje der yn.

Hy seach der nei troch in flues en besocht de dingen te kombinearjen. It wie sa helder as glês: 24 oere betinktiid, it telefoantsje fan Lutske, syn ûnthjit om te kommen, de knoop, syn thúsbluwen, de fersoening mei Wypkje, Bjinse dêrjinsen (mar al earder, yn 'e foarjûn al) by har om útslútsel, en in wegering, om him, om in ûntrouwe, trouwe skoalmaster dy't yn syn skulp kroep, mar dat wist se net, noch net, hy, Bjinse, mei de lilke of teloarstelde kop fuort, nei stêd, âlde maten, drank, mei de dronkene kop tsjin in beam. Sa moast it west hawwe, dêr hoegde net in soad fantasij by. Sa ûntlade de skuld har oer jins holle.

Ien ding stie him noch te dwaan, ien ôfwikking fan saken. Hy woe in man fan ear wêze. Hy gyng nei de telefoansel yn it plantsoen foar it gemeentehûs, en skille Roukama-state. Hy moast noch witte wat dat telefoanpetear krekt ynhâlden hie, hy moast har ôfsizze, ôfskied nimme, frede slute oer it teplettere lyk fan Bjinse Houtsma, dy't er ienkear, hoe koart lyn noch mar, Bjinse Dinges neamd hie, út ûntsach,

út earbied, hy wist it no, *om't er tsjin Bjinse net op koe, net as minske en net as artyst.* Hy hood fan Bjinse Houtsma, dy wie him sympatyk, dat wie in rûne, golle doarpsman sûnder komplikaasjes, mar mei de siel fan in èchte artyst, in natoertalint, in man fan kwizekwânsje. Hied er wèst.

Mar dat ôfskie fan Lutske hoegde al net mear. Hy soe ek noait te witten komme oft se it wist, dat fan de dea fan Bjinse Houtsma. Se hoegde it al net mear te witten. *Se hie it foarfield*, foarsein yn de panyk fan har lûd by dat telefoanpetear fan 'e foarrige jûns. Se wist doe al dat it mei Bjinse net goedkomme soe. En se wie no al in oere lyn ôfreizge, mei twa koffers en in pear wykeintassen, nei Amsterdam of Den Haach ta, justerjûn noch besletten, yn har eigen folkswein, bewûnderje de tûke sakefrou. De tsjinstfaam fertelde it justjes spytgnyskjend, de tsjinstfaam fan Roukama-state, fan de bollepleats. Noch in âld-learling fan him.

Hy lei de telefoan op 'e heak en die de doar fan de sel iepen. Hy foel wer mei syn wurge, barnende eagen yn it folle ljocht, it waard yndied wat winterich. Hy rûn nei syn fyts, hy gyng wer nei syn doarp en syn húsgezin. Hy wist, dat de earste fout alle oare fouten yn syn sok meislepte. En dat moasten je mar nimme, fout en skuld, fouten en skulden. En bliid ta wêze, dat je der sels sûnder kleanskuorren ôfkamen, mei in Wypkje dy't nei dy flood fan triennen wol wer wat oplibje soe, en in Jisse dy't yn syn widze kraaide en groeide as koal. Alhoewol, - sûnder kleanskuorren? Dat bleau noch wol in fraach.

Snits, maaie - july 1961,

op 'en nij besjoen novimber 1983.